

# Jierferslach 2014



# Ynhâld

• Gearstalling bestjoer en kommisjes		2
• Foarwurd		4
• Wurklist foarjiersgearkomste 25 maart 2015		5
• Ferslach algemien		
- oantekens foarjiersgearkomste KF Easterein 26 maart 2014		6
- oantekens neijiersgearkomste KF Easterein 12 novimber 2014		11
• Jierferslaggen fan de ferskate kommisjes		
- Mei nocht en wille...	Technyske kommisje	17
* Keatser fan it jier	Sipke Hiemstra	18
* Wy binne Nederlânsk kampioen pupillen famkes wurden!	Nynke Paauw, Corrie en Roelie Kroondijk	18
- Wy as wedstriidkommisje binne bliid!	Wedstriidkommisje	19
- It jier fan de PR!	PR-kommisje	19
- In geweldich seizoen mei de jongerein!!	Jongereinkommisje	20
- Finansjele- en stipekommisje / lustrumkommisje	Finansjele- en stipekommisje en lustrumkommisje	22
* Algemeine taljochting op it finansjele jierferslach		24
* Eksploitaasjerekken 2014		26
* Ferklearring kaskommisje 2014		26
* Taljochting op de eksploitaasjerekken 2014		27
* Lustrumkommisje 110 jier Keatsferiening Easterein		28
- Foar it earst Keatskamp KF Easterein sûnt 1904!!	Keatskampkommisje	30
• De 10de Jong-Feinte, in lustrum edysje!		34
- Klassemint Jong-Feinte		37
• Wedstriidferslaggen		38
• Keatsmominten út 2014		56

## Kolofon

Foto omslach: Suwarda Vis

Dit jierferslach is in projekt fan de PR-kommisje:

Wilma Sjaarda, Rika Okkema, Akke Jikke van Berkum, Ingrid Vellinga, Anke Marije Pompstra en Froukje Dijkstra

## Gearstalling bestjoer en kommisjes

Haad bestjoer	Dirk-Yde Sjaarda	Skoallestrjitte 50, 8734 GN Easterein	06-54385633	Foarsitter
	Mattie Dijkstra	Wynserdyk 10c, 8734 GG Easterein	06-48715808	Fise-Foarsitter
	Wilma Sjaarda	Sjaardaleane 1, 8734 GH Easterein	0515-851878	Skriuwer
	Skelte Anema	De Streek 1, 8734 GR Easterein	06-30814902	Ponghâlder
	Hans Kooistra	De Singel 9, 8734 HP Easterein	0515-331560	Jongerein saken
	Marten Faber	Skoallestrjitte 54, 8734 GN Easterein	06-24816080	Technyske saken
	Jikke Velzen	Dobbelân 3, 8734 GZ Easterein	06-14406123	Wedstriid saken
	Christian Hoekstra	Foarbuorren 25, 8734 HD Easterein	06-20168708	Fjilden en materialen
	Elske v.d. Meulen	v. Eysingaleane 24, 8734 GD Easterein	06-54232922	Databasear
Jongerein kommisje	Hans Kooistra	De Singel 9, 8734 HP Easterein	06-83591959	Foarsitter
	Carin Ypma	Hofsleane 14, 8734 HN Easterein	0515-332307	Skriuwer
	Joke Wiersma	Smidslân 7, 8734 HJ Easterein	0515-332784	Kontakt teamlieders
	Annette Kroondijk	Koafinne 3, 8734 HK Easterein	0515-332112	Kompetysje saken
	Liesbeth Bootsma	Populiereleane 3, 8734 HS Easterein	0515-331358	Alg./Fasilitaire saken
	Klaas Sixma	It Risplân 4, 8734 HT Easterein	0515-332963	Alg./Fasilitaire saken
Fetsje Terpstra	Hofsleane 8, 8734 HN Easterein	0515-331874	Opjefte jongerein	
Technyske kommisje	Marten Faber	Skoallestrjitte 54, 8734 GN Easterein	06-24816080	Foarsitter
	Judy Bergsma	It Bosk 72, 8731 BM Wommels	06-11070135	Skriuwer/koördinator
	Bauke Dijkstra	Griene Leane 17, 8734 GP Easterein	06-44057088	Trainers koördinator
	Jelte de Boer	Skilplein 3, 8734 GW Easterein	06-55177033	TC koördinator
	Marije Hiemstra	Vrijburg 18, 8734 GK Easterein	06-30151578	TC koördinator
	Robert Sijbesma	Eeskwert 29, 8734 HA Easterein	06-18319873	TC koördinator
Partoerbegelieders jongerein en senioaren				
PR kommisje	Wilma Sjaarda	Sjaardaleane 1, 8734 GH Easterein	0515-851878	Foarsitter
	Ingrid Vellinga	Foarbuorren 2, 8734 HD Easterein	0515-336632	Skriuwer
	Froukje Dijkstra	Hofsleane 31, 8734 HM Easterein	0515-332973	Foarmjouwing
	Akke Jikke van Berkum	Dobbelân 4, 8734 GZ Easterein	0515-532609	Kleanbelied
	Anke Marije Pompstra	It Bosk 88, 8731 BM Wommels	0515-857300	Redaksjelijd
	Rika Okkema	It Risplân 2, 8734 HT Easterein	0515-332223	Redaksjelijd
Lustrum kommisje (Finansjele-en stipe)	Tjeerd Dijkstra	Wynserdyk 10c, 8734 GG Easterein	0515-331600	Foarsitter
	Klaas Pompstra	De Singel 14, 8734 HR Easterein	0515-331789	Skriuwer/stipe-adm.
	Tymen Dijkstra	Skrok 8, 8734 HG Easterein	0515-333030	Stiperskontakt
	Anco Elgersma	Kon. Wilhelminastr. 90, 8606 BZ Snits	0515-851324	Stiperskontakt
	Sipke Hiemstra	Hofsleane 19, 8734 HM Easterein	0515-332988	Stiperskontakt
Wedstriid kommisje	Jikke Velzen	Dobbelân 3, 8734 GZ Easterein	06-14406123	Foarsitter
	Annie Sjaarda	Sjaardaleane 17, 8734 GH Easterein	0515-331536	Skriuwer
	Wiepkje Hiemstra	Eeskwert 29, 8734 HA Easterein	0515-333880	Wedstriid saken
	Jelle de Boer	Skrok 11, 8734 HG Easterein	0515-331302	Wedstriid saken
	Mattie Dijkstra	Wynserdyk 10c, 8734 GG Easterein	06-48715808	Alg. saken
Fjilden- en materiale kommisje	Christian Hoekstra	Foarbuorren 25, 8734 HD Easterein	06-20168708	Foarsitter
	Klaas Sixma	It Risplân 4, 8734 HT Easterein	0515-332963	Fjilden jongerein

**Web  
redaksje**

Klaas Pompstra  
Anke Marije Pompstra

De Singel 14, 8734 HR Easterein  
It Bosk 88, 8731 BM Wommels

0515-331789  
0515-857300

Webmaster  
Redaksjelid

**Keatskamp  
kommisje**

Imke van der Leest  
Marije Hiemstra  
Bauke Dijkstra  
Pytrik Hiemstra

Skoallestrjitte 50, 8734 GN Easterein  
Vrijburg 18, 8734 GK Easterein  
Griene leane 17, 8734 GP Easterein  
Zuidvliet 474, 8921 ET Leeuwarden

06-49942283  
06-30151578  
06-44057088  
06-36105822



It haadbestjoer fan Keatsferiening Easterein

## Foarwurd

**Foar jimme leit it jierferslach fan Keatsferiening Easterein oer it jier 2014. In jier wêryn we it 110-jierrich bestean fan ús keatsferiening mei jimme fiert ha. Mar ek in jier wêryn't we sûnt 1997 wer in Nederlânsk kampioenskip behellen. Koartom, in jier dy't bol stie fan hichtepunten en aktiviteiten.**

Fansels stie 2014 foaral yn it teken fan ús 110-jierrich bestean. Dit waard ôftrape mei in fantastysk keatskamp foar ús jongerein. Mei help fan tal fan frijwilligers hat de keatskamp-kommisje der in tige grut sukses fan makke. In oanwinst foar ús keatsaginda!

Tidens de lustrumdagen hienen we wedstriden foar ús jongerein en senioaren en binne we ek gasthear west foar de jierlikse federaasjedei mei in federaasjewedstriid en haadklassekeatsen foar de manlju en froulju. Mei in protte keatsers en leafhawwers rûnom de fjilden wienen dit tige slagge dagen.

Op 28 juny wûnen Corrie Kroondijk, Roelie Kroondijk, Nynke Paauw en coach Ype Tiemersma it NK by de pupillen famkes yn Grou. De winst by de pupillen famkes wie fansels in histoaryske dei foar de winners sels, mar ek foar ús as Keatsferiening Easterein. It wie pas de twadde winst op in NK of bûnswedstriid yn it 110-jierrich bestean fan ús keatsferiening, neidat yn 1997 de skoaljongesbûn wûn waard. Nei ôfrin fan it keatsseizoen ha we noch in prachtige resepsje organisearre yn in folle kantine om dizze fammen nochrís yn it sintsje te setten.

Ek in bysûndere dei wie de 10e edysje fan de Jong-Feinte Partij. Mei alles oan'e hang wienen de krânsen úteinlik foar Seisbierrum-Pitersbierrum. In wier hichtepunt fan ús keatsjier en prachtich om de belutsenens te sjen fan ús leden by dizze wedstriid. Dat docht ús as bestjoer tige goed.

It lustrumjier ha we ôfsluten mei in lustrumdei mei alle sponsors, bestjoers- en kommisjeleden en leden fan ús keatsferiening. Mei oerdei keatserij en jûns in barbecue ha we der mei ús allen in moai slotstik fan makke.

Fansels wienen der noch folle mear prestaasjes op it keatsfjild dy't alle lof fertsjinje. Dêrby tink ik oan de fertsjinsten rûnom de fjilden fan tal fan frijwilligers en sponsors dy al ús aktiviteiten mei mooglik makke ha. Sûnder harren ynset kinne we net de feriening wêze dy we graach wêze wolle. Dêr binne wy as haadbestjoer tige tankber foar. Litte we mei ús allen hoopje dat we fan 2015 wer sa'n sportyf en suksesfol jier meitsje kinne.

Út namme fan it haadbestjoer wol ik jim in protte lêsnocht tawinskje en hoopje jim fan't jier ek wer op de keatsfjilden te sjen.

Dirk-Yde Sjaarda,  
Foarsitter Keatsferiening Easterein



Foto Henk Bootsma



# Oantekens foarjersgearnomste KF Easterein 26 maart 2014

**Oanwêzich:** Haadbestjoer: Marten Faber, Wilma Sjaarda, Elske v/d Meulen, Hans Kooistra, Jikke Velzen, Christian Hoekstra en 41 leden.

**Ôfwêzich mei berjocht:** Eppie Heins, Harmen Stegenga, Annemieke Dinkla, Anny Sjaarda, Ype Tiemersma, Abe en Annie Stegenga, Karin Sjaarda, Jan Rinse Blanksma, Willem Twijnstra, Imke van der Leest, Riemy Kamstra, Gep Bakker, Carin Ypma, Gerben Kooistra, Skelte Anema.

## Wurklist:

1. Iepening
2. Meidielings en ynkommen stikken
3. Oantekens fan de neijersgearnomste op 13 novimber 2013. It ferslach is taheakke oan de útnoeging. Bin hjir fragen oer?
4. Finansjeel ferslach:
  - rekken 2013
  - begrutting 2014
5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid
6. Presintaasje jierferslach 2013
7. Skoft
8. Bestjoersferkiezing:
  - foardracht fakatuere foarsitter: Dirk-Yde Sjaarda
  - foardracht fise-foarsitter: Mattie Dijkstra
  - foardracht fakatuere ponghâlder: Skelte Anema
9. Stikken KNKB gearnomste op 3 april 2014
10. Punten fan út it bestjoer, ûnder oare:
  - meidielings fan út de foarjersgearnomste Federaasje Snits
  - ûntwikkelings sportkompleks 'De Skoalleseize'
  - ôfskied kommisjeleden
  - fakatueres: stân fan saken
  - lustrum 2014
11. Wedstriidaginda 2014
12. Omfreegjen
13. Sluting

## 1. Iepening

- Marten iepent om 20.05 oere de gearnomste: "Wolkom allegearre, hartstikke moai dat jimme fannejûn by dizze foarjersgearnomste binne. In spesjaal wolkom oan ús eareleden Tjeerd Dijkstra, Klaas Pompstra, Hans Kooistra en Jan Hiemstra". Hjirnei nimt Marten de ôfmeldings op en giet dêrnei fierder mei syn foarwurd. "Der is al it ien en oar op social media west oangeande de fakatueres, dus jimme sille wol tinke wêrom ik dizze gearnomste no wer foarsit? Sa't jim witte ha we "offisjeel" noch hieltyd gjin foarsitter en ponghâlder. Fierderop yn de wurklist komt dêr, hoopje wy, feroaring yn. As jimme, as leden, tastimming jouwe om de trije persoanen dy't wy ree fûn ha, sit nimme

te litten yn it bestjoer, en ek oannimme... Dan kinne wy as keatsferiening Easterein mei in folfallich bestjoer fierder yn dit moaie jier wat der oan sit te kommen... It Lustrumjier!!!! We bestean dit jier 110 jier en dêr moat al wat ekstra oandacht oan jûn wurde. Wat der allegearre barren giet, dêr sil de lustrumkommisje jimme fannejûn wol wat oer fertelle. Tink yn elts gefal mar oan de Federaasjedei dy't 30 maaie plak fine sil mei de haadklassewedstriid om healwei fjouweren. Ek de keatskampkommisje is drok dwaande mei de tarieding foar in kamp foar ús jeugdkeats(t)ers. Wy hoopje dat we geandewei de jûn kompleet binne as bestjoer, mar yn it bestjoer fan federaasje Snits is noch wol in fakatuere. Eppie Heins syn sittingstiid sit der op. Eppie hat 2 sittingsperioden, yn totaal 6 jier, sit nommen as ponghâlder by de federaasje en wie dêrby de fertsjinwurdiger fan KF Easterein. Wy wolle him fansels tige tank sizze foar syn ynset. We soene Eppie hjir fannejûn in boskje blommen jaan, mar we ha helaas in ôfmelding fan him krigen. We sille him noch wol efkes fer-rasse. Hy sil it wol net hearre, mar ik tink dat in applaus toch wol op syn plak is...

We steane oan de start fan in nij keatsseizoen, in seizoen wêr't wy fansels hoopje op moaie resultaten, mar foaral dat elts mei nocht en wille op de keatsfjilden stiet. Hoe dan ek sil dit foar sommigen ûnder ús gefoelsmatich in raar jier wêze.. We binne 2014 noch mar goed trije moannen jong, mar ha al de nedige djiptepunten foar de kiezen hân... Germ Terpstra, ek wol bekind as "wite Germ" en Stoffel Bouma binne ús op fierstente jonge leeftiid en tige ûnferwachts ûntfallen. Germ koene we hast útteken-je op de foarline mei de Jong Feinte Partij, hjir wie hy hast net wei te slaan. Stoffel hat ek in protte betsjutte as keat-ser, organisator fan it Peloten, skiedsrjochter, karmaster en as lid fan de jubileumkommisje. We sille dit jier fêst noch faak oan dizze twa markante mannen tinke as we op de keatsfjilden omspane. We sille jim misse mannen!

It is net maklik om in brêge te meitsjen nei sokke treurige saken, mar dochs sille we fierder moatte. Wy, as bestjoer, binne hast klear foar it nije keatsseizoen. Noch efkes de lêste puntsjes op de wêlbekende "i", en dan kinne we oer in moanne wer los. Sneon 26 april flijocht it moaie learen wite baltsje wer troch de loft op de sportfjilden fan deSkoalleseize!!

Dan wolle we no mar begjinne mei it ôfwurkjen fan de wurklist. We winksje jimme in leuke, goeie en ynformative jûn ta. Nei ôfrin drinke we gesellig noch in lekker borreltsje of friske, want dat is dochs ék wêr't keatsen foar stean moat.. Wille sawol yn en neist it fjild, mei in gesellige 3e helte". Mei dizze wurden beslút Marten it foarwurd wat in applaus kriget fan de oanwêzigen.

## 2. Meidielings en ynkommen stikken

Meidielings:

- Fêststellen fan de wurklist: gjin wizigingen, wurklist wurdt fêststelt.

Ynkommen stikken:

- Mail fan G. Kooistra oer keunstgêrsfjild (26-03-2014): hjiryn útert hy syn soargen oer de takomst fan sportkompleks 'De Skoalleseize'. As haadbestjoer wolle wy dizze mail earst yn'tern behannelje.

## 3. Ferslach fan de neijsgearkomste fan 13 novimber 2013

- Elts lid hat de oantekens fan de neijsgearkomste al tastjoerd krigen. Wilma freget de oanwêzigen oft hjir noch fragen en/of ûndúdlikheden oer binne > Sipke Hiemstra merkt op dat by punt 4 (side 2/ûnderoan) by de opmerking fan Marije Hiemstra oer it ôfheardigjen fan mear ôfdielingspartoeren fan ien doarp nei in ôfdielingswedstriid ûntbrekt dat hjirnei de NK's bedoelt wurde. Wilma past dit oan yn de oantekens. Hjirnei wurde de oantekens fêststelt.

## 4. Finansjeel ferslach

- Anco jout oan de hân fan ûndersteande tabellen útlis oer de finansjele sifers fan 2013 en nimt de begutting fan 2014 troch. De algemiene konklúzje is dat we in sûne feriening binne. Foarich jier wie der in winst te beheljen fan 650 euro, dit wurdt spandearre oan it lustrumjier 2014.

### Rekken 2013

Opbringsten	Begutting 2013	Rekken 2013	Rekken 2012
<b>Kategory</b>			
Ynkomsten partijen	2.500	2.719	2.504
Sponsorjilden	10.500	9.811	10.610
Kontribúsje en trainingjilden	9.850	9.498	10.116
Aksjes	6.000	5.531	5.165
Subsydzjes en bydragen	1.200	1.458	1.458
Ferskate opbringsten	950	975	2.761
<b>Totaal opbringsten</b>	<b>31.000</b>	<b>29.992</b>	<b>32.614</b>

Útjettes	Begutting 2013	Rekken 2013	Rekken 2012
<b>Kategory</b>			
Prizen en krânsen	9.500	9.796	8.871
Kosten wedstriden	3.100	3.039	3.047
Ferieningskosten	7.600	6.776	9.619
Hier sporthal, fjilden, materialen	2.175	1.849	2.059
KNKB en Federaasje	4.800	4.788	4.855
Aksjes	2.325	2.313	2.257
Materiaal	1.500	781	1.709
<b>Totaal útjettes</b>	<b>31.000</b>	<b>29.342</b>	<b>32.417</b>
<b>Resultaat foar bestimming</b>	<b>0</b>	<b>650</b>	<b>197</b>
Reservearing jubileum 2014		-650	
<b>Resultaat nei bestimming</b>		<b>0</b>	

- Aksjes 2014

Foarjier:

- Poieszjeugdaksje (op dit stuit dwaande)
- 7e Molkwarder koeke aksje fan 3 - 5 maart:  
Opbringst: € 2.644 (2013: € 3.371)  
Resultaat: € 1.085 (2013: € 1.203)

Tidens it keatsseizoen

- Ferlottings tidens wedstriden
- Desimber: Winterwille

### Begutting 2014

Ynkomsten	Begutting 2014				Begutting 2013
	Wedstriden	Organisaasje	Jubileum	Totaal	
<b>Kategory</b>					
Ynls wedstriden	1.950		450	2.400	2.500
Sponsorjilden	8.300	600	2.600	11.500	10.500
Kontribúsje en trainingen		10.000		10.000	9.850
Aksjes	1.750	3.500	2.250	7.500	6.000
Subsydzje/bydragen		900	2.100	3.000	1.200
Ferskate opbringsten		1.500	1.600	3.100	950
<b>Totaal ynkomsten</b>	<b>12.000</b>	<b>16.500</b>	<b>9.000</b>	<b>37.500</b>	<b>31.000</b>

Útjettes	Begutting 2014				Begutting 2013
	Wedstriden	Organisaasje	Jubileum	Totaal	
<b>Kategory</b>					
Prizen en krânsen	7.225	200	4.350	11.775	9.500
Kosten wedstriden	2.200	400	1.800	4.400	3.100
Ferieningskosten	1.875	6.300	2.350	10.525	7.600
Hier sporthal, fjilden, materialen	600	1.600	350	2.550	2.175
KNKB en Federaasje		4.800		4.800	4.800
Aksjes	100	2.250	150	2.500	2.325
Materiaal		950		950	1.500
<b>Totaal útjettes</b>	<b>12.000</b>	<b>16.500</b>	<b>9.000</b>	<b>37.500</b>	<b>31.000</b>
<b>Resultaat</b>	<b>0</b>	<b>0</b>	<b>0</b>	<b>0</b>	<b>0</b>

### Kontribúsje en bydragen 2014

	2012	2013	2014	Ferskil
Kontribúsje senioaren	31,00	32,00	32,50	0,50
Kontribúsje jongerein	23,50	24,00	24,50	0,50
Jongerein Sealtraining	17,00	17,00	12,50	-4,50
Fjildtraining	13,00	13,00	17,50	4,50
Beide	30,00	30,00	25,00	-5,00
Ynls wedstriden -senioaren	3,00	3,00	3,00	
-jongerein:				
fed. Snits	1,50	1,50	1,50	
KNKB	3,00	3,00	3,00	

- Nei Anco syn dúdlike útlis betinkt hy elts foar de moaie ûnderfining as bestjoerslid yn it haadbestjoer. Syn taken wurde fanôf no oernommen troch Skelte Anema mei help fan Willem Twijnstra. Anco kriget in bosk blommen oanbean fan Marten en kriget in wolfertsjinne applaus.



## 5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid

- Liesbeth Bootsma docht ferslach fan de kaskontrôle: "seach der allegearre kreas út. Alle fragen koene dúdlik beantwurde wurde". Hjirmei wurdt decharge oan de ponghâlder ferlient. Liesbeth Bootsma en Marije Hiemstra wurde betanke, Liesbeth har sit fan 2 jier sit d'r op. Nij lid fan de kaskommisje wurdt Anco Elgersma. Marije folt hjirby noch oan dat it goed is om wol yn elts gefal ien yn de kaskommisje te hawwen mei ferstân fan sifers en ûnderfining hjiryn. Hjir sille we as bestjoer goed op lette by it kiezen fan in nij kommisjelid.

## 6. Presintaasje jierferslach 2013

- Wilma kriget it wurd: "Lykas elts jier wurdt sa it jierferslach fan it ôfrûne jier oan jimme útdielt. Under de profesjonele lieding fan Rika en Froukje ha we der wer mei nocht oan wurke. Fansels wer de gebrûklike rubriken sa as de ferslaggen fan alle lede-wedstriden, wiidweidich omtinken foar de Jong Feinte Partij en de jierlikse keatshichtepunten. Dêrneist komme de keatsters fan it jier 2013 oan it wurd: Roelie en Corrie Kroondijk. De winners fan it skoallekeatsen, Mirjam Punter, Selma de Boer en Julia Paauw, ha in ferslach oer dizze histoaryske dei skreaun. Ut namme fan de PR kommisje winskje ik jimme in soad lêst plezier ta!"



It jierferslach wurdt útdielt oan alle oanwêzigen.

## 7. Skoft

- Omdat we om 20.28 oere al oan it skoft ta binne beslute we om earst punt 8 noch ôf te hanneljen. Fan 20.37 oere - 20.53 oere skoft.

## 8. Bestjoersferkiezing

- Foardracht fakatuere foarsitter: Dirk-Yde Sjaarda
- Foardracht fise-foarsitter: Mattie Dijkstra - van der Meulen

- Foardracht fakatuere ponghâlder: Skelte Anema
- Marten: "nei lange tiid fan sykjen binne we bliid dat we no 3 nije bestjoersleden fûn ha! Om te begjinnen in nije foarsitter, hjirfoar ha we ree fûn Dirk-Yde Sjaarda". De gearkomste nimt Dirk-Yde mei in applaus oan. Marten: "Dirk-Yde sil it foarsitterskip yn gearwurking dwaan mei fise-foarsitter Mattie Dijkstra, yn in saneamd duofoar-sitterskip. Dirk-Yde kin op dy manier simmers sels noch keatse en Mattie nimt dan de honneurs waar op it keatsfjild yn Easterein". Ek Mattie wurdt mei applaus oannaam. Marten: "as nije ponghâlder is Skelte Anema ree fûn om yn it bestjoer in sit te nimmen. Skelte sil de 'lytse kas' byhâlde, op de eftergrûn sil Willem Twijnstra de grutte jildsaken dwaan". Ek Skelte wurdt mei applaus oannaam.
- Jan Hiemstra: "sa moai dat de keatsferiening no in foarsitter hat dy't eartiids 'Kening op sokken' wie. Ek fantastysk dat der gjin bejaardenhús efter de bestjoerstafel sit. Ik wol elts in protte sukses tawinskje!" Dizze moaie wurden fertsjinje in applaus fan alle oanwêzigen.

## 9. Slikken KNKB gearkomste op 3 april 2014

Gjin hammerstikken foar de AV op 3 april. Belangrykste punten dy't bepraten wurde:

- Wedstriidstramyn 2015, Tjeerd Dijkstra kriget it wurd: "de jeugdwedstriden wurde takom jier mear ôfbakene (ûnder oare troch dúdlikere begjin- en einfiid, 3 listen keatse), tichter by hûs (binnen in straal fan 20 km). Dit giet ek foar de senioaren jilden. Haadklasse-wedstriden en 1e klasse manlju wurdt werom brocht nei 8 partoeren. Dit wurdt allegearre dien om snellere en koartere wedstriden te krijen (foar sawol publyk, kaderleden, bestjoersleden e.d.)
  - Sipke Hiemstra: "wurdt der ynsetten op 1 haadklasse-wedstriid per wykein yn de takomst? Is hjirfoar in enkête ûnder de keats(t)ers hâlden?"
  - Tjeerd: "dit kin wol de takomst wêze. Ek om de keatsers, bestjoers/kader/kommisjeleden en oare frijwilligers te ûntlêsten. Der bin keatsers dy't wol twa kear per wykein keatse wolle en oaren net".
  - Sipke: "ik fyn it wol spitich en soe dochs oerwege om hjir goed nei te sjen".
  - Tjeerd: it is in lijn dy't we foarearst útsette, we wolle hjirmei ûnderoan (by de jeugd) begjinne".
  - Sipke: "it haadbestjoer moat in stânpunt yn nimme kwa wedstriidstramyn 2015 want der is sprekrjocht tidens de AV".
  - Marten: "we nimme dit mei en sille dit beprate".
  - Petra Jellema: "de jeugd fan 16-17 jier falt yn in gat kwa wedstriden, is hjir wat oan te dwaan, wurdt hjir nei sjoen?"
  - Tjeerd: "der wurde wol junioarwedstriden organisearre, der binne genôch inisjativen mar it bliuwt tsjin fallen. Wol sjogge we in eardere trochstreaming nei de senioaren, se kin ynstappe yn de 2e klasse. Bliuwt oandachtspunt fanút de KNKB".

- Marije Hiemstra: "wurdt der takom wike oer it nije wedstriidstramyn stimt?"
- Tjeerd: "nee, it is gjin hammerstik, dus der wurdt net stimt. We wolle de ferienings witte litte wêr't we mei dwaande binne".
- Dirk-Yde Sjaarda: "wurdt de 'Vereniging van kaatsers' ek kint yn it nije wedstriidstramyn?"
- Tjeerd: "'Vereniging van kaatsers' is eins net folweardich, hjir soene de keatsers eins wol wat oan en mei dwaan kinne".
- KNKB is wer yn gesprek mei eventuele haadstiper fan de KNKB: FB Oranjewoud, folget hooplik mear nijs tidens de AV.
  - Dirk-Yde Sjaarda: "is der tidens de AV mear bekind oer de ûntwikkelings foar wat betreft Oranjewoud?"
  - Tjeerd: "we wurkje der nei ta om hjir takom wike mear oer fertelle te kinnen tidens de AV".
- Ranking wurdt besprutsen, is verfijnd mei de ûnderfinings fan ôfrûne jier, De saneamde 'gestuurde loting' wurdt ynfierd foar alle kategoryen.
- Strengere kontrôle op de keatswant.

## 10. Punten fan út it bestjoer

- Meidielings fanút foarjersgearkomste Federaasje Snits: Marten: "net folle bysûnderheden. Is wol in fakatuere foar in ponghâlder (as opfolger foar Eppie Heins), dit moat op toerbeurt troch alle ferienings in kear ynfolt wurde. Dreech om immen te finen. As immen belangstelling hat meldt dy dan by ien fan it haadbestjoer. It is net in hiel tiidrovende klus".
- Untwikkelings sportkompleks 'De Skoalleaseize'. Marrie Eringa: "situaasje is eins noch net folle feroare yn fergelyking mei foarich jier. Der is wol jild beskikber kaam foar alle oanfragen (A fjild yn keunstgêrs, opknappen en ferlingen B fjild, klaaiboksen renovearje en fjild efter de sporthal opknappe) mar net genôch. Der wurdt no sjoen oft der noch earne romte is om it finansjele gat te tichtsjen. Helaas noch niks konkreets te melden."
  - Hans Kooistra: "moat it jild wat foar de klaaiboksen reservearre is dêr foar brûkt wurde as mei dat ek yn it keunstgêrsfjild stutsen wurde?"
  - Marrie: is op sich wol romte om te skowen mei it jild, mar dit hat net de foarkar omdat it ek tige wichtich is om de klaaiboksen op te knappen".
  - Tjeerd Dijkstra: "exploitaasje is wol in útdaging. Keunstgêrsfjild is bynammen belangryk foar it fuotbaljen. Hoe wurdt hjir mei omgien? Moat de konsumpsjepriis omheech? Wat bart der mei de hypoteek? It jild soe binnen in oantal jier de ferienings wer takomme mei it ôflossen fan de hypoteek. Dit sil no útstelt wurde at der feroarings komme kwa hypoteek".
  - Marrie: boppe oan stiet dat we in sûne finansjele exploitaasje ha wolle! Oan de oare kant, der moat wat oan de fjilden barre, se lizze al 23-24 jier. Oare gebrûkers

wolle we net belêste mei de eventuele oanlis fan in keunstgêrsfjild. It bestjoer fan de keatsferiening sit hieltyd om 'e tafel mei SKS en SDS en is fan alles op 'e hichte".

- Ofskied kommisjeleden:
  - De JK nimt ôfskied fan Riemy Kamstra en Gep Bakker. Opfolger foar Gep is Klaas Sixma, foar Riemy is dat Fetsje Terpstra-Schaap. Riemy en Gep binne beide ôfwêzich. Hans sil se in boskje blommen bringe as tank foar hun ynset.
  - De TK nimt ôfskied fan Romine Jelsma en Dirk-Yde Sjaarda. Opfolger foar Dirk-Yde is Bauke Dijkstra. Dêrneist sille Judy Bergsma en Robert Sijbesma de TK fersterkje. Marten betanket Romine en Dirk-Yde mei moaie wurden en in bosk blommen. Se krije hjirby beide in wolfertsjinne applaus fan de gearkomste.
- Fakatueres: stân fan saken kommisjes > gjin fakatueres yn de PR, JK en TK. Sawol FSK en WK bin noch op syk nei in algemien lid.
- Lustrum 2014/keatskampkommisje > Marije Hiemstra kriget it wurd: "fergunningen binne rûn, fjilden/sliepplak e.d. is allegearre regele, programma is klear, takom wike gean we nei skoalle om de bern waarm te meitsjen foar it keatskamp, we ha der in soad sin oan! "
  - Liesbeth Bootsma: "is der ek wat foar de 14-16 jierriegen?"
  - Marije: "sy wurde der yn belutsen troch mei te helpen tidens it keatskamp. It keatskamp is bedoelt foar de kabouters, welpen, pupillen en skoaljeugd. De kabouters bliuwe net sliepen, de rest wol".
  - Marije lit noch witte dat alle help fansels wolkom is. Der bin al in soad frijwilligers mar der kinne altyd noch mear by!
- Lustrumkommisje > Tjeerd Dijkstra kriget it wurd: "De lustrumkommisje bestiet út Tjeerd Dijkstra, Anco Elgersma, Sipke Hiemstra, Klaas Pompstra en Tymen Dijkstra. It hiele seizoen wurdt der oandacht jûn oan it lustrum, mei as ôftraap it keatskamp. Programma is as folgt:

30-04-2014 o/m 02-05-2014: Keatskamp foar de jongerein

28-05-2014: Jongerein (leden)

29-05-2014: Senioaren (Himelfeart / leden/âld-leden)

30-05-2014: Haadklasse manlju en froulju t.i.l.

30-05-2014: Federaasjedei alle kategoryen

23-07-2014: Jong-Feinte – 10 jier

07-09-2014: Ofsluting seizoen ynklusyf stiperdei

Tjeerd fertelt ek noch fanút de FSK dat alle kleanstiperkontrakten wer ferlingt binne mei yn elts gefal 3 jier. Dit giet yn dit gefal om ús haadstiper Couperus Hydrauliek. Hjir binne we fansels tige wiis mei! Mar ek Leanbedriuwer Okkema, Drukkerij van der Eems, Bos Mechanisatie en Installatiebedrijf de Jong ha harren kleanstiperkontraakt ferlingt mei 3 jier. Super moai nijs! Applaus foar ús stipers folget.



### 11. Wedstriidaginda 2014

- Jikke jout tekst en útlis oer de wedstriidaginda fan 2014: "dit jier ha we 9 ledepartijen foar de senioaren, 2 federaasjewedstriden foar de senioaren, 8 KNKB wedstriden (ferdielt oer 4 dagen) en 7 jeugd wedstriden (wêrfan 1 federaasjewedstriid). De Jong Feinte Partij is op woansdei 23 july. Op 11 maaie organisearje we foar it earst in Teatswedstriid".
  - Marten: "sa as jim sjen kinne yn de wedstriidaginda ha we der dit jier rekken mei hâlden om mear ledepartijen op snein te hâlden".
  - Annette Kroondijk: "der is gjin kabouterwedstriid op 30 maaie, stiet noch wol yn dizze aginda".
  - Jikke: "dy is der yntusken ôfhelle".

### 12. Omfregjen

- Jan Hiemstra: "is KF Easterein ek stiper fan it keatsmuseum? Der binne 70 ferienings stiper. Kosten binne 15 euro per jier".
  - Anco: "ik sil it neisjen, mar neffens my binne we wol stiper" > letter docht bliken dat we stiper binne fan de freonen fan it keatsmuseum.
- Sipke Hiemstra: "we ha foarich jier neat organisearre mei de Ald Feinte Klup, dit wolle we dit jier wer oppakke. Warskynlik 14 septimber mei in badeintsje race yn de

Grieneleane, klaverjassen én BH smiten mei in gesellich stikje muzyk. Sadra at der mear bekind is litte we dit witte".

- Hans Kooistra: "ik wol hjirby Marten tige tank sizze foar it feit dat hy de lêste twa ledegearkomsten lieden hat as interim-foarsitter!"

### 13. Sluting

- Marten slút om 21.50 oere de gearkomste. Elkenien wurdt betanke foar harren komst en foar straks wol thús. Keatsferiening Easterein biedt de oanwêzigen 2 konsumpsjes oan.

# Oantekens neijersgarkomste KF Easterein 12 novimber 2014

**Oanwêzich:** Haadbestjoer: Mattie Dijkstra, Marten Faber, Wilma Sjaarda, Hans Kooistra, Jikke Velzen, Elske van der Meulen, Skelte Anema en 33 leden

**Ofwêzich mei berjocht:** Dirk-Yde Sjaarda, Christian Hoekstra, Akke Jikke van Berkum, Karin Sjaarda, Tineke Kamstra, Vera de Vries, Anco Elgersma, Rémon Tie Bouma, Willy Bootsma, Tineke Yntema, Anny Sjaarda, Anke Marije Pompstra, Abe en Annie Stegenga, Judy Bergsma, Tineke Dijkstra, Tjerk Okkema, Liesbeth Bootsma, Carin Ypma, Fetsje Terpstra, Froukje Dijkstra

## Wurklist:

1. Iepening
2. Meidielings en ynkommen stikken
3. Oantekens fan de foarjersgarkomste fan 26 maart 2014
4. Stikken KNKB neijersgarkomste op 20 novimber 2014
5. Meidielings fan út de Federaasje Snits neijersgarkomste fan 5 novimber 2014
6. Punten fan út it bestjoer, û.o.:
  - ûntwikkelings sportkompleks "De Skoalleseize"
  - fakatueres: stân fan saken
7. Skoff
8. Jildsaken: begrutting en kontribúsje 2015 fêststelle
9. Utrikking prizen kompetysjekeatsen senioaren
10. Keats(t)er fan it jier
11. Omfreegjen
12. Sluting

## 1. Iepening

- Fise-foarsitter Mattie Dijkstra iepent om 20.06 oere de garkomste. "Wolkom op dizze neijersgarkomste fan keatsferiening Easterein. In spesjaal wolkom oan ús eareleden: Jan Hiemstra, Hans Kooistra, Klaas Pompstra en Tjeerd Dijkstra. Ek in spesjaal wolkom oan ús haadstiper Couperus. Ek in wolkom oan Fedde Wiersma en Marrie Eringa fan de Skoalleseize". Mattie neamt hjirnei de ôfmeldingen op en ferfolget har foarwurd. "Myn earste jier as fise-foarsitter. 'Fise' foaral omdat ik leaver net gearkomsten foarsit. Dirk-Yde soe de organisaasje binnen de feriening op him nimme en ik soe foaral yn it keatsseizoen de saken waarnimme sadat Dirk-Yde wurkjen bliuwe kin oan syn keatskarriêre. Mar..... sa't jim sjogge bin ik toch de klos. Dirk-Yde en Imke binne tegearre de wrâld yn foar in lytse trije moanne. As je sa'n kâns krije moatte je dy mei beide hannen oangripe fansels en ik hoopje dat se in geweldige reis ha. It oare jier mei Dirk-Yde hjir it wurd ha. Ik fyn it fantastysk om mei in hiel entûsjast bestjoer, en net te ferjitten de ferskate kommisjes, gear te wurkjen. Wat in wurk wurdt der fersetten. Elk mei syn/har eigen spesjaliteit. Omdat we dit jier 110 jier bestean ha we der in moai, gesellich en sportyf seizoen fan makke.

De lustrumkommisje hie ferskate ideeën nei foaren brocht en dêrom ha we dit jier de 10e Jong Feinte Partij hân, de lustrumdagen mei in ledewedstriid foar de jongerein en senioaren, de federaasjedei wêr't de haadklasse froulju en manlju ék yn Easterein keatsten en yn septimber de slotdei foar de stipers en leden mei oan it ein fan de dei in gesellige en hearlike barbecue.

Nij yn it leger kommisjes is de keatskampkommisje. Foar de earste kear in keatskamp. Dat dit tige slagge wie ha jim fêst wol heard en sjoen op de social media. De evaluaasje hat west en oare jier giet it wer oan. Mei alle help dy't se wer oanbean krigen ha, giet dat seker wer slagjen.

De wedstriidkommisje soarget wer foar in pasjende agenda. Dit falt net altyd ta. De KNKB wedstriden moatte earst bekind makke wurde, dan komt de Federaasje mei in konsept en dan kinne we puzzelje mei ús eigen ledewedstriden. Dan kinne de tariedings begjinne om alles wer foar elkoar te krijen oangeande de wedstriden.

De jongereinkommisje is ek altiid drok. Elke tiisdei kompetysjekeatsen, de wedstriden, blokjerinners regelje foar de KNKB wedstriden bygelyks. Moai om te sjen dat der safolle keats(t)ers op de fjilden omhuppelje. Dat dit ek wolris letterlijk bard sil gjin ferrassing wêze.

Dan de technyske kommisje. Sy fersoargje de trainingen en sa. Ek gean se gear oer it gearstallen fan de partieren. Ik jou it jim mar te dwaan. Soms moatte der minsken teloarsteld wurde as der mear as trije per kategory dielnimme kinne oan de ôfdielingswedstriden. En dat falt net ta. Respekt.

De pr-kommisje, ûnder lieding fan Wilma, ha we ek noch. Flyerje, kantine fersiere, lotsjes ferkeapje, jierferslach, programmaboekje. En dat binne noch mar in pear saken wer't se mei dwaande binne. Se ha it yn elts gefal altyd gesellich hear ik wol.

En net te ferjitten de finansjele stipers kommisje. Hiel belangryk foar de feriening. Sy sette harren yn om de stipers kontakten goed by te hâlden. Want wat moatte we sûnder dy fantastyske minsken dy't ús feriening stypje? De kommisje hat it der soms mar drok mei om ûnder oare de kontrakten ynoarder te meitsjen. Se ha al moai wat keukentafels sjoen yn en om Easterein.

Dan ha we noch de fjilden en materialenkommisje. Christian hat gelokkich altyd in protte help, ûnder oare fan Klaas Sixma fanút de jeugdkommisje, as de fjilden lein wurde moatte en de materialen opknapt wurde. It leit der dêrom ek altyd kreas by.

En dan ha we noch it ledebehear wêr't Elske de skepter swaait én op de eftergrûn alle oare frijwilligers dy't in protte foar de feriening dogge.

Sa at jim hearre kinne binne we tige grutsk op al dizze minsken en wat is it dan moai dat je dêr yn dielnimme meie as bestjoerslid. It kin ek hast net oars dat der mei safolle ynset der ek sportive resultaten behelle wurde. It grutste sportive hichtepunt dit jier wie dan ek it winnen fan it NK pupillenfamkes mei Roelie en Corrie Kroondijk en Nynke Paauw! Foar de 2e kear yn de KF histoarje ha we wer Nederlânsk Kampioenen yn ús midden. Klaas Pompstra hie mei de resepsje fan de pupillenfamkes op 10 oktober in moai filmke makke oer de behelle resultaten. Dy sille we no efkes sjen litte. In prachtich filmke oer de behelle resultaten fan it ôfrûne jier wurdt sjen litten. Hjirnei ferfolget Mattie har foarwurd.

Sa at jim sjen ha kinnen giet it mar bêst mei de keats(t)ers. Fansels is it it wichtichst dat elkenien in protte nocht oan it keatsen hat want in winner kin net winne sûnder tsjinstanders en ferliezers.

Dan efkes hiel wat oars. Ferline wike is de heit fan Christian, Tinus Hoekstra, ferstoarn. Keatsen kaam by Tinus op it twadde plak, syn hert lei by SDS mar hy mocht it spulstje graach lije. Hy hat jierren lid west en hat yn 1987 de technyske kommisje mei oprjochte ha ik yn it boek lêzen. Hy hat as heit belibje mochten dat twa soannen op de Freule yn de finale stien ha. We sille oan him tinke as in sportyf man mei in protte passy foar de sport. We wolle fanôf dit plak de famylje in protte sterkte tawinskje....

Oant safier myn wurdse. De kop is der ôf. Ik hoopje dat jim my wat folgje kinne want ik ha de gang der meastentiids aardich yn. Dan woe ik no mar losgean mei it trochringen fan de aginda. Applaus folget nei Mattie har foarwurd.

## 2. Meidielings en ynkommen stikken

*Meidielings:*

- Fêststellen fan de wurklist: der binne gjin wizigings, de wurklist wurdt fêststelt.
- Wilma meldt dat Akke Jikke van Berkum foar lytse gebakjes soarge hat omdat se hjoed jierdei is. Applaus foar Akke Jikke.

*Ynkommen stikken:*

- Der is ien ynkommen stik foar dizze gearkomste. Wilma kriget it wurd: "we ha in brief fan de KNKB krigen 'KNKB volop in beweging!'. Dizze brief is skreaun om in reaksje te jaan op alles wat der de lêste wiken skreaun en sein is oer de belieds- en beslútfoarmjende struktuer fan it keatsbûn. De brief komt fannewike ek yn de kranten. Ik sil hjir inkele citaten út foarlêze.

- De KNKB beseft dat het attractiever maken van het hoofdklasse kaatsen bij de heren hoge prioriteit verdient. Hier wordt op 2 terreinen hard aan gewerkt: door middel van vereenvoudiging van de ranking en aanpassen kaatshandschoenen en de controle hiervan
- Wedstrijdagenda wordt nog meer dan voorheen afgestemd op de wensen van de huidige tijd; minder en kortere wedstrijden (jeugd één KNKB wedstrijd per weekend)
- De KNKB wil alle leden oproepen om op een constructieve wijze en in een positief-kritische sfeer mee te denken en te praten over de toekomst van de kaatsport en de kaatsbond. Positieve inzet, plezier en ús keats-herf' kan ons samen weer sterk maken
- As immen de brief yn syn gehiel lêze wol dan is dit fansels mooglik, de brief is op te freegjen by Mattie".

## 3. Ferslach fan de foarjiersgearkomste fan 26 maart 2014

- Elts lid hat de oantekens fan de foarjiersgearkomste al tastjoerd krigen. Wilma freget de oanwêzigen oft hjir noch fragen en/of ûndúdlikheden oer binne > Jan Hiemstra: rûnfrach betreffende oft KF Easterein ek stiper is fan it keatsmuseum, Anco soe dit útsykje. Jan Hiemstra meldt dat de KF stiper is fan de freonen fan it keatsmuseum. Wilma sil dit oanpasje yn de oantekens fan de foarjiersgearkomste.

## 4. Stikken KNKB neijersgearkomste op 20 novimber 2014

- Tjeerd Dijkstra kriget it wurd: "Meidielings fanút de neijersgearkomste fan de KNKB:
  - Ranking > it doel is om oar jier allinnich mar te ranken op de frije formaasjewedstriden. Dus net mear by de troch inoar lotters wedstriden. Dit is nei foarren kaam út de evaluaasjes dy't plak fûn ha yn St. Anne en Easterein. De KNKB sil oare wike tidens de AV mei in foarstel komme.
  - Om it spul te ferbetterjen sil der noch mear oanpassingen komme oan de keatswant. It polslearkje wurdt ferwidere. Dit jild ynearsten foar de manlju en junioaren. De wantenkommissje moat fierder útwreide wurde om dit allegearre kontrolearje te kinnen. Yn 2016 sil de want oanpast wurde by de froulju en de jeugd.
  - De KNKB sil op syk nei in fertragende bal. De keatsbal fan no wurdt steeds lytser, hurder en swierder yn de rin fan de jierren. We wolle mear keatse tusken de linen. Kommend jier sil dit fierder útsocht wurde.
  - Wedstriidstramyn > de wedstriidaginda wurdt fierder herfoarme, der sil eksperimentearre wurde mei in oare wedstriidopset, rjochte op minder lange dagen. Yn gearwurking mei de federaasjes komme der regiowedstriden op de aginda (1 x per moanne).
  - Wat de haadklasse en 1e klasse betreft wolle we nei 8 partoer. En by de froulju komt der in twadde klasse by

om oan de ûnderkant mear dielnimmers oan te lûken. Komme noch in pear oare wedstriden as 'hichtepunt' neist de PC's"

- Der binne twa hammerstikken, Mattie nimt it wurd oer: "Foarstel fan it Haadbestjoer fan de KNKB oangeande oanpassing fan de statuten oer it folgjende:
  - Neffens de rjochtlinen fan de NOC\*NSF moatte sportbûnen it tuchtrjocht oerdrage oan de stichting ISR (Instituut Sport Rechtspraak). Elke sportbûn moat foldwaan oan de minimale easken fan de ISR. Dat betsjut dat de minsken dy't in funksje ha binnen de feriening ûnder de regeminten van de seksuele yntimidaasje-ongewenst gedrag-doping fan de ISR falle. Foar ús as feriening moatte we oan de slach mei de minsken dy't binnen ús kader falle en net lid binne. De KNKB freget oft wy akkoard gean wolle mei de wizings yn de statuten.
  - As twadde freegje se noch om it folgjende yn de statuten feroarje te meien. Se wolle digitale kommunikaasje opnimme en net allinnich mear skriftlik. Hjir sille wy yn dizze nijmoadrige tiid gjin beswier tsjin ha liket my.
  - Wy as bestjoer wolle foar dizze twa hammerstikken ús goedkarring jaan. Is der immen fan de leden dy't der oars oer tinkt? Sa net dan sille wy nije wike op de algemiene ledegearkomste yn Frjentsjer ús stim útbringe". Der bin gjin tsjinstimmen fanút de seal.
- Sipke Hiemstra hat in fraach oer it ferminderjen fan it oantal wedstriden: "bin dit de winsken fan it haadbestjoer fan de KNKB of de winsken fan de keats(t)ers? Wat fynt it haadbestjoer fan KF Easterein hjir fan?"  
Tjeerd Dijkstra: "alle ferienings binne hjir akkoard mei gien en de winsken komme fan de ferienings en de keats(t)ers (rust-prestaasje ferhâlding). Dêrnêst wolle de taskôgers koartere en minder folle wedstriden sjen".
- Marije Hiemstra folt oan: "de froulju keatsters ha in enquete ynfolt, wurdt dit ek meinaam?"  
Tjeerd: "de wizigings sille mear betrekking ha op de jeugd en yn folle mindere mate foar de senioaren".
- Sipke Hiemstra: "der is net folle mei dien troch de KF oangeande it oannimmen fan it nije beliedsplan en hjirmei alle wizigings yn de wedstriidaginda. Wol it bestjoer hjir nochris oer neitinke?"  
Mattie: "it is gjin hammerstik, wy gean mei mei it haadbestjoer fan de KNKB, dit is besprutsen binnen it bestjoer fan de KF om mei te gean yn it beliedsplan fan de KNKB"
- Jan Hiemstra: "by de froulju wurdt om de 3e priis keatst, hoe komt dit by de manlju no't de measte wedstriden út 8 partoeren bestean?"  
Tjeerd: "we gean by de manlju sawiesa nei 2 prizen, by de froulju is dit noch in fraachstik en sil dit noch besprutsen wurde"

## 5. Meidielings fan út de Federaasje Snits neijersgearkomste fan 5 novimber 2014

- Mattie meldt de folgjende saken:
  - "Evelyne Sijperda hat it plak yn it bestjoer oernaam fan Eppie Heins as ponghâlder.
  - It blykt dat yn it ôfrûne jier de opkomst fan de wedstriden omheech gien is by de froulju en jeugd en dat it by de mannen gelyk bleaun is.
  - De foarlopige wedstriidaginda is presentearre. Der moat noch in plak fûn wurde foar de federaasjedei mei de haadklasse froulju en manlju.
  - Der leit in foarstel om in soart fan ynspiraasjejûn foar de ferienings te organisearren foar de bestjoeren en harren kaderleden. De federaasje is noch dwaande mei de ferwurking hjirfan. At der ûnderwerpen binne wêr't jim it oer ha wolle dan hearre we dat graach fan jim.
  - 28 augustus wol de federaasje graach de federaasje ôfdielingskamioenskippen hâlde. Se ha hjir noch gjin feriening foar fûn. Dit is allinnich foar de jeugdkategory.
  - Der komme trije fakatueres yn it federaasjebestjoer. Hjir moatte noch nije minsken foar socht wurde. Dus.... at der hjir ien is of at jim ien witte jou it troch oan ús en wy sille der wurk fan meitsje. It is net in hiele drege taak en freget net in hiele protte tiid.
  - Goaiïngea wol wer in trainerskursus fia de KNKB organisearje ûnder lieding fan Durk van der Leest. Der kinne noch wol wat dielnimmers by. Dus de fraach oft der ek gegaalden binne. Jou dat dan troch oan Marten fan de TK, dan soargje wy derfoar dat it fierder ôfhandele wurdt".
  - Hans Kooistra: "hoe kin it dat der 3 nije minsken foar it bestjoer socht wurde"?
  - Mattie: "2 ha hun sittingstiid der op sitten en 1 stapt der tuskentiids út".

## 6. Punten fan út it bestjoer

- Untwikkelings sportkompleks "De Skoalleseize". Marrie en Fedde krije it wurd. Oan de hân fan in dúdlike presintaasje op de beamer dogge se hun ferhaal. Marrie fertelt earst oer de doelstellingen fan de Skoalleseize mei in stikje histoarje. Fedde lit dêrnei in oersjoch sjen fan de eksploitaasje-kosten. Belangrykste punt is dat ôfrûne moandei troch de gemeenterie it lêste jild (oanfolgjende subysydje fan rom 161.000 euro) tasein is foar it keunstgêrsfjild. Hoe wurdt it projekt hjirfoar foarme?
  - Oanlis keunstgêrsfjild + renovaasje B fjild (haadfjild fan de KF) rom 500.000 euro (ynkl BTW)
  - Renovaasje klaaiboksen rom 140.000 euro (ynkl BTW)
  - Realisaasje ekstra klaaiboksen 56.000 euro > binne al pleatst en folslein betelle troch de Skoalleseize mei help fan SDS
  - Bliuwt noch in bedrach iepen stean fan 30.000 euro welke ynfolt wurde sil troch aksjes en fûnsen mei help fan SDS (keunstgêrskommisje is al gearstalt)

- Der sil in soad selswurksumheden dient wurde, alle help is wolkom!
- Ta ein fan beslút: sûnder frijwilligers stiet alles still!
- Tjeerd Dijkstra: "wat is de planning oangeande it keunstgêrsfjild?"  
Fedde: "renovaasje klaaiboksen en útwreidzjen en renovearjen B fjild nei ôfrin fan it rinnende fuotbalseizoen. Yn de simmer fan 2016 sil dan it keunstgêrsfjild lein wurde"
- Sipke Hiemstra: "klopt it dat de bydrage fan de SKS op 58.000 euro komt?"  
Fedde: "dat klopt!"  
Sipke: "dat is wol in grut bedrach wat ék mei út de ynkkomsten fan de KF betelle wurde moat, hjirmei wurdt de KF wol beneidied!"  
Fedde: "we ferwachtsje fan de KF hielendal gjin finansjele bydrage, it is wol te begrypen dat dit gefoel der is, mar foar de sport yn Easterein tink ik dat we dit dwaan moatte. Miskien is der in mooglikheid om ek op keunstgêrs te keatsen"  
Mattie: "yn Arum dogge se dit al, hjir kin we ris efkes hifkje"
- Tjeerd Dijkstra: "de KF wol graach ballenfangers om de fjilden, dit soe wol moai wêze om dit yn de plannen mei te nimmen".  
Fedde: "ik ha fan jim materialenman begrepen dat der dit jier al in stek yn de boskjes stien hat en dat dat al in hiel soad ballen tsjin hâlden hat"  
Mattie jout oan dat dit yndie it gefal is.

- Fakatueres: stân fan saken > Wilma meldt dat der foar takom jier gjin fakatueres binne. De jeugdkommisje is al wol fêst dwaande om opfolging te finen foar 2016 omdat der dan 3 jeugdkommisjeleden ôftrede.
- Roaster fan ôftreden haadbestjoer > Wilma jout oan de hân fan ûndersteand skema útlis oer it nije skema fan ôftreden. "De sittingstermyn is 5 jier, dit yn tsjinstelling tot wêr't we tidens de foarjiersgearkomste fan 2013 oer praten ha om de sittingstermyn werom te bringen nei 3 jier. Dit is besprutsen yn it haadbestjoer en we bin ta beslút kaam om dochs op 5 jier te bliuwen. Om wer in better skema fan ôftreden te krijen sil Jikke ien jier earder der út stappe (yn 2015) en sil Wilma in jier langer oan bliuwe (2017). Foar Jikke komt gjin ferfanger yn it haadbestjoer. Skelte is foar 4 jier oanstelt omdat der oars yn 2019 trije minsken út gean. Hans bliuwt, as ús reddende ingel oan tot 2016."

NIEM	AMT	TERMIN	TERMIN	TERMIN
JIKKE	VELZEN-GREDANUS	WK	Wedstlidsaken/foarsitter WK	mrt-11 mrt-15
CHRISTIAN	HOEKSTRA	FMK	Materialen en fjilden	mrt-11 mrt-16
HANS	KOOBTRA	JK	Jongereisaken/foarsitter JK	1-mrt-13 mrt-16
ELSKE	VAN DER MEULEN	Gjin	Databeheer	1-mrt-12 mrt-17
WILMA	SJAARDA	PR	Skrúwer/Foarsitter PR	22-feb-10 mrt-17
SKELTE	ANEMA	FSK	Ponghâlder	1-mrt-14 mrt-18
MARTEN	FABER	TK	Technyske kommisje/foarsitter TK	mrt-13 mrt-18
MATTIE	DIJKSTRA	WK	Fise-foarsitter	1-mrt-14 mrt-19
DIRK-YDE	SJAARDA	Gjin	Foarsitter	1-mrt-14 mrt-19

- Peildatum (6-jierrigen) > Marten fertelt: "peildatum foar 6-jierrigen stiet no op 1 jannewaris, dit wolle wy as haadbestjoer wizigje nei 1 april. Dus bern dy't foar 1 april 6 jier wurde kinne lid wurde.  
- Klaas Pompstra: "jim hâlde dus no in oare peildatum oan as de KNKB?"  
Mattie: "de KNKB hat gjin ûndergrins mear, dus wat dat oanbelanget feroaret der net folle mar omdat wy der wol in ûndergrins yn hâlde wolle, ha we dizze no op 1 april setten."
- Aksjes  
- Mattie: "we ha ús wer ynskreaun foar de Poiesz-aksje, we witte op dit stuit noch net oft we hjir wer oan meidwaan meie".  
- Mattie: "we dogge mei oan de Rabobank-aksje; klanten fan de Rabobank en internetbankiere kinne stimme op hun favorite klup en hjirmei de klup stypje foar 5 euro. Komt noch ynformaasje op de webside".

## 7. Skoff

- Skoff fan 21.35 oere oant 21.48 oere.

## 8. Jildsaken: begrutting en kontríbúsje 2015 fêststelle

- Skelte kriget it wurd: "we bin noch dwaande mei de realisasje fan 2014, dizze kin ik, sa't jim oars wol went binne noch net sjen litte. De begrutting foar 2015 sil ik mei jim trochnimme. De folgjende aksjes sille we hâlde yn 2015: koeke-aksje, hooplik de Poiesz jeugdaksje, ferlottings û.o. by de Jong Feinte Partij en pearkekeatsen. Ek sille we dwaande mei it winnen fan nije stipers en it ferlingen fan de ôfrinnende kontrakten. Dêrnêst hâlde we ús dwaande mei websponsoring en it op nivo hâlden/útwreidzjen fan (wedstriid-)stipers. Ek it winnen fan nije leden mei it keatskamp as ekstra ympuls hat ús oandacht".

Oan de hân fan ûndersteande grafiken jout Skelte útlis oer de begrutting foar 2015:

Ynkkomsten	Begrutting 2015			Begrutting 2014
	Organisaasje	Wedstriden	Totaal	
Category	Euro	Euro	Euro	Euro
Ynlis wedstriden	0	2.600	2.600	1.950
Sponsorjild	3.575	9.400	12.975	8.900
Kontribúsje/Trainings	10.600	0	10.600	10.000
Aksjes	4.100	1.750	5.850	5.250
Subsydzjes/Bydragen	900	0	900	900
Ferskaat	1.500	250	1.750	1.500
				0
<b>Totaal ynkkomsten</b>	<b>20.675</b>	<b>14.000</b>	<b>34.675</b>	<b>28.500</b>

Ujjeften	Begruitting 2015			Begruitting 2014
	Organisaasje	Wedstriden	Totaal	
Kategory	Euro	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	200	8.856	9.056	7.425
Kosten wedstriden, keatsclinics	600	2.205	2.805	2.600
Ferieningskosten	5.930	1.839	7.769	8.175
Hier sporthal, fjilden, materialen	1.540	600	2.140	2.200
KNKB en Federaasje	4.695	0	4.695	4.800
Aksjes	2.200	100	2.300	2.350
Materiaal	5.510	400	5.510	950
			0	0
<b>Totaal Ujjeften</b>	<b>20.675</b>	<b>14.000</b>	<b>34.675</b>	<b>28.500</b>
<b>Resultaat</b>	<b>0</b>	<b>0</b>	<b>0</b>	

“Foarstel kontribúsjeferheging fan 50 eurosint by sawol de jongerein (24.50 euro > 25.00 euro) as de senioaren (32.50 euro > 33.00 euro)”

Skelte freget oft de gearkomste akkoard giet mei it foarstel fan de kontribúsjeferheging > gearkomste giet akkoard. Applaus folget nei Skelte syn ferhaal.

Skelte folt noch oan: “Willem Twijnstra soe ek helpe mei it finansjele stik, dit is noch net bard. Mar der is kontakt mei Willem hjiroer en hy sil hjir letter yn belutsen wurde as alles wat mear op skema is”.

## 9. Utrikking prizen kompetysjekeatsen senioaren

- Elske kriget it wurd: “Fanôf Keningsdei ha we ek dit jier hast wer elke tongersdei kompetysjekeatsen hân, it is in pear kear net troch gien troch it minne waar mar fierder stiene der elke wike fanatyke keatsers klear om de striid wer oan te gean. It oantal minsken dy’t op it kompetysjekeatsen west binne is aardich gelyk bleaun mei foarich jier, dus we hope dat jim ek allegear yn it nije seizoen wer op it kompetysjekeatsen komme. Dan gean we no earst oer nei de winners fan foarich jier”.

### Winners 2013

#### Manlju

- 1e Rémon Tie Bouma (net oanwêzich)
- 2e Hans Kooistra
- 3e Tom Couperus

#### Froulju

- 1e Petra Jellema
- 2e Willy Bootsma (net oanwêzich)
- 3e Tineke Yntema (net oanwêzich)

Alle winners fan foarich jier krije in t-shirt oanbean.

### Winners 2014

Elske: “Dan is it tiid foar it bekind meitsjen fan de winners fan dit jier. By de manlju binne der 2 dy’t no in priis ha en ferline jier ek al, fanatyke keatsers dus...”.

#### Manlju

- 1e Hans Kooistra (75 punten)
- 2e Tymen Dijkstra (68 punten)
- 3e Rémon Tie Bouma (61 punten) (net oanwêzich)

De manlju krije fan Elske de wkselbekers oanbean.



Elske: “By de froulju sitte de punten hast elts jier aardich ticht byelkoar, dus dit jier ek wer”.

#### Froulju

- 1e Janieke Dijkstra (60 punten)
- 2e Eefje Hiemstra (55 punten)
- 3e Petra Jellema (52 punten)

Ek de froulju krije de wkselbekers oanbean.





## 10. Keats(t)er fan it jier

- Earst wurde keatsters fan it jier 2013, Roelie en Corrie Kroondijk, nei foarren helle om se in affinsje te oerlangjen. Mattie: "In keatser fan it jier kieze falt net altyd ta. Meastentiids springe der wol in pear út kwa prestaasjes. Dat is dit jier ek seker it gefal. Tink bygelyks oan de pupil-lenfamkes, Jeska Terpstra en sa binne der noch wol in pear. En dan de minsken dy't harren ynsette foar de ferskate kommisjes. Mar we fine dat we ek ris in bytsje 'out of the box' tinke moatte. We ha de kommisjes frege om mei foarstellen te kommen. Dêr kamen ferskate nammen út. En dan moatte je in kar meitsje. Dat falt net ta fansels want we ha allegearre fantastyske minsken binnen de keatsferiening. Dêrom stiet dizze keatser fan it jier ek wol in bytsje foar in hiel protte oare toppers dy't we binnen de feriening ha. De keatser fan 2014 is ien dy't meidocht oan KNKB, Federaasje en ledewedstriden en ék warber is binnen de feriening. Ek is dizze persoan hast altyd op kompetysjekeatsen. Hy/sy pakt ek wol gauris in pryske mei. Op KNKB ûnder oare 1 earste, 1 twadde en 6 tredde prizen. Op de federaasje kinne we it net achterhelje. Mei de ledewedstriden is de konkurrinsje wat grutter leauw ik want we kinne allinnich de twadde priis yn de herkânsing fine mei de lustrumpartij. Sels wit dizze persoan it fêst better want it is in man/frou fan de statistiken. Fierder is de keatser fan it jier hiel warber as frijwilliger: stiet efter de bar yn de kantine fan de Skoalleseize, regeljen fan de affinsjes foar de skiedsrjochters en masseurs, regeljen fan it springkessen, de earste tinten hat hy/sy

ek regele neffens my, Ald Feinte dei organisearje (mei klaverjassen en BH smiten ûnder it genot fan in hapke en in drankje), ûndersteund de Lustrumkommisje, sels skiedsrjochterje as it past, en nei it lotsjen foar de wedstriden kinne we altyd om advys freegje oangeande it oantal fjilden, perken en prizen. We kinne dizze persoan dus net allinnich as skiedsrjochter by de KNKB wedstriden mar sjogge him ek in protte op de Eastereinder fjilden. Hy hat op syn 21e ek noch in skofke foarsitter west foardat hy Fryslân ferlitten hat foar in pear jier.

Ik tink dat jim no wol yn'e gaten ha wa't it stokje oernimt fan de froulju Kroondijk. Dit jier is keatser fan it jier 2014 fan KF Easterein wurden .... Sipke Hiemstra!"

Roelie en Corrie oerlangje Sipke de beker en blommen wêrnei applaus klinkt foar ús keatser fan it jier.

Sipke: "ik bin der stil fan, komt foar my as 'donderslag bij heldere hemel'.... Tige tank foar it feit dat ik keatser fan it jier wurden bin!" Applaus folget.

## 11. Omfreegjen

- Gjin omfreegjen. De komplimenten foar mei name Skelte en Mattie!

## 12. Sluting

- Mattie slút om 22.09 oere de gearkomste en tankt elts foar harren komst. Elts mei noch 2 konsumpsjes op kosten fan de keatsferiening nimme, de rest is foar eigen kosten.



## Mei nocht en wille...

### **We stean oan de start fan in nij keatsjier. Efter de skermen wurdt der al wer drok wurke oan de tarieding foar keatsjier 2015.**

2014 wie foar KF Easterein in prachtich jier. We ha op alle nivo's sjen litten dat ús keatsferiening libbet.

Eltse tiisdei stiet it fjild fol mei jongerein te kompetysje keatsen, op tongersdei wurdt der traint, foar de senioaren is der kompetysje keatsen, de dielname wie oeral grut, hartstikke moai om te sjen.

We binne it jier geweldich út ein setten mei ús 1e keatskamp, wat in sukses wie dit. Mei in grut tal entûsjaste frijwilligers, it moaie waar, in pracht lokaasje yn de SKS, en foard de grutte dielname fan hast alle jeugdleden wie it in kamp om nea wer te ferjitten. De keatskamp kommisje hat in geweldich moai en goed organisearre kamp op fuotten setten, we binne harren hjir dan ek tige tankber foar.

In geweldige start dus, der waard mei nocht en wille keatst, dat is fansels it aller belangrykste wat der is. As je keatse mei nocht en wille, as je elts wykein op de fjilden stean, dan kin it net oars, dat de resultaten der ek komme.

Dit wie yn 2014 dan ek it gefal, we ha as feriening nog nea safolle prizen pakt as it ôfrûne jier. Is it op federatyf as op KNKB nivo, it binne prizen en se telle.

Fansels... der is al safolle oer sein en skreaun, mar it NK pupillen famkes wie toch wol de bekroaning op 2014. Foar de 2e kear yn de histoarje stiet Easterein op it heechste poadium en wurdt Nederlânsk KAMPIOEN!!!

Twa jier werom in praatsje op strjitte mei de famkes Kroondijk, se witte my al te fertellen dat se takom jier de bond winne sille yn de finale tsjin Makkum. De druk leit der by harren sels al op, dat is faaks gjin goed teken.

It wie al gau dúdlik dat de finale tsjin Makkum der net yn siet. 1e omloop Makkum, twa favoriten fuort tsjin elkoar, it sil toch net... In thriller waard it, mar gelokkich lûkt Easterein oan it langste ein en winne se de partij!

Se winne net allinnich dizze partij, we witte allegear dat Easterein alle wedstriden wûn hat, en dat oan it einde fan de dei de koets troch it doarp gie. In prestaasje fan formaat, hulde hjir foar en gean sa troch...

Fanút de jongerein stiet der in goeie lichter oant te kommen, we steane der goed op. In soad kabouters, welpen en pupillen. Sels yn de welpen ha we dit jier ledewedstriden keatst yn twa nivo's, geweldich om te sjen, wat waard der oeral moai keatst en boartte.

Sa as al sein, de tariedings binne alwer los. As TK ha we der wer nocht yn en sin om de fjilden wer op te gean. Wannear elts ek dit jier wer mei nocht en wille op de fjilden stiet, lekker fuort giet te keatsen, sawol federaasje as KNKB, dan is it wat ús oanbelanget alwer in slagge seizoen.

Op nei keatsjier 2015, oant gau op de fjilden...

Groetnis Technyske kommisje,

Bauke Dijkstra, Jelte de Boer, Robert Sijbesma,  
Marije Hiemstra, Judy Bergsma en Marten Faber

# Keatser fan it jier!

Verrassend... Nee, de uitnodiging in de bus om aanwezig te zijn op de najaarsvergadering van KF Easterein was voor mij niet heel verrassend. Als trouwe deelnemer aan het competitiekaatsen denk je dan "o, ik heb zeker een prijs gewonnen". En omdat Eefje ook een uitnodiging voor de vergadering had gekregen leek deze redenering des te logischer. Ik ga toch (bijna) altijd naar de vergaderingen, dus omzettingen in de agenda of een afmelding waren niet aan de orde.

In de pauze heb ik nog even met Hans Kooistra van gedachten gewisseld over de competitieprijzen bij de mannen. Hij had ook een uitnodiging en volgens hem was het heel spannend wie er had gewonnen...(als bestuurslid wist hij natuurlijk wel beter!).

En zo wordt de agenda afgewerkt en komen we bij het onderdeel competitieprijzen. Eefje heeft wel een prijs, maar ik wordt niet genoemd. Nog niets in de gaten..., ik denk aan een vergissing, na afloop van de vergadering maar even aan het bestuur vragen hoe het zit....

Vervolgens agendapunt 'keatser fan it jier'. Omdat Marije in de Technische Kommissie zit was ik door haar ook gevraagd om potentiële kandidaten te noemen. En ik heb inderdaad enkele namen doorgegeven, maar mijn eigen naam zat daar natuurlijk niet bij.

Nadat Mattie enkele kenmerken van de 'keatser fan it jier 2014' had opgenoemd viel eindelijk het kwartje. Geheel verrast kon ik de bloemen in ontvangst nemen en uiteraard de bijbehorende beker. Fantastisch dat ik deze bokaal over mocht nemen van de jonge kaatstalenten Roelie en Corrie Kroondijk.

Daar er geen punten voor de rondvraag werden aangedragen was de vergadering vervolgens snel afgelopen. Dat kwam mij eigenlijk wel goed uit want zo kon ik, een beetje beduusd door de verrassing, even bijkomen en napraten aan de bar.

Sipke Hiemstra

## Wy binne Nederlânsk kampioen pupillen famkes wurden!

28 juni 2014 hebben wij het NK pupillenmeisjes gewonnen. De eerste omloop moesten we gelijk tegen de mede favoriet Makkum, maar toch hebben we gewonnen met 5-4:6-6. De tweede omloop moesten we tegen Raerd, gewonnen met 5-2:6-4. De derde omloop moesten we tegen Berlikum toen hebben we met 5-1:6-4 gewonnen. De vierde omloop hadden we een stand nummer. De vijfde omloop de finale moesten we tegen Sexbierum. Weer apart opkomen met het muziekje wat we moesten opsturen (vrouwkes) en dan het Friese Volkslied dat was wel speciaal. Maar met hulp van coach Ype en de vele supporters uit Easterein hebben we de finale gewonnen met 5-5:6-4.



Toen we in Easterein terug waren, mochten we op de koets door het dorp. Na de tijd nog een klein feestje in de feesttent. Wat was het een geweldige dag.

Op 10 oktober had het bestuur van de KF Easterein een receptie voor ons georganiseerd. In de Skoalleseize. Wat kwamen er een mensen. Maar jammer genoeg onze Coach Ype kon niet aanwezig zijn op deze avond. Wat zijn we verwent met de vele cadeaus. Mooie woorden van voorzitter Dirk Yde Sjaarda en Tjeerd Dijkstra. En Marije en Imke hadden een te gekke quiz gemaakt. Waarbij we Ype ook nog moesten bellen over een antwoord op een vraag. Ype had nog een mooi verhaal dat ze eerder hadden opgenomen. Prachtige filmpjes. Het was een fantastische en gezellige avond.

Sportieve groetjes van:

Nynke Paauw, Corrie en Roelie Kroondijk

## Wy as wedstriidkommisje binne bliid!

- Bliid dat** der safolle suksessen west binne by de keatsers it ôfrûne jier. Stean fansels fierderop allegearre te lêzen yn dit moaie jierferslach. By grutte wedstriden binne prizen wûn. Foaral de jongerein hat in protte sjen litten.
- Bliid dat** der safolle karmasters harren ynsetten ha mei de wedstriden. Minsken dy't we (Jelle foaral) fregen, woene ús altyd wol helpe at se koenen. Geweldich!
- Bliid dat** der safolle froulju holpen ha mei de catering by de KNKB wedstriden. Gesellich om it fjild sjouwe mei de kofje, sop, broadsjes en sa.
- Bliid dat** yn dit lustrumjier de Haadklassepartij froulju en manlju wer tagelyk yn Easterein wie. Hjir diene ek wer ferskate Eastereiners oan mei.
- Bliid dat** de jongerein wer blokje rinne woenen. Dêr wurde de keatsers ek altiten hiel bliid fan. Hjir binne we de jongereinkommisje tige tankber foar. Foaral de begelieding is foartreflik.
- Bliid mei** de tillegrafisten dy't in hiele dei de stannen byhâlde.
- Bliid dat** we yn gearwurking mei de oare kommisjes der wer sa'n moai sportyf jier fan makke ha. De fjilden leine der wer kreas by.
- Bliid dat** we in nij lid yn de wedstriidkommisje ha. Tjerk Politiek sil Jikke fergee dy't har sit derop sitten hat.

Fansels net bliid dat Jikke stoppet. We wolle har dan ek tige tank sizze foar har ynset. De wedstriidagenda meitsje, de opjef-tes byhâlde, de prizen en krânsen regelje, lotsje en sa fierder wiene har taken de lêste jierren. We hoopje dy, Jikke, fansels noch wol op de fjilden te sjen. We gean dus yn in nije setting fierder. Hoe de taken ferdiel wurde is mei dit skriuwen noch net hielendal bekind. Mar wy ha der sin oan!

De wedstriidkommisje,

Jikke Velzen, Wiepkje Hiemstra, Anny Sjaarda, Jelle de Boer en Mattie Dijkstra

## It jier fan de PR!

**Mei noch hieltyd deselde groep froulju as ferline jier ha we wer in moai jier hân mei ferskate hichtepunten. Alderearst wie it wer in lustrumjier en binne der foar spesjale griene ballonnen mei 'KF Easterein 110 jier' soarge. Neist in lustrum as feriening wie it ek it twadde lustrum foar de Jong-Feinte Partij. Dizze prachtige wedstriid foar jong talint waard alwer foar de 10e kear organisearre en mei in rekord oantal partoeren en moai waar wie it in skitterende edysje.**

Wat dogge wy as PR no allegear yn sa'n keatsjier? It behear en útjaan fan de klean is ien fan ús ferantwurdlikens. Us leden moatte fansels goed yn 'e klean en sa binne de ôfdieling tights dy't net sa bêst mear wiene ferfongen. Ek in oantal lytse maten foar troch elkoar lotsjen klean binne der kommen. Is dit omdat der in protte jongerein is? Dan is dat in goed teken wat oankommend talint oanbelanget!

It is elts jier ek wachtsjen op in útsûnderlike prestaasje sadat de froulju fan de PR harren organisaasje-talint sjen litte kinne. Op 28 juny wie dêr de prestaasje al en waarden de pupillen famkes, Corrie en Roelie Kroondijk en Nynke Paauw, 1e op it NK. Op 10 oktober is der in resepsje holden yn de Skoalleseize. Hjirfoar moasten hiel wat útnoegings de doar út. Op de jûn sels wie it paad nei de Skoalleseize ferljochte, de kantine gesellich oanklaaid, stiene de nûtsjes en tsiis op tafel en koe it feestje los!

Oan it ein fan it jier, bûten it keatsseizoen om, giet de drokte gewoan troch. It ûntwerp fan de krystkaart is eltse kear wer spannend! Dêrneist wurde rûn dizze perioade de earste ferslaggen, foto's en stikjes foar it jierferslach sammele sadat KF Easterein sich tidens de foarjiersgearkomste wer prima presintearje kin.

Wy ha as PR wer in machtich keatsjier hân en sjogge mei in protte wille en nocht wer út nei takom jier!

De PR-kommisje,

Wilma Sjaarda, Akke Jikke van Berkum, Rika Okkema, Anke Marije Pompstra, Froukje Dijkstra en Ingrid Vellinga



## In geweldich seizoen mei de jongerein!!

**Wat in geweldich seizoen ha wy fan de jeugdkommisje fan de KF Easterein draait en dat begûn al betiid yn it jier. Wy wiene útlotte om mei te dwaan oan de Poiesz spaaraksje. Paskes oan de man/frou bringe en besykje safolle mooglik punten byelkoar te boadskipjen. Wy diene leuk mei en úteinlik koene wy as jeugdkommisje € 784,- oerlangje oan de ponghâlder fan de keatsferiening tidens it keatskamp.**

De earste wedstriid stie ek al betiid op it program. De sealkeatswedstriid stiet no as earste wedstriid fan it seizoen op de wedstriidagenda en dy wedstriid wie al op 13 april. Foarofgeand oan de sealkeatswedstriid earst nei de kantine foar de kick off fan de TC. Der waard útlein wa't de partoerbegelieders, teambegelieders binne fan de ferskate kategoryen en der waard wat ferteld oer de nije kleurenkaart. Om goed 13.00 oere los mei it keatsen yn de hal. Mei 13 dielnimmers op de list dochs in leuke keatserij hân. De sporthal hiene we mar oant 15.30 oere dus hawwe we ôfpraat om 45 minuten te keatsen en 5 minuten rêst of it moat wêze dat de partij al út wie fansels.

Op de foarjiersgearkomste moasten we helaas wer bestjoerlik ôfskied nimme fan 2 toppers mei in skat oan ervarings yn de JK. Gep Bakker en Riemy Kamstra koene en woene net fierder. Gep Bakker wie ferantwurdlik foar de fjilden. Elke tiisdei yn it keatsseizoen de kompetysjefjilden lizze. Gep koe dit allegear moai kombinearje mei syn ploegentsjinst. By in lette tsjinst stie hy tiisdeis al betiid te perklizzen. Betiden noch foar dat de meanmasine lâns west hie. Gep noch tige tank foar dyn ûnberonge ynset foar de keatsferiening.

Riemy wie de frou dy't yn in lyts skoffke tiid har it wurkjen mei de kompjûter eigen makke hat. Riemy siet yn de JK foar de opjefte fan lede- en federaasjepartijen. De opjefte net mear

fia tillefoan mar fia de mail. In eigen KF emailadres. It moast allegear goed rinne want at je as bern wol op it fjild stean mar net op de list, soe tige sneu wêze. In bevestigjende mail moast wer werom oars stean je net op de list. Ek foar dy Riemy, tige tank foar dyn ûnberonge ynset foar de keatsferiening.

We hawwe lokkich ek wer 2 nije kommisjeleden fûn. Tige wiis binne we mei Klaas Sixma foar de fjilden en Fetsje Terpstra foar de opjefte jongerein. Wolkom yn de jongereinkommisje. Fan woansdei 30 april oant en mei freed 2 maaie in tige slagge en goed organisearre keatskamp foar de jeugd. Jim lêze hjir grif mear oar yn dit jierferslach.

Krekt bekommen fan it keatskamp stie op woansdei 7 maaie de earste ledepartij op it program. De Kniplokaeltsjepartij. De waarsfoarspellings wiene net sa moai mar it wie úteinliks in prachtige keatsmiddei. Yn it winterskoff ha wy as jongereinkommisje it kabouterkeatsen ûnder de loep nommen. Wy wiene fan miening dat it kabouterspul gjin mearwaarde hie foar dizze jongste kategory. Nei in soad praten en útprobearjen is it sa oanpast dat it no fichter by it gewoane keatsspultsje oanslút. De 5 meterline is der út en der wurdt mei gewoane keatsblokjes oanmerkt. De jeugd hie it spultsje al ridlik gau yn de gaten. De begelieding moast noch wol ris efter de earen skraabje.



Op woansdei 28 maaie soe it lustrum oangean mei de van Krimpen jeugdledenpartij. It soe ja... Alles wie klear. Moeie listen, moaie prizen, moaie krânsen, moaie fjilden mar it moaie waar liet wat te winskjen oer. Mei bakken kaam it fan boppe dizze woansdei de 28e, dat wy as Jeugdkommisje koene net oars dan de partij útstelle. Earst nei letter op de middei, mar ek doe die blyken dat der nog net genôch wetter fallen wie, want it bleaun mar reinen. Dus de 'koppen' byelkoar en opsyk nei in nije datum. Woansdei 4 juny, der wie noch in gatsje yn ús drokke aginda's.

Dus sa kaam it dat wy mei de jeugd de lustrumfeesten mei in wike ferlingden. En ek no hiene we wer dyselde moaie prizen, moaie kransen, moaie fjilden en moaie listen en... it wie droech om 13.30! Al moast de 2de list wol efkes stillein wurde fanwege it reinwetter.

Nei alle feestdroktes koene de bern op 2 july, sa krekt foar de fakânsje noch in baltsje slaan op de keatsfjilden. De Boerogroup-partij stie op it program. Dit kear lokkich gjin wetter dat mei bakken fan boppe kaam, dus we koene fuort om 13.30 los mei alle kategoryen. Ek de skoaljeugd koene om dizze tiid los, omdat se hjoed al gjin ferplichtingen mear hiene op skoalle.

Op 16 augustus de BOS partij. As der in jeugdledenpartij ferkeatst wurd op sneon dan witte je dat de KNKB keatsers net meikeatse. Foar de oare jeugd in stimulâns om ekstra harren bêst te dwaan. Prachtige partijen mei in soad op 6-6 yn de earsten.

Op freed 5 septimber de lêste jeugdledewedstriid yn kombinaasje mei de slotjûn. De nachtkeatswedstriid wurdt ferkeatst yn 3 ferskate listen en tusken de 2de en de 3de list lekkere patat en limonade want dat hiene de bern noch tegoede fan de lustrumjeugdlededepartij fan 28 maaie dy't doe ôflast wie fanwege it minne waar. Fan min waar wie freedtejûn gjin sprake. Lekker keatse yn de koarte broek en t-shirt want it wie hearlik modzich waar. In protte opjefte. Sa'n 55 bern ferdielt oer 4 klassen.

Op tiisdeitejûn it kompetysjekeatsen. Elke tiisdei in stikman-nich bern op it B-fjild. Yn maaie is it helaas 1 x ôflast en hawwe we 1x diplomakeatst yn stee fan kompetysjekeatsen. Oefeningen dwaan, bygelyks opslaan, ûtslaan, hurddraven ensfh. De punten wurde byelkoar opteld en dêr krije de bern in diploma foar. Dit wurdt 1 x yn de 2 jier organisearre.

In lyts oersicht fan de partijen foar de jeugd. Fansels wie der yn Easterein noch folle mear te dwaan foar de jeugd. Yn totaal 3 partijen op woansdeitemiddei, 1 jeugdledenpartij op sneon, nachtkeatsen/slotdei, diplomakeatsen en net te ferjitten it blokjerinnen by de KNKB partijen. Yn 2015 hoopje

we wer útlotte te wurden foar de Poieszaksje en yn april 2015 de flessenaksje fan de Jumbo.

Ta beslút wolle wy alle frywilligers en stipers dy't op hokker wize ek de jeugd in waarm hert tadrage, tige tank sizze en we hoopje dat we ek oare jier wer in berop op jim dwaan kinne.

De jongereinkommisje,

Klaas Sixma, Carin Ypma, Joke Wiersma, Annette Kroondijk, Liesbeth Bootsma, Fetsje Terpstra en Hans Kooistra

Hjirûnder de kompetysjeprizen.

**Kabouters:**

- 1 Ridzert Veldman 83 punten
- 2 Jesper Paauw 67 punten
- 3 Anke Blanksma 66 punten

**Welpenfamkes:**

- 1 Benthe Ottens 73 punten
- 2 Janneke Overal 57 punten
- 3 Senay Sixma 56 punten

**Welpenjonges:**

- 1 Redmer Wiersma 91 punten
- 2 Rutger Sijbesma 67 punten
- 3 Arjen Stremmer 67 punten

**Pupillenfamkes:**

- 1 Nynke Paauw 80 punten
- 2 Nadja Sixma 63 punten
- 3 Machtelt Veldman 59 punten

**Pupillenjonges:**

- 1 Mark Janssen 56 punten
- 2 Halbe Willem Overal 55 punten
- 3 Jan Dirk Joustra 51 punten

**Skoalfamkes:**

- 1 Roelie Kroondijk 84 punten
- 2 Jeska Terpstra 79 punten
- 3 Corrie Kroondijk 76 punten

**Skoaljonges:**

- 1 Tjalling Tjalsma 69 punten
- 2 Rutger Wiersma 64 Punten
- 3 Sydrik Kooistra 49 punten

## Finansjele- & stipekommisje / lustrumkommisje

**De finansjele- en stipekommisje gie yn 2014 as lustrumkommisje it keatsseizoen yn. It seizoen fan it 110-jierrich bestean en de 10e edysje fan de Jong-Feinte partij mei as moaie ôfsluting de Lustrumdei op 7 septimber mei bestjoer, kommisjes, leden, stipers en frijwilligers.**

De gearstalling fan de kommisje is yn it lêst fan 2014 feroare. Taheakke as nije leden binne de nije ponghâlder Skelte Anema en we ha sûnt jierren in nij lid yn de kommisje en dat is Hendrik Okkema. En fan út de lustrumkommisje is Klaas Pompstra ek wer ree fûn om noch in jier troch te gean. Sipke Hiemstra giet no út de lustrumkommisje en wurdt hjirby tige tank sein foar syn ynspannings.

We priizje ús as feriening lokkich mei de situaasje dat in grut oantal stipers al jierrenlang oan ús keatsferiening ferbûn is en ús feriening trou bliuwe en somtiden sels ekstra stypje. En mei de ynset fan tal frijwilligers binne we der yn slagge om de ynkomsten út stipejilden, finansjele aksjes en oare bydragen/subsydzjes op nivo en sels boppe begrutting te hâlden. Lâns dizze wei wolle we alle stipers, frijwilligers en ynstânsjes derfoar tige tank sizze.

Nei't we oan it ein fan it jier 2013 bekend meitsje koenen dat it kontrakt fan ús haadstiper Couperus Hydrauliek B.V. ferlingd wie, koenen we efkes letter ek bekend meitsje dat alle

kleanstipers (Drukkerij van der Eems, Leanbedriuw Okkema, Bos Mechanisatie en Installatiebedrijf de Jong) ek harren kontrakt foar 3 jier ferlingd ha.

En yn 2014, krekt foar de Jong-Feinte, kaam ek de tasizzing fan it Dielshûs dat hja harren kontrakt mei keatsferiening Easterein as haadstiper fan de Jong-Feinte mei opnij 3 jier ferlinge sille!

### De kommisje

De taken fan de finansjele- en stipekommisje binne sûnt ein 2014 sa ferdielt:

Tjeerd: foarsitter

Klaas: skriuwer, stipe-administraasje

Skelte: ponghâlder / kontakt HB

Tymen: fûnsen

Anco: aksjes

Hendrik: algemien lid

Mei dizze gearstalling binne de fakatueres ynfolt en kinne we mei fertrouwen fierder!



## Stipers

Yn 2014 mochten we dizze nije stipers wolkom hjitte:

Fakwurk	Easterein (alder-bernpartij)
Noflik Easterein	Easterein (lustrum)
Coop Tolsma	Winsum Fr (keatskamp)
Vellinga Werkschoenen Kleding	Easterein (keatskamp)
Muta Sport Nederland B.V.	Ljouwert (lustrum)
Veenstra Fritom	Heech (lustrum)
Heineken	Drachten (lustrum)
Poiesz Supermarkten	Skearnegoutum (jeugd-sponsoractie)
ING	Amsterdam (donatiefonds personeel)
Syb vd Meulen	Easterein (omroppen Jong-Feinte)

Fan de folgjende stipers is op 01-01-2014 it kontrakt

mei 3 jier ferlingt:

Couperus Hydrauliek B.V.	Easterein
Posthuma Skilderbedriuw	Easterein
Bos Mechanisatie B.V.	Easterein
Leanbedriuw Okkema	Easterein
Grafische Groep van der Eems	Easterein
Autobedrijf Witteveen & Brouwer B.V.	Easterein
Bouw-tekenburo Wietse B Ligthart	Wommels
Installatiebedrijf De Jong	Easterein
Juwelier Kramer	Frjentsjer
A. Hak Noord-Oost B.V.	Easterein

Fan de folgjende stipers is op 01-01-2014 it kontrakt

mei 1 jier ferlingt:

Tuincentrum Gaardenier	Wommels
B. Sandstra Mesthandel en Transport	Easterein
Bakkerij Posthuma	Wommels
v.d. Werf Bouwservice	Easterein
Gebroeders Faber Grafmonumenten	Dronryp
Autoschade Service van Krimpen	Easterein
Murk's Slagerij	Wommels
C.V. VEBO CHEESE EXPORT	jouwert
Mitselbedriuw BOU-plus	Wommels
Stifting Skoalleseize	Easterein
Keatsferiening Wommels	Wommels
Ald Feinteklup	Easterein
Bouwbedriuw Bootsma B.V.	Turns
Jouke Huitema	Nijlân
Boero Group – Veneziani	Easterein
Sporthuis A.P. van der Feer	Boalsert
Jumbo Wommels	Wommels

...lykas de advertinsjestipers:

Boddeüs zien en horen	Frjentsjer
Bergsma Groothandel	Frjentsjer
Brouwer Schilders – Jimbar	Wommels
Mr Th J Houtsma Notariskantoor	Warkum
Mondzorg Harkema	Harkema
BOIKON B.V.	Leek

...en de webstiper

Bakkerij Molkwar

Molkwar

## Aksjes

Yn 2014 hawwe we de 7e edysje fan ús jierlikse koeke-aksje hâlden. Dit jier waard wer begjin maart mei sa'n 30 frijwilligers in lytse 1.200 koeken ferkocht mei in netto winst fan **€ 918 (opbringst € 2.644, kosten € 1.726)**. Der waard dus gâns minder ferkocht as yn 2013 (netto winst € 1.202). Dat moat yn 2015 better kinne.

## Finansjeel

De begrutting foar it stipe- en subsydzjebedrach foar it jier 2014 bedroech **€ 14.500 (stipe € 11.500, subsydzje/bydragen € 3.000)**.

Yn 2014 waard oan bydragen fan stipers, subsydzjes en (bysûndere) bydragen ûntfongen in totaalbedrach fan **€ 22.774** (2013: € 12.821). It bedrach is sa ferdield: stipers **€ 13.990**, subsydzje/bydragen **€ 8.383**, en ferskaat **€ 401** (koartingen, bysûndere bydragen). Derneist waard yn natuera in bedrach stipe fan **€ 2.465**.

De rekken 2014 wurdt yn de foarjiersgearkomste fan 2015 presintearre. Foar 2015 hawwe we in bedrach begrutte fan **€ 13.875 (€ 12.975 oan stipe en € 900 oan subsydzjes en bydragen)**.

De finansjele- en stipekommisje en lustrumkommisje,

Tjeerd Dijkstra, Tymen Dijkstra, Klaas Pompstra, Anco Elgersma, Skelte Anema, Hendrik Okkema en Sipke Hiemstra



# Algemiene taljochting op it finansjele jierferslach

**2014 wie sawol bestjoerlik, finansjeel as sportyf in tige moai lustrumjier. It bestjoer wie kompleet mei sels in kofoarsitterskip fan Dirk-Yde en Mattie. En ek de funksje fan ponghâlder koe ynfolt wurde, dêr't Anco noch in pear jier trocharbeide hat yn dy funksje. Wat dat oanbelanget mei we yn Easterein (by alle ferienings) net kleie, nee just grutsk wêze op de ynset fan frijwilligers foar bestjoersfunksjes. It jonge haadbestjoer hat mei nocht en wille soarge foar de organisaasje en stjoeren fan it moaie lustrumjier. Fansels yn gearwurking mei de kommisjes en frijwilligers! De útstrieling fan keatsferiening Easterein hat dêrmei in ekstra ympuls krigen nei de bûtenwrâld.**

Finansjeel sjoen wie 2014 in goed jier. De begrutting fan 2014 siet grôftfol útdagings en dy binne hast allegear realisearre. It keatskamp, mei in tige warbere kommisje en like warbere jonge frijwilligers, de lustrumdagen mei as hichtepunt de Federaasjedei, de drok besochte en prachtige keatsdei op de Jong-Feinte en de ôfsluting fan it seizoen mei de Lustrumdei. Alles mei mooglik makke troch de ynset fan bestjoer en kommisjes mei de frijwilligers en de stipe fan de stipers en subsydzje-ynstânsjes. Al wie it oantal leden, en foaral de leden by de jongerein, weromrûn de lêste jierren, it keatskamp soarge derfoar dat de bern wer nocht krigen om te keatsen. Om de jongerein te stimulearjen moatte je wol nije aktiviteiten ûntwikkelje en it keatskamp wie dêr in prachtich foarbyld fan.

Sportyf sjoen ha we ek in moai keatsjier hân. Net allinnich mei de neamde aktiviteiten yn Easterein sels, mar ek bûten Easterein waarden sportive suksessen helle en fansels wol fiert yn Easterein. Suksessen moatte je fiere, al wurde se net begrutte. Sa is it dan ek moaier om te sjen hokker moai resultaat we helle ha oer 2014! Hjirûnder de taljochting hoe't 2014 finansjeel ferrûn is.

## Finansjele posysje

As buffer foar tsjinfallers as it dwaan fan grutte ynvestearings, stribbet it bestjoer fan keatsferiening Easterein nei om in eigen fermogen fan minimaal € 10.000 te hâlden. Dat ek nei 2014 it bestjoer hjir wer yn slagge is blykt wol út it feit dat it fermogen har stabilisearre hat rom boppe de € 14.000. Oer 2014 hawwe we de aktiviteiten oangeande de organisaasje, wedstriden en jubileum, nei bestimming fan it resultaat, mei in posityf resultaat fan € 842 ôfsletten. Dat betsjut dat we op 31-12-2014 in eigen fermogen ha fan € 14.338. Dêrmei is de keatsferiening Easterein in finansjeel tige sûne feriening.

## Stipers

De stipers meitsje in wichtich diel út fan de ynkomen fan de keatsferiening. Yn 2014 waard 30% begrutte. Yn de realisasje bestie 33% fan de ynkomen út stiperjilden. Neist de stipe yn 2014 in soad bydragen yn de foarm fan subsydzjes en oare bysûndere bydragen. It oandiel fan stipe- en subsydzjebedragen op de totale eksploitaasje wie mar leafst 54%! As keatsferiening Easterein binne we dan ek tige grutsk en tankber mei al ús stipers. Al jierrenlang ha we goede stiperrelaasjes mei bedriuwen en persoanen dy ús de finan-

sjele middelen jaan wolle om it keatsen yn Easterein en fiere omkriten mei mooglik te meitsjen.

Oer 2014 hat ús keatsferiening in totaal oan stipe- en subsydzjebedrach ûntfongen fan € 22.774 (2013: € 12.821). Dit bedrach is sa ferdield: stipers € 13.990 (2013: € 10.360), subsydzje/bydragen € 8.383 (2013: € 1.358), natuera € 2.465 (2013: € 803).

## Resultaat

Troch de stipe, subsydzjes, bysûndere bydragen en de finansjele aksjes dy't hâlden binne hawwe we de plannen/begrutting oer 2014 allegear útfiere kinnen. Allinnich it ballefûns is net útfiert (begrutte 2.250). Untank it net útfieren fan de ballefûnsaksje en ûntank in reservearring foar de klean koe úteinlik in posityf resultaat fan € 842 (netto) notearre wurde. Der is oer 2014 in bedrach fan € 1.300 reservearre út de kleanstipe. Dit bedrach is op de balâns setten ûnder Reserveringen. It brutoresultaat wie dêrmei € 2.142. Dit resultaat is mei mooglik makke troch de bysûndere bydragen fan de ING, Provinsje Fryslân, Stichting Fonds Bolsward-Dronryp, stichting Skoalleseize en de Federaasje Snits e.o. yn it ramt fan de Federaasjedei.

Foar mear ynsjoch en grip op de sifers wurdt yn de begrutting en realisasje ûnderskied makke nei organisaasje en wedstriden. Yn dit jubileumjier meitsje we ek nochris ûnderskied nei aktiviteiten foar it jubileum. Yn 2014 wiene der in oantal bysûndere aktiviteiten yn it ramt fan it 110 jierich jubileum en de 10 edysje fan de Jong-Feinte. De ekstra ynkomen by de wedstriden en jubileum soargen derfoar dat we dêr positive resultaten helje koenen.

Úteinlik is oangeande de organisaasje in negatyf resultaat behelle fan € 1.472 (2013: € 351). Dit wurdt foaral feroarsake troch de reservearring fan de kleanstipe (€ 1.300). Dêrneist is der ekstra ynvestearre yn oanskaf fan klean en materialen en koenen we ek in oantal suksessen fiere wêrtroch de post attinsjes wat heger waard as gewoan wie.

De wedstriden binne yn 2014 organisearre mei in posityf resultaat fan € 1.705 (2012: € 299). De KNKB (+€ 2.414) en Federaasje (+€ 1.365) wedstriden hawwe der úteinlik foar soarge dat we in posityf resultaat behelle ha want de lede wedstriden (-€ 1.464) koene it ôfrûne jier net út.

By it jubileum koenen we in posityf resultaat sjen litte fan € 610 foaral realisearre troch bysûndere bydragen.

As we sjogge nei it jier 2015 dan hawwe we in begrutting dy't € 2.825 leger is as oer 2014. Belangrykste reden is dat we yn 2014 it jubileum hienen (9.000) en yn 2015 is de klean-sponsoring folslein opnaam (€ 3.250) en in post foar oanskaf fan klean foar de Jong-Feinte.

Om de plannen foar 2015 realisearje te kinnen hat de lede-gearkomste ynstimt mei in kontribúsjeferheging fan € 0,50 foar alle leden. Yn 2015 sille de jeugdtrainingen (eigen en Federaasje), de stipepuntraining fan it KNKB ek wer oppakt wurde. En nei it sukses fan 2014 sil ek yn 2015 in keatskamp organisearre wurde.

Yn 2015 sille we ek goed omtinken jaan moatte, mei meiwurking fan alle leden, foar de finansjele aksjes. Sa binne we eilaas útlotten foar de Poiesz jeugd-sponsoraksje en dus sille

we op oare wize oan ynkomste út aksjes komme moatte. Te begjinnen mei de tradisjonele koeke-aksje yn de 1e wike fan maart. De oare aksjes binne de ferlottings by de Jong-Feinte en it pearkekeatsen en we wolle besykje om wer in balle-fûnsaksje te hâlden. Ek wolle we graach, foaral foar it keatskamp, tegearre mei de jongereinkommisje in spesjale jeugd-aksje hâlde. Foar de jeugd, troch de jeugd.

Ta beslút wol ik elkenien tank sizze foar jimme bydrage oan it prachtige lustrumjier 2014 en dat we der mei elkoar foar soargje kinne dat 2015 ek op alle mêd wer in moai keatsjier wurdt.


Skelte Anema, ponghâlder

Yn gearwurking mei Klaas Pompstra

## Finansjele posysje en resultaat KF Easterein

Resultaat (foar bestemming)	Bedrach
Organisaasje	-1.472,38
Wedstriden	1.705,20
Jubileum	609,66
<b>Totaal</b>	<b>842,48</b>

	2001	2002	2003	2004	2005	2006	2007	2008	2009	2010	2011	2012	2013	2014
<b>Kas</b>				64	36	409	137	275	333	311	791	267	754	410
<b>Bank</b>	15	376	739	2.345	79	312	427	268	-80	785	1.323	655	650	4.653
<b>Sparrekken</b>	1.795	2.374	2.309	21.632	16.447	15.943	8.886	11.881	9.000	10.000	10.000	11.500	12.141	9.462
<b>Oerrinnende posten</b>								-190	3.172	2.234	1.184	1.074	-49	-187
<b>Reservearring</b>														<b>1.300</b>
<b>Eigen fermogen</b>	<b>1.810</b>	<b>2.750</b>	<b>3.048</b>	<b>24.041</b>	<b>16.562</b>	<b>16.664</b>	<b>9.450</b>	<b>12.234</b>	<b>12.424</b>	<b>13.331</b>	<b>13.298</b>	<b>13.495</b>	<b>13.496</b>	<b>14.338</b>
<b>Resultaat</b>	916	945	297	20.991	-7.480	102	-7.214	2.784	190	907	-33	197	0	842



## Eksploitaasjerekken 2014 (bedragen yn Euro)

Saldy	31-12-14	31-12-13	Resultaat
Kas	410	754	-344
Betelrekken 3495.01.904	4.653	650	4.003
Sparrekken 3495.124.681	9.462	12.141	-2.679
Oerrinnende posten	-187	-49	-138
<b>Totaal</b>	<b>14.338</b>	<b>13.496</b>	<b>842</b>

Baten	Rekken 2014	Begrutting 2014	Ôfwiking	Rekken 2013
Ynkomsten partijen	2.267	2.400	-133	2.719
Stipersjilden	13.990	11.500	2.490	9.161
Kontribúsje	8.237	8.500	-263	8.169
Trainingen (seal/fjild)	1.705	1.500	205	1.329
Donateurs	113	150	-38	171
Aksjes	4.877	7.500	-2.623	5.531
Subsydzje Gemeente	854	900	-47	848
Subsydzje   Bydragen	7.530	2.100	5.430	610
Kreditrinte	0	150	-150	146
Keatsclinics	0	0	0	0
Ferskaat	2.547	2.800	-253	659
<b>Totaal</b>	<b>42.118</b>	<b>37.500</b>	<b>4.618</b>	<b>29.342</b>

Lêsten	Rekken 2014	Begrutting 2014	Ôfwiking	Rekken 2013
Krânsen	2.492	2.050	442	2.179
Prizen	8.960	9.725	-765	7.617
Organisaasjekosten wedstriden	4.446	4.400	46	3.039
Hier sportthal	983	950	33	772
Hier sportfjilden/wetterskiplêsten	1.787	1.600	187	1.077
Trainers	713	500	213	688
Ferieningskosten	10.330	10.025	305	6.088
Aksjes	1.793	2.500	-707	2.313
Materiaal	4.948	950	3.998	781
Federaasje	125	125	0	125
K.N.K.B.	4.700	4.675	25	4.663
<b>Totaal</b>	<b>41.276</b>	<b>37.500</b>	<b>3.776</b>	<b>29.342</b>

<b>Resultaat netto</b>	<b>842</b>	<b>0</b>	<b>842</b>	<b>0</b>
------------------------	------------	----------	------------	----------

<b>Reservearring klean 2014</b>	<b>1.300</b>
---------------------------------	--------------

<b>Resultaat bruto</b>	<b>2.142</b>
------------------------	--------------

### Ferklearring kaskommisje 2014

Wy, de kaskommisje, ha tegearre mei Skelte Anema, ponghâlder fan de keatsferiening Easterein, de boeken kontrolearre. De boeken en finansjele ferslaggen binne ynoarder befûn.

Hjirmei geane wy akkoard mei it finansjele ferslach oer it jier 2014 fan de keatsferiening Easterein.

Easterein, febrewaris 2015

De kaskommisje, Marije Hiemstra en Anco Elgersma

## Taljochting op de eksploitaasjerekken 2014

Baten	Rekken 2014	Begrutting 2014	Rekken 2013
Ynkomsten partijen	2.267	2.400	2.719
- minder dielname Jubileumpartij			
Stipersjilden	13.990	11.500	9.161
- kleansponsoring (3.250) yn realisasje, minder jubileumsporsors			
Aksjes	4.877	7.500	5.531
- koeke-aksje, yntreejild Jong Feinte partij, ferlottings, gjin ballefûnsaksje			
Subsydzje Gemeente	854	900	848
- dit is 75% fan de taseine subsydzje oer 2014 en de ôfrekken fan 2013			
Subsydzje   Bydragen	7.530	2.100	610
- Lustrum-Fed.dei: Skoalleseize, Fed. Snits, ING, Provinsje, Fnds Bolsward-Dronryp			
Ferskaat	2.547	2.800	659
- û.o. ferhier partytinten, ynlis keatskamp en lustrumdei			
Lêsten	Rekken 2014	Begrutting 2014	Rekken 2013
Krânsen	2.492	2.050	2.179
- mear krânsen Federaasje en leden			
Organisatiekosten wedstriiden	4.446	4.400	3.039
As folcht ferdielt:			
- û.o. rekkens stifting 'De Skoalleseize' foar gebrûk konsumpsjes en fersoarging frywilligers, lustrumdei	3.014	2.736	2.042
- rekkens KNKB wedstriiden foar skiedsrjochters, masseurs, wedstriidfûns, ynlis wedstriden	1.237	1.239	821
- ferskaat publiciteitskosten, advertinsjes	195	425	175
Ferieningskosten totaal	10.330	10.025	6.088
As folcht ferdielt:			
- Kosten bestjoer en lieding	2.509	2.465	1.299
befetsje de rekkens fan stifting 'De Skoalleseize' foar fergaderkosten, gebrûk konsumpsjes en oare fergaderkosten			
- Administraasjekosten	4.981	5.340	4.004
kosten webside, bank, jierferslaggen, programmaboekjes en ferskate administraasjekosten			
- Ferskaat	2.841	2.220	785
muzyk Jong Feinte en Haadklasse, attinsjes leden/stiper			
Aksjes	1.793	2.500	2.313
- minder ynkeapkosten koeke-aksje, gjin ballefûns/winterwille			
Materiaal	4.948	950	781
- û.o. nije keatsballen, bestelling en reservearring klean, shirts keatskamp			
K.N.K.B.	4.700	4.675	4.663
- ôfdracht kontribúsje en abonneminten WIS-IN			

# Lustrumkommisje 110 jier Keatsferiening Easterein

**Keatsferiening Easterein bestie dit jier mar leafst 110 jier. Nei it geweldige ieufoest (100 jier) yn 2004, is der ôfpraten om eltse 5 jier in lustrumfeest te organisearjen. Yn 2009 wie de earste suksesfolle lustrumedysje mei 105 jier Keatsferiening Easterein en dit jier alwer de twadde lustrumedysje mei 110 jier Keatsferiening Easterein. As lustrumkommisje hiene wy de opdracht fan it bestjoer mei krigen om it hiele keatsjier 2014 by de ferskate aktiviteiten spesjale oandacht te jaan oan it 110 jierrich bestean fan ús keatsferiening. De lustrumkommisje bestie út deselde leden as de finansjele- en stipekommisje yn 2014.**

It lustrumjier (110 jier) moast in ôfspiegeling wêze fan de ambysjes dy't de Keatsferiening Easterein op dit stuit hat en ek nei 2014 neistribje sil. Dit betsjut ferskate aktiviteiten foar eltsenien op har of syn eigen nivo en foar alle leeftiden fan jong oant âld. Rinnende it hiele keatsseizoen binne yn it ramt fan 110 jier Keatsferiening Easterein tal fan ekstra aktiviteiten organisearre.

It lustrumjier sette útein mei in nij fenomeen, te witten in Keatskamp foar de jongerein fan 30 april o/m 02 maaie. It keatskamp waard organisearre troch fjouwer tige belutsen keatsleden, Imke van der Leest, Marije en Pytrik Hiemstra en Bauke Dijkstra. Mei harren entûsiasme en tal fan like warbere jonge frijwilligers waard dit in bjusterbaarlik barren foar de jongerein!

It lustrumjier is fierders passend fiert op de dagen woansdei 28 maaie oant en mei freed 30 maaie. It lustrumfeest sette útein mei in ledepartij foar alle jeugdleden o/m de skoalfamkes en skoaljonges. Op de tongersdei (Himelfeartsdei) wie in ledepartij organisearre foar alle leden fanôf de famkes en jonges kategory oant en mei de alder âldsten. De dei waard ôfsluten mei muzyk. De freed 30 maaie stie yn it teken fan it tema "Bring de keatsers nei it keatsen". Mei in grutte federaasjepartij yn ferskate klassen fan jong oant âld en in KNKB Haadklassepartij Manlju en Froulju t.i.l. wie it sportpark "de Skoalteseize" it kloppend sintrum fan keatsend Fryslân! Dizze keatsdei waard fantastysk ôfsluten mei muzyk fan Down Town.

Mei it 110 jierrich bestean fan de Keatsferiening Easterein yn 2014, waard ek tagelyk de 10e edysje fan de Jong Feinte partij organisearre. Dizze keatspartij foar ôfdielings foar de manlju junioaren is yn in koarte perioade net mear wei te tinken út de keatsaginda fan de Keatsferiening Easterein en de KNKB. Yn 10 jier tiid hat dizze keatspartij in fêst plakje krigen op de keatsaginda yn it rychje fan de ferneamde woansdeipartijen ein july en begjin augustus, te begjinnen mei de Haadklasse manlju en froulju yn Minnertsgea, dan de wike derop de Jong Feinte partij yn Easterein, de wike derop de manljus PC yn Frjentsjer, de wike derop de Freulepartij yn Wommels, de wike derop de revanche Freule yn Jellum-Bears en as lêste yn dit ferneamde rychje de frouljus PC yn Weidum. Yn it ramt fan it 110 jierrich bestean fan de Keatsferiening Easterein en de 10e edysje fan de no al ferneamde Jong

Feinte partij, is ek hjir oan spesjale oandacht jûn. Mei in rekord oantal partoeren yn in prachtige ambiânse binne de keatsers, it talrike publyk en de âld winners ekstra yn it sintsje setten op dizze prachtige keatsdei.

It lustrumjier is ôfsluten mei in grut keatsbarren foar alle leden, bestjoer- en kommisjeleden, ús stipers, frijwilligers, ensfh. op snein 7 septimber mei oan it ein fan de dei in barbecue. It wie de earste Lustrumdei fan de Keatsferiening Easterein. De dei dy't oars Stiperdei hjitte wie dit kear útwreide mei de útnoeging fan bestjoer, kommisjes, leden en frijwilligers. In tige slagge dei.

Fansels, we ha wol faker bysûndere keatsdagen hân yn de histoarje fan keatsferiening Easterein, lykas de fjouwer dagen feest by it 100-jierrich jubileum, wat doe fantastysk wie. Mar it gie dit kear om de ôfsluting fan it keatsseizoen en yn it lustrumjier woenen we dat dwaan mei it bestjoer, stipers EN kommisjes, leden, frijwilligers. In dei mei keatsen, efkes werom sjen nei it ôfrûne seizoen en ôfslute mei in barbecue.

It terras wie moai oanklaaid mei de partytinten en feestferljochting en binnen op it skerm draaide de hiele dei in presintaasje fan alle hichtepunten en lustrumaktiviteiten fan it seizoen. De dei waard iepene (en letter ek wer sluten) troch de beide foarsitters dy't yn it deistich libben ek al in hiel soad gearwurkje, Tjeerd Dijkstra en Mattie v/d Meulen. In oantal frijwilligers wienen warber mei de listen en omballingen oer de hiele dei.

Foar de Lustrumdei hienen mar leafst 110 minsken har opjûn en op de dei sels kamen der noch in pear by. Oan it keatsen dienen 30 froulju en 28 manlju mei. Der waard yn twatallen keatst yn in manljus en frouljusklasse mei elk 7 perken. Om't der by de manlju twa te min wienen en by de froulju twa te folle ha we de bêste frouljuskeatssters (Judy en Marije) frege om by de manlju te keatsen. De manlju hienen gjin beswier fansels en lokkich de froulju ek ne! Letter, yn de 3e omloop wienen der wol twa manlju dy't gjin beswier, mar it wol swier hienen. Oan de barbecue dienen mar leafst 105 minsken mei. In oantal dêrfan wienen bern, want dy kar wie der ek om de bern mei te nimmen as men dat woe.

We troffen it fansels geweldich mei it waar. Hearlik neisimmerwaar en dus noflik yn it fjild en bûten it fjild. It hiele keatsfjild

fol mei keatsers en keatsters en elk die ferskuorrend syn/har bêst om de sêfte bal te reitsjen sa't se woenen en te soargjen dat de tsjinstanner der net mear oan kaam. Nei twa listen hienen guon al aardich wat enerzjy brûkt mar de lekkere hapkes tuskentroch joegen wat ekstra krêft foar de lêste list. Doe't dy ferkeatst wie, efkes wat drinke en doe de priisútrikking mei earst efkes koart weromsjen op it prachtige keatsseizoen mei de ferskate suksessen foar keatsferiening Easterein. It suksesfolste jier ea yn 'e skiednis fan de 110 jier Keatsferiening Easterein.

De prizen dizze dei wienen foar:

Manlju A:

1. Remon Tie Bouma, 21 foar en 6 tsjin,
2. Ewout de Boer 21-13,
3. Skelte Anema, 19-9,
4. Stefan van Krimpen, 19-11.

Manlju B:

1. Geert Dijkstra, 21 foar en 5 tsjin,
2. Sipke Hiemstra, 21-6,
3. Judy Bergsma, 19-4,
4. Tom Couperus, 18-9.

Froulju A:

1. Gabriële Bouma, 21 foar en 5 tsjin,
2. Sietske Poelsma, 19-11,
3. Jetske Sieperda, 19-12,
4. Romine Jelsma, 18-13.

Froulju B:

1. Eefje Hiemstra, 21 foar en 8 tsjin,
2. Lysbet Bakker en Ria Kingma, 21-9,
4. Jikke Velzen, 19-13.

Om healwei seis oere kaam Murk Okkema mei de barbecue en fansels it fleis, salades en fan alles der noch by. Mei help fan Murk en Erica waarden alle tariedings dien en koe de barbecue oan. Nei it tankwurd foar de hearlike en sportive dei joegen de foarsitters it startsein foar de barbecue. Mei Tymen en Skelte as 'bakkers' en Mattie en Wilma as útdielers koenen alle dielnimmers genietsje fan it hearlike fleis, de hearlike salades en stokbôle. It terras siet moai fol mei minsken en elk hie it tige nei't sin.

Nei dat it lêste fleis bakt wie koenen we werom sjen op in tige slagge earste Lustrumdei yn Easterein. We wienen it der dan ek gau oer iens om dit seker elke fiif jier wer te organisearjen en yn de tuskenlizzende jierren ha we fansels de Stiperdei.

**Elk tige tank foar de ynset yn hokker foarm dan ek foar Keatsferiening Easterein!**

De lustrumkommisje,

Tymen Dijkstra, Klaas Pompstra, Anco Elgersma, Skelte Anema, Sipke Hiemstra en Tjeerd Dijkstra

## Lustrumprogramma

## 110 jier Keatsferiening Easterein – 10 jier Jong-Feintepartij

30 april o/m 02 maaie 2014:	Keatskamp yn Easterein foar de jongerein
Woansdei 28 maaie 2014:	Keatspartij jongerein KF Easterein o/m skoalfamkes/skoaljonges (fanôf 13.00 oere)
Tongersdei 29 maaie 2014:	Keatspartij senioaren KF Easterein (fanôf 12.00 oere)
Freed 30 maaie 2014:	KNKB Haadklasse manlju/froulju (fanôf 15.30 oere) Federaasjepartij Snits e.o. foar jong en âld yn ferskate klassen (fanôf 10.00 oere) Feest mei muzyk
Woansdei 23 july 2014:	Jong-Feintepartij (10e edysje) (fanôf 11.00 oere) Feest mei muzyk
Snein 07 septimber 2014:	Ofsluting Lustrumjier mei grut keatsbarren foar alle leden, bestjoer- en kommisjeleden, ús stipers, frijwilligers ..... en barbeque.

## Foar it earst Keatskamp KF Easterein sûnt 1904!!

We hawwe it dien! Us earste keatskamp yn Easterein is in feit. En wat foar ien.

Wat begûn mei in idee is no wurklikheid wurden. It idee wie simpel: mei elkoar keatse, sliepe (naja sliepe), ite en in hiel soad wille. En dat is mear slagge as hope. As in 'ware tsunami' dinderde it keatskamp troch it doarp hinne. Yn de Van Dale stiet: "Tsu-na-mi (de; m; meervoud: tsunami's) door een zee beving veroorzaakte vloedgolf." En in floodgolf dat wie it seker...

In floodgolf fan bern, frijwilligers, sjips en limonade, entûsjasme, ynset en fansels it dûnsjen net te ferjitten. Wat in prachtich gesicht wie it at de tsunami op hokker momint dan ek út de boksen knalde, wêrtroch elk mei alles stoppe en dat alles mei mar ien doel: hosse!!

### Programma 30-04-2014

- 14.30 oere Sammelje op it keatsfjild  
+ ynstallearjen fan de sliepspullen
- 15.00 oere Ynliedingspultsje
- 15.30 oere Klearmeitsje foar de training
- 16.00 oere Training
- 18.00 oere Under de brûs
- 18.30 oere Waarm ite
- 19.30 oere Rekreaasje
- 21.30 oere Sliepe jongste dielnimmers
- 22.00 oere Sliepe âldste dielnimmers



Om 14.30 oere kamen de earste bern oan by de Skoalle-seize. Hannen fol mei grutte tassen, koffers en sliepsekken, wiene se klear foar it earste keatskamp fan Easterein. By oankomst moasten se as earste troch de "doping-kontrolle". Twa fan de lieding sieten yn grutte wite jassen harren op te wachtsjen. Bern dy't snoepkes, koekjes en oare fersnaperingen mei nei binnen smokkelje woene, waarden ekstra yn 'e gaten hâlden.

Om 15.00 oere begongen se mei in ynliedings spultsje wêr't der striden waard tusken de jonges en de famkes. Foar al dizze spultsjes wurde der de hiele wike punten byhâlden. Nei dizze warming-up begongen de trainings. Oan it begjin fan it kamp is der ôfsprutsen dat by it nûmer "Tsunami" we springe en gekjeie! Sa ek tidens de training gong de muzyk lûd en stopte eltsenien mei keatsen en wie der in heale minút tiid foar gekjeien.

Nei de brûs stie de patat klear en waard der lekker iten! Nei it iten wie der tiid foar rekreaasje. Der waarden seis groepen makke mei of allinnich famkes, of allinnich jonges. De punten wiene nammentlik jildich foar de striid tusken de jonges en de famkes. Troch it hiele gebou leine der fragen ferstopt oer it keatsen. Uteinlik hiene de famkes de measte punten by mekoar sprokkelt en eindigde de tuskenstân fan dizze dei op 59 foar de famkes en 52 foar de jonges. Mar dizze striid is noch lang net dien, freed sil der in einspul hâlden wurde, wêr't noch fan alles barre kin!

Om 21.00 oere hiene de measte bern de pyjama's al oan en de toskan al poetst. Tiid om lekker op bêd dus. Mar op bêd lizze, betsjut by dizze doerakken net fourt sliepe. Dêrom wie it seker nedich om even de "nachtwachter" by de doaren te setten. De jongste dielnimmers hiene wol yn 'e gaten dat it tiid waard om rêst te pakken en diene dit ek.





By de âldere jongerein gong dit al wat muoisum, sadat de lieding mar beslúten hat om der nêst sliepen te gean.

**Programma 01-05-2014**

08.00 oere	Opstean
08.30 oere	Moarnsbrochje
09.30 oere	Klearmeitsje foar de training
10.00 oere	Training
12.00 oere	Ite
13.00 oere	Rekreaasje
15.30 oere	Training
17.30 oere	Under de brûs
18.00 oere	Waarm ite
19.00 oere	Klearmeitsje foar de bûnte jûn
20.30 oere	Bûnte jûn
22.30 oere	Sliepe jongste dielnimmers
23.00 oere	Sliepe âldste dielnimmers

Nei de earste nacht "sliepe" wiene de bern der alwer betiid by. Allegear hiene se grut praat dat se hast net sliept hiene, mar se wiene allegear like drok as de dei derfoar. Om 8.00 oere sieten se allegear wer oan tafel, mar se moasten noch wat geduld bewarje tot ek de jongste dielnimmers, de kabouters, der wer by wiene. Yn dizze tiid ha de jonges en de famkes nog tsjin mekoar striden om ekstra bonuspunten te fersammeljen. Doe't we kompleet wiene, waard it moarnsbrochje fansels iepene mei it nûmer "Tsunami".

Nei it moarnsbrochje begongen alle kategoryen wer mei de earste training fan de dei. Spitigernôch, wie it waar net sa moai as woansdei. It wie wiet en kâld bûten, dus ek tidens de training ha we der wer in momintsje fan gekjeien yn goait, om waarmer te wurden. Fansels ek wer mei it nûmer "Tsunami". Tidens dizze training is der fan eltsenien in aksje foto makke, dy sille se werom fine yn hun "keatskamp-diploma".

Om 12.00 oere ha we mei syn allen wer in stikje bôle iten en makken de bern harren klear foar in oerke rekreaasje. Dizze kear wie it bûten it terrein, nammentlik in foksejacht!

Troch it hiele doarp wiene der foksen ferstopt dy't allegear in spultsje betocht hiene. Wa't de spultsjes it snelste die, wûn úteinlik. It team mei Jeljer, Corrie, Emma, Senay, Jildert, Jelmer en Tjitske, ha dizze striid wûn. Nei it fieren fan de oerwinning koe eltsenien oan tafel. Op it menu fan dizze dei stûn bami of nasi... Spitigernôch wie de bami in lyts bytsje mislearre. Dit makke Hedwich Kooistra hielendal neat út, want sy hat der hearlik fan iten. De rest ha we bliid makke mei nasi en foar de bern dy dit net lekker fûnen, wie der in lekker stikje bôle.

Jûns makke eltsenien harren klear foar in stikje op 'e Bûnte Jûn. Alle ferskillende kategoryen diene in stikje mei harren eigen groepke. En as bonus hiene Machtelt, Siebo en Sydrik nog in eigen stikje. De Kabouters diene in ferhaaltsje en ha dêrby fan alles oan it útbyldzjen west. De Welpenfamkes ha



in blier dûnske dien op it nûmer "Happy". Sels makken sy dêrby in libbene pyramide. De Welpenjonges diene in stikje toaniel wêrby se de PC keatsten. En fansels eindigde dit feest mei it nûmer "Tsunami". De Pupillen hienen wat de gek mei harren trainer. It blykt dat Bauke wol es te let komt, dêrom diene sy in stikje op "Het Pizzalied" fan André van Duin; "Even wachtteeee... BAUKE!". De Skoaljeugd diene rupsen nei yn harren sliepsek op it nûmer "Vrouwkes". Hilarisch gesicht!!

As lêste it stikje fan Machtelt, Siebo & Sydrik. Sy diene in toaniel stikje fan ZAAI. Dit grutte spektakel eindigde yn in disco wêrby ek wer regelmjittich it nûmer "Tsunami" foarby kaam. Doe't eltsenien út dûnse wie, koene se wer de pyjama's oan en op bêd. Der waard fansels noch in snoep ynspeksje hâlden. In soad bern wiene sa dapper om harren snoepkes toch yn te leverjen. Fansels krigen se dizze letter wer werom. Dizze jûn sliepten se samar, want it wie in lange dei west mei in fol programma.

#### Programma 02-05-2014

08.00 oere	Opstean en opromje
09.00 oere	Moarnsbrochje
10.00 oere	Rûnde ien fan de wedstriid
12.00 oere	Pankoek ite
13.00 oere	Rûnde twa fan de wedstriid
15.00 oere	Ofsluting keatskamp

Om't se sa optiid sliepten wiene se fansels ek wer betiid wekker. Tusken 6.30 en 7.00 oere wiene de earsten alwer aktyf. De âldsten hiene ek wat liederes wekker makke. Dêrom folgde foar harren in iere betiide training om 7.00 oere... Meardere rûntsjes oer it fjild drave, opslaan, útslaan en keare siet der allegear by. Stikem seagen se dit net iens as in grutte straf, mar fûnen se it geweldich leuk.

Foar de lytsere jongerein wie der in gefjocht mei kessens. Om 8.00 gong it los en pas toen se ite moasten holden se op. Dizze moarn hiene de pupillen corvee en dêr siet Halbe Willem by. Hy miende wol mei in mega grutte stapel boarden rinne te kinnen, mar dit gong mis. By de tredde stap leine alle boarden oer de grûn. Fierder gong it bêst. Nei it ontbijt hiene we noch in lyts oerke om alle bêden en klean op te romjen en yn te pakken. Dit ferrûn allegear hartstikke flot en de bern wiene geweldige hulpen.

Foar de bern wie dizze dei dochs wol ien fan de belangrykste. Nammentlik, der wurde échte wedstriden keatst! De partoeren waarden ferdield, de skiedsrjochters waarden te plak set en it koe mar begjinne. Der waard ferskriklik fanatyk keatst. Sels krigen se tuskentoch noch opdrachten sa as: "Wie as earste in sitbal slaat, dy krijt in kadootsje". Dejinge dy de bal út, foar of kwea sloech, krige in woartel foar it sicht.

Tusken de twa omlopen troch wie it natuerlik tiid foar pankoek ite! Der wiene wol in stik as 10 pankoek-memmen dy't hearlike pankoeken foar ús bakt ha. Eltsenien hat safolle mooglik iten as hy of sy koe.

Nei it keatsen wie it tiid om te sjen wa't der winne soene, de jonges of de famkes?! De tuskenstân stie op 85-85, gelyk spul dus! As einspul om de winners te bepalen waarden der 10 ballonnen opblaast. Yn 1 fan de ballonnen siet in fluitsje. As der in jonge as earste op it fluitsje blaze soe dan hiene sy wûn. MAR, doe wie dêr Julia, dy seach de ballon mei it fluitsje en blaasde sa hurd, dat it fourt dúdlik wie dat de famkes wûn ha. Sy winne de enorme wikselbeker!! As ôfsluter fan dit moaie kamp, krigen alle bern noch in diploma mei in moaie aksjefoto.

Wyls binne we yn elts gefal sa'n 720 stikken bôle, 40 liter molke, 16 kilo patat, 28 liter limonade, 36 pûden sjips, 200 appels fierder en de rêst is stadich oan wer te finen yn it doarp. Grutsk binne we derop dat we trije machtige dagen del setten hawwe kinnen mei dizze 58 bern en fansels al dy ekstra pear hannen út alle ferskate en soms ferrassende hoeken. It is in klisjee mar sûnder jimme hienen we dit net foar elkoar krigen.

Hjirby wolle wy dan ek al dy minsken hertlik tank sizze foar alle help foar, tidens en nei it keatskamp. It wie it keatskamp om nea wer te ferjitten en as it oan ús leit: kommend jier wer!



Pytrik Hiemstra, Bauke Dijkstra,  
Marije Hiemstra & Imke van der Leest



## De 10de Jong-Feinte, in lustrum edysje!

Op woansdei 23 july waard de Jong-Feinte Partij foar de tsiende kear organisearre; in lustrumedysje. Út in rekord oantal partoeren, mar leafst 28, gong Seisbierrum-Pitersbierrum der op it ein fan 'e dei mei de winst fan troch. Johannes van der Veen, Kees van der Schoot en Jelte Visser, foarich jier noch twadde nei in spannende finale (5-5:6-4), makken it dit jier noch spannender troch mei alles oan 'e hang te winnen fan Frjentsjer (Djurje Seerden, Allard Hoekstra en Jan Schurer).

### 1e omloop

De earste list is dien om 13.15 oere en it wie in list mei spannende en minder spannende partijen. Der wurdt om moaie prizen keatst en oan alle keatsers te sjen ha se dat mar al te goed yn 'e gaten. Der wurdt om striden!

By Dronryp keatst Sybren Blanksma mei yn plak fan Sander Kingma. Se starte net goed en sjogge earst tsjin in 3-1 achterstân oan. Se witte it mar net rjocht te setten en Wjelsryp rint út nei 5-2. Op 5-2:6-6 komt der in keats fan sa'n 50 cm en Dronryp pakt dizze dêrnei; 5-3. Wjelsryp makket it dochs út op 5-3:6-0 trochdat Paulus Yde Walda de bal werom slacht yn it perk.

Yn de partij tusken Berltsum en Tsjummearum rint Tsjummearum gau út nei in 1-4 en úteinlik nei in 2-5 foarsprong. Tsjummearum slacht de bal bûten op 2-5:6-6 en sa pakt Berltsum it tredde buordsje. Berltsum jout noch net op en makket it 3-5:4-6 troch in sitbal, mar wit de keats net te pakken en sa giet Tsjummearum troch nei de twadde omloop.

By Boalsert en St. Anne is op 6-6 it earste buordsje foar Boalsert troch in sitbal fan Peter van Zuiden. St. Anne komt net lekker yn de wedstriid mar op 3-2:6-4 pakt St. Anne de keats en wurdt it 6-6. Troch in foarbal fan Boalsert wurdt it wer gelyk; 3-3. St. Anne set troch en pakt it 4e buordsje mar

Boalsert is wer gau by: 4-4. Krijn slacht in bal fan ôf de boppe werom it perk yn en sa pakt St. Anne de 6 yn de striid om it fiifde buordsje. Op 4-4:2-6 en in keats pakt St. Anne de 5 earsten troch in bûtenslach. Op 4-5:4-6 bringt Krijn in hege bal achter yn en Boalsert kin de keats net pakke. St. Anne troch nei de twadde omloop.

In pear snelle partijen op de 1e list mei spitigernôch trije kear in 0-5 útslach. Wommels 1 tsjin Wommels 2 waard 0-5:6-6. Achlum tsjin Seisbierrum-Pitersbierrum waard 0-5:4-6. Hitsum tsjin Wytmarsum waard 0-5:2-6. Frjentsjer wint fan Easterlittens mei 5-1:6-0.

Yn de wedstriid tusken Dronryp 2 en Stiens gong it gelyk op oant earsten gelyk en doe is Stiens útrûn nei 3-5. Dronryp komt wer by troch in 4e buordsje te pakken mar se risse it net. Stiens troch nei de twadde omloop mei 4-5:4-6. Bitgum giet frij ienfâldich troch nei de twadde list troch fan Winsum te winnen mei 0-5:0-6. Sy treffe dêr Jelsum-Koarnjum-Britsum dy't yn de earste omloop wûn ha fan Makkum mei 5-1:6-4. Sint Jabik 1 – Easterein 1. Easterein, mei Bote Jellema, Doede Rients Okkema en Rémon Tie Bouma, jout de partij net samar fuort en makket it 1-4:6-0. Spitigernôch wurdt it earst dan dochs noch fuortjûn oan Sint Jabik en wurdt it 1-5. St. Jabik makket it úteinlik út op 5-1:6-2. De wedstriid tsjin Minnertsgea

gong wat te hurd foar de mannen fan Easterein 2, Arjan Hallema en Wietse Vink. Minnertsgea rûn frij maklik nei de oerwinning en it waard 5-0:6-2.

De lêste twa omlopen op de earste list gongen tusken Goaiïngea en Peins; Tsjom en Sint Jabik 2. Twa omlopen mei in protte jonge keatsers. Goaiïngea ferliest fan Peins mei 1-5:4-6. Peins keatst mei mar twa skoaljonges fan 14 jier. Sint Jabik 2 bestiet út it jongespartoer dy't it NK Jonges dit jier wûn ha. Se rêde it net tsjin Tsjom en ferlieze mei 5-3:6-4.

- 1) Dronryp 1 - 2) Wjelsryp 3-5:0-6
- 3) Berltsum - 4) Tsjummearum 3-5:4-6
- 5) Frjentsjer - 6) Easterlittens 5-1:6-0
- 7) Boalsert - 8) St Anne 4-5:4-6
- 9) Wommels 1 - 10) Wommels 2 0-5:6-6
- 11) Achlum - 12) Seisbierrum-Pitersbierrum 0-5:4-6
- 13) Hitsum - 14) Wytmarsum 0-5:2-6
- 15) Dronryp 2 - 16) Stiens 4-5:4-6
- 17) Winsum - 18) Bitgum 0-5:0-6
- 19) Jelsum-Koarnjum-Britsum - 20) Makkum 5-1:6-4
- 21) St Jabik 1 - 22) Easterein 1 5-1:6-2
- 23) Minnertsgea - 24) Easterein 2 5-0:6-2
- 25) Goaiïngea - 26) Peins 1-5:4-6
- 27) Tsjom - 28) St Jabik 2 5-3:6-4

## 2e omloop

De 1e partij op de twadde list giet tusken Wjelsryp en Tsjummearum en it is tige spannend. Op 3-4:6-4 pakt Wjelsryp it buordsje en wurdt it fjouwer earsten gelyk. Ek de lêste earsten bliuwe spannend en op 5-5:6-4 slacht Wjelsryp de bal boppe en binne se troch nei de tredde list.

Yn de striid tusken Frjentsjer en St. Anne is it earste buordsje foar Frjentsjer nei in kweaslach fan Sjoerd de Jong en Frjentsjer rint út nei 2-0. St. Anne komt werom nei 1-2. Op in stân fan 1-2:6-6 slacht Krijn de bal prachtich boppe en makket dêrmei twa earsten gelyk. It bliuwt spannend en sa wurdt it 2-4 foar Frjentsjer wannear Krijn de bal fan Jan Schurer kwea slacht op 2-3:6-6. It folgjende earst wurdt ek 6-6 wannear St. Anne de keats behâld. Krijn slacht in hege bal op en kin de bal fan Jan Schurer wer werom it perk ynslaan en sa wurdt it 3-4.

St. Anne set troch en makket samar 0-6 en dêrnei twa spullen gelyk. St. Anne pakt as earste de fiif earsten mar Frjentsjer jout net op en komt werom troch ek it fiifde buordsje te pakken op 4-5:6-2. In spannend lêste earst: 5-5:2-0; 5-5:2-2 en twa keatsen. St. Anne pakt beide keatsen, 2-6. In boppeslach fan Jan makket 4-6. Uteinliks wint Frjentsjer mei 5-5:6-6.

Wommels 2 wûn yn de earste omloop maklik fan Wommels 1, mar koe it de twadde omloop net risse tsjin Seisbierrum Pitersbierrum, de finalist fan foarich jier, en ferlear mei 1-5:0-6.

Wytmarsum liket de partij tsjin Stiens yn de hannen te hawwen mei in 4-1 stân, mar Stiens komt werom oant 4-1:6-6. Dan slacht Wytmarsum de bal bûten en wurdt it 4-2. Op 4-2:6-2 slacht Gerrit Winkel fan Stiens de bal bûten en wurdt it 5-2 foar Wytmarsum. Yn it lêste earst komt Wytmarsum op in 6-4 foarsprong en slacht Kevin Jordi fan Stiens de bal bûten. Wytmarsum troch nei de tredde list.

Bitgum rint samar út nei in 5-1 foarsprong wêrby de opslach fan Tjisse bepalend is. Nettsjinsteande it dappere besykjen fan Haye Jan Nicolai foaryn it perk kin Jelsum-Koarnjum-Britsum it net winne en giet Bitgum troch nei de tredde list nei in winst fan 5-2:6-6.

St. Jabik en Minnertsgea binne beide baarnd om te winnen en it giet gelyk op. Nei twa earsten gelyk rint St. Jabik út nei 4-2 en pakt it 5e buordsje ek troch in sitbal fan Enno op 4-2:6-2. Op 5-2:4-2 slaan sawol Bauke Triemstra as Enno Kingma in sitbal en dêrmei is St. Jabik mei 5-2:6-2 troch nei de tredde list. Yn de lêste partij op de twadde list stiet Peins mei 3-2:6-0 foar tsjin Tsjom en der komt in keats. Peins pakt de keats en makket it dêrmei 4-2. Op 4-2:6-0 slacht Menno van Zwieten van Peins de bal op en wit dizze sels wer foar de keats te slaan en bringt Peins op in 5-2 foarsprong. Der moat mjitten wurde op 5-2:4-0 en it giet om milimeters mar Tsjom pakt 'm. It wurdt úteinlik 5-2:6-4 foar Peins en dan makket Menno it út foar Peins.

- 2) Wjelsryp - 4) Tsjummearum 5-5:6-4
- 5) Frjentsjer - 8) St Anne 5-5:8-6
- 10) Wommels 2 - 12) Seisbierrum-Pitersbierrum 1-5:0-6
- 14) Wytmarsum - 16) Stiens 5-2:6-4
- 18) Bitgum - 19) Jelsum-Koarnjum-Britsum 5-2:6-6
- 21) St Jabik 1 - 23) Minnertsgea 5-2:6-2
- 26) Peins - 27) Tsjom 5-2:6-4

## 3e omloop

Nei de drege wedstriid tsjin Tsjummearum sjocht Wjelsryp al gau tsjin in efterstân oan tsjin Frjentsjer. Op 0-3:0-6 keart Djurre Seerden (soan fan âld stiper Erik Seerden, Frythermo) de bal foar de keats: 0-4. Op 0-4:6-2 pakt Wjelsryp it earste buordsje troch de keats te passearjen. Op 1-5:6-4 jûchje de fans fan Wjelsryp wer as Paulus Yde de bal foar de keats werom slacht; it wurdt 2-5. Rykhelt Smink de bal foar op 2-5:4-6 slacht en sa giet Frjentsjer nei de heale finale.

Seisbierrum-Pitersbierrum nimt al gau de oerhân yn de wedstriid tsjin Wytmarsum en rint út nei in foarsprong fan 4, mar Wytmarsum makket wol in soad punten. De bruorren Van der Molen hawwe har goed sjen litten op dizze 10e edysje fan de Jong Feinte Partij. Op 5-1:6-6 slacht Mart van der Molen de keats foarby en pakt in spul foar Wytmarsum. Op 5-2:2-2 lizze der twa keatsen en Seisbierrum-Pitersbierrum pakt se beide. De lêste slach falt op 5-2:6-2 wannear Kees



van der Schoot de bal boppe slacht en sa Seisbierrum-Pitersbierrum nei de heale finale bringt.

Sint Jabik wint fan Bitgum mei 1-5:2-6. Bepalend foar dizze partij wie dochs wol de opslach fan sawol Bauke as Enno, de lêste pakte mei in sitbal de 1-3, 1-4 en 1-5. Ek it perk fan St Jabik koe mear dwaan dan it perk fan Bitgum. Yn it tuskenspul is Bitgum wat ûngelokkiger. St Jabik dus nei de heale finale en treffe dêr Wytmarsum of Seisbierrum-Pitersbierrum.

Peins hat in steand nûmer.

- 2) Wjelsryp - 5) Frjentsjer, 2-5:4-6
- 12) Seisbierrum-Pitersbierrum - 14) Wytmarsum, 5-2:6-2
- 18) Bitgum - 21) St Jabik 1, 1-5:2-6
- 26) Peins

### Heale finales

Twa heale finales tusken Peins en Frjentsjer en Seisbierrum-Pitersbierrum en Sint Jabik. No giet it om in plakje yn de finale en dus in kâns op de haadpriis! Rûn 16.00 oere is it keatsen stil lein. Tegearre mei alle keatsers, frijwilligers en oare oanwêzigen ha wy in minút stil west mei oandacht foar de slachtoffers fan de freeslike fleantúchcramp op 17 july. In prachtich en tagelyk tryst momint fol respekt.

Frjentsjer liket gjin muoite te hawwen mei Peins, mar Peins hat op in pear belangrike punten seker kâns hân op in buordsje. Frjentsjer rint út nei in 4-0 foarsprong mar Peins bliuwt it probearjen. Se stean úteinlik 2-5 efter en op in stân fan 2-5:4-6 en in lytse keats stiet Menno van Zwieten oan de opslach. Allard Hoekstra fan Frjentsjer slacht de keats foarby en set dêrmei Frjentsjer yn de finale. Foar Menno van Zwieten wie dit de twadde tredde priis op de Jong-Feinte Partij en dizze kear hat hy dit prestearre mei 2 skoaljonges; Wessel van Wier en Jolt Vollema.

De twadde heale finale giet tusken Seisbierrum-Pitersbierrum en Sint Jabik. It liket folslein de kant fan Sint Jabik út te gean want se rinne gau út nei in 0-4 foarsprong. Yn dizze earste

fjouwer earsten hat it in pear kear 6-6 gelyk west. Op 1-2:6-6 slacht Enno Kingma in sitbal en op 1-3:6-6 slacht Johannes van der Veen de bal tusken de linen. Seisbierrum-Pitersbierrum lit it der lykwols net by sitte en komt rap werom oant 2-4 en letter mei in sitbal oant 3-4.

Nei in sitbal fan Kees van der Schoot op 3-4:6-4 is de spanning werom en stiet it fjouwer earsten gelyk. Op 4-4:6-4 komt der in keats en dy wurdt net foarby slein troch Sint Jabik. Beslissend yn it lêste earst binne de twa bûtenslaggen fan Sint Jabik. Jelte Visser makket de partij út mei in prachtige boppeslach en dêrmei stiet Seisbierrum-Pitersbierrum yn de finale tsjin Frjentsjer.

- 26) Peins - 5) Frjentsjer, 2-5:4-6
- 12) Seisbierrum-Pitersbierrum - 21) St Jabik 1, 5-4:6-2

### Finale

De finale giet tusken Frjentsjer (Djurje Seerden, Allard Hoekstra, Jan Schurer) en Seisbierrum-Pitersbierrum (Johannes van der Veen, Kees van der Schoot, Jelte Visser). Seisbierrum-Pitersbierrum wie foarich jier ek finalist en wist doe krekt net te winnen fan St. Anne. It earste buordsje giet nei Frjentsjer wannear Seisbierrum-Pitersbierrum de bal fan Jan Schurer kwea slacht op 6-4. Op 1-0:4-2 wiene der twa keatsen wêrfan de earste troch Allard kwea slein wurdt en de twadde pakt Jan: 1-0:6-4. Frjentsjer pakt it spul troch in bûtenslach fan Johannes. In prachtige boppeslach fan Allard en de stân wurdt 2-0:4-0 en der binne twa keatsen. Twa kear bûten fan Frjentsjer en it stiet 4-4. Dan wurdt de bal fan de boppe troch Allard werom slein oer de kwea en der giet noch in bal bûten. In buordsje foar Frjentsjer.

Yn it folgjende earst slacht Allard de bal tsjin de kweapeal oan, hoe is it mooglik, en Seisbierrum-Pitersbierrum komt op in 6. Op 2-1:2-6 komt der in keats en Seisbierrum pakt dizze; spullen gelyk. It folgjende earst giet rap mei trije boppeslaggen fan Seisbierrum, twa fan Kees en ien fan Jelte. Frjentsjer komt werom oant 2-2:4-6 en wannear Kees de keats net pakt wurdt it 6-6. Jan Schurer bringt de bal djip achtern yn en dizze sit, 3-2 foar Frjentsjer.



Op 3-2:6-2 slacht Johannes van der Veen de bal foar en komt Frjentsjer op twa spul tsjin 1 spul. Seisbierrum krûpt yn it folgjende buordsje nei de seis ta en fynt wer oansluting troch de keats te pakken. Yn it folgjende earst pakt Allard beide keatsen foar Frjentsjer en mei in bûtenslach fan Kees wurdt it 5-3 yn it foardiel fan Frjentsjer. Seisbierrum nimt de lieding yn it earst mei 0-6 mar ferliest dizze foarsprong wer en Frjentsjer komt op 6-6. Dêr is de earste kâns om it út te meitsjen, mar Jan Schurer slacht de bal bûten; 5-4. Yn it nije earst fuort twa bûtenslaggen fan Frjentsjer en it wurdt 5-4:0-4. Allard slacht in bal werom yn it perk, Jelte slacht in bal boppe en mei ien keats wurdt der ruile. Op 5-4:2-6 slacht Kees op en keart sels foar de keats: 5-5!

Yn it lêste earst komme der twa keatsen en op in stân fan 5-5:2-2 pakt sawol Seisbierrum-Pitersbierrum as Frjentsjer in



keats, 5-5:4-4. Dan in prachtige boppeslach fan Kees van der Schoot en sa pakke se de 6 yn dit spannende lêste earst. Nei in sitbal fan Jan Schurer komt alles oan 'e hang! Dan giet de bal krekt bûten fan Jan Schurer en sa wint Seisbierrum-Pitersbierrum de finale fan de lustrumedysje!

5) Frjentsjer - 12) Seisbierrum-Pitersbierrum, 5-5:6-8

#### Utslach

1. Seisbierrum-Pitersbierrum: Johannes van der Veen, Kees van der Schoot, Jelte Visser
2. Frjentsjer: Djurre Seerden, Allard Hoekstra, Jan Schurer
3. Peins: Menno van Zwieten, Wessel van Wier, Jolt Vollema
3. Sint Jabik: Enno Kingma, Rick Poortstra, Bauke Triemstra

## Klassemint Jong-Feinte

Ferienings			Prizen			Jierren									
Nr	Ofdieling	Punten	1e	2e	3e	2005	2006	2007	2008	2009	2010	2011	2012	2013	2014
1	Tsjummearum	10	2	2						2	1	2	1		
2	Wytmarsum	8	2	1		1	1		2						
3	Holwert	7	2		1			3	1	1					
4	Sj Anne	7	1	2							2		2	1	
5	Frjentsjer	6	1	1	1	3						1			2
6	Seisbierrum-Pitersb.	5	1	1										2	1
7	Wommels	5		1	3	2	3		3	3					
8	Sj Jacob	4		1	2			2						3	3
9	Makkum	3	1					1							
10	Dronryp	3			3				3	3			3		
11	Goutum	2		1			2								
12	Peins	2			2							3			3
13	Easterein	1			1	3									
14	Easterlittens	1			1									3	
15	Hjum-Feinsum	1			1			3							
16	Makkum 2	1			1						3				
17	Minnertsgea	1			1								3		
18	Wjelsryp	1			1							3			

# Wedstriidferslaggen

Yn 2014 wie de dielname oan de wedstriden yn Easterein mear as ferline jier. Dat kaam foaral troch de ekstra aktiviteiten lykas de Federaasjedei en de lustrumwedstriden foar jongerein en senioaren. Foaral by de jongerein (seker de Federaasjedei) wie de dielname folle better.

Bysûndere aktiviteiten wienen: fansels it 1e keatskamp fan KF Easterein, wat in grut sukses. En de lustrumwedstriden fan jongerein en senioaren folge troch de prachtige Federaasjedei mei in fjild grôftfol jongerein en senioaren mei as klapstik de haadklasse manlju en froulju. De Jong-Feinte bestie 10 jier en dit kear in rekord oan partoeren en wat in machtige keatsdei. De ôfsluting mei de Lustrumdei makke in tige slagge lustrumjier hielendal kompleet! En fansels hie elke keatsers yn hokker partij as klasse dan ek syn of har eigen suksessen!

## Stipers

Yn 2014 hienen we 55 stipers. Troch harren finansjele as materiële bydrage hawwe wy sportyf sjoen alle (lustrum) aktiviteiten, yn in moaie keatsaginda, biede kinnen oan ús lede-, federaasje- en KNKB-keatsers. Ut namme fan keatsers, bestjoer, kommisjes en frijwilligers hertlik tank dêrfoar.

## Oersicht dielname oan partijen yn Easterein

Yn 2014 stienen **489 partoeren** op de listen. Dat wienen **61** mear as ferline jier (**428**). Dizze partoeren keatsten yn 64 (55) klassen. By de jongerein wienen **227** (178) partoeren en by de senioaren **262** (250). By de jongerein waard faak keatst yn 2-tallen. By de manlju en froulju keatsten de jonges en famkes as somtiden skoalbern ek mei.

## Keatsers / keatsters

Oer 2014 is der **1.151** kear (ferline jier 1.047) dielnaam oan wedstriden yn Easterein en dêrmei **104 mear** as ferline jier. Der binne **160 krânsen** (139) om de nekke hongen en **456 prizen**

Kategory	KFE	Fed.	KNKB	Totaal
<b>Kabouter famkes</b>	0	0	0	<b>0</b>
<b>Kabouter jonges</b>	0	0	0	<b>0</b>
<i>Kabouters</i>	28	0	0	<b>28</b>
<b>Welpen famkes</b>	0	0	0	<b>0</b>
<b>Welpen jonges</b>	0	0	0	<b>0</b>
<i>Welpen</i>	56	16	0	<b>72</b>
<b>Pupillen famkes</b>	0	0	29	<b>29</b>
<b>Pupillen jonges</b>	0	0	0	<b>0</b>
<i>Pupillen</i>	26	14	0	<b>40</b>
<b>Skoalfamkes</b>	0	0	0	<b>0</b>
<b>Skoaljonges</b>	0	0	0	<b>0</b>
<i>Skoalbern</i>	28	16	0	<b>44</b>
<b>Famkes</b>	0	0	0	<b>0</b>
<b>Jonges</b>	0	0	0	<b>0</b>
<i>Famkes/Jonges</i>	2	12	0	<b>14</b>
<b>Junioaren</b>	8	0	28	<b>36</b>
<b>Froulju</b>	40	14	22	<b>76</b>
<b>Manlju</b>	58	19	25	<b>102</b>
<i>Froulju/Manlju</i>	48	0	0	<b>48</b>
<b>Totaal</b>	<b>294</b>	<b>91</b>	<b>104</b>	<b>489</b>

(441) útrikt. Faak keatsten de jongerein yn 1 klasse mei mear kategoryen, lykas welpen famkes en -jonges, as skoalfamkes en -jonges.

Kategory	KFE	Fed.	KNKB	Totaal
<b>Kabouter famkes</b>	41	0	0	<b>41</b>
<b>Kabouter jonges</b>	23	0	0	<b>23</b>
<b>Welpen famkes</b>	45	11	0	<b>56</b>
<b>Welpen jonges</b>	55	24	0	<b>79</b>
<b>Pupillen famkes</b>	39	10	50	<b>99</b>
<b>Pupillen jonges</b>	18	21	0	<b>39</b>
<b>Skoalfamkes</b>	25	14	0	<b>39</b>
<b>Skoaljonges</b>	35	22	0	<b>57</b>
<b>Famkes</b>	12	14	0	<b>26</b>
<b>Jonges</b>	14	20	0	<b>34</b>
<b>Junioaren</b>	5	0	81	<b>86</b>
<b>Froulju</b>	155	44	74	<b>273</b>
<b>Manlju</b>	178	54	67	<b>299</b>
<b>Totaal</b>	<b>645</b>	<b>234</b>	<b>272</b>	<b>1151</b>
<b>Klassen</b>	47	10	7	<b>64</b>
<b>Partoeren</b>	294	91	104	<b>489</b>
<b>Krânsen</b>	113	27	20	<b>160</b>
<b>Prizen</b>	278	109	69	<b>456</b>

## LEDEWEDSTRIDEN

### 13-04-2014: Sealkeatsen jongerein – A. Hak Noord-Oost B.V.

Foarôfgeand oan de keatswedstriid earst nei de kantine fan de Skoalleseize foar de ynformaasje gearkomste fan de Technyske Kommisje fan KF Easterein. Der waard útlein wa't de partoerbegelieders, teambegelieders ensfh. binne fan de ferskate kategoryen. Ek de kleurekaart en it keatskamp kamen oan 'e oarder. Om 12.45 gongen de bern mei de JK kommisje nei de sporthal en de âlders op kursus by Siemke Andela oer "sportyf coachen".

Omdat we de sporthal mar oant 15.30 hiene, hawwe we fan te foaren ôfpraat dat der per omloop 45 minuten keatst wurd en 5 minuten rêst of it moat wêze dat de partij al earder út is fansels. It winnende partoer krijt 7 earsten. Omdat de âlders noch by Siemke sieten te switten wie it noch tige rêstich yn de sporthal wêr't de spoaren fan de CoVos feestjûn noch dúdlik sichtber wiene.

Op de earste list spile it partoer fan Rémon Tie Bouma, Bauke Reinhoudt en Machtelt Veltman tsjin it partoer fan Selma de Boer en Nynke Paauw. Nei 45 minuten wie de stân 4-4:2-2. Der moast noch efkes trochkeatst wurde want der moat wol in

winner útkomme. Troch in "boppeslach" fan Rémon Tie koene we by dat partoer de 7 punten byskriuwe. Partoer 3, Rutger Wiersma en Nadja Sixma wiene net sterk genôch foar it partoer fan Bote Jellema en Amber Reijnhoudt. Se wûnen mei 5-1:6-6. Yn it tredde perk in spannende partij tusken Kees van der Horst en Roelie Kroondijk tsjin Rimmer Kamstra en Corrie Kroondijk. Kees en Roelie wûnen de partij krekt mei 5-5:6-2.

Op de 2de list wat minder spanning by de partijen. Selma en Bauke tsjin Kees en Amber waard 5-1:6-4. Yn perk 2 Bote en Roelie tsjin Rémon Tie en Corrie waard it 5-3:4-6 en yn it 3de perk Rutger, Machtelt en Nadja tsjin Rimmer en Nynke. Rutger c.s. wûnen dat mei 5-0:6-2.

Wat we op de 2de list net seagen dat kaam op de 3de list wol nei foaren. Der waard wer fûleindich keatst en dat wie ek te sjen oan de útslaggen. Yn perk 1 Rémon Tie en Bauke tsjin Bote, Nynke en Amber. Dit waard wûn troch Bote c.s. mei 3-5:2-0. Yn perk 2 Selma en Machtelt tsjin Rimmer en Corrie. Corrie c.s. gongen fûleindich fan start en it wie samar 2 earsten foar har mar Selma en Machtelt hellen goed yn en nei 45 minuten wie de stân 3-3 en 2-0 foar it partoer fan Selma en Machtelt. Yn it 3de perk de partij fan Rutger en Roelie tsjin Kees en Nadja. Dizze partij gong aardich gelyk op en it waard úteinlik 4-4:0-2 foar it partoer fan Kees en Nadja.

De útslach fan de A.HAK sealkeatspartij:

1A Bote Jellema 21 foar en 7 tsjin

1B Machtelt Veldman 21 foar en 7 tsjin

2A Selma de Boer 18 foar en 10 tsjin

2B Roelie Kroondijk 18 foar en 14 tsjin

#### **26-04-2014: Keningspartij – Oranje & Heitelân**

Hjoed waard foar it earst de Keningspartij ferkeatst. Under prachtige waarsomstannichheden - lekker sintsje, bytsje wyn en in noflike temperatuer – koe elts sich wer nei hartelust útljibe op it fjild. Mei yn totaal 24 partoeren op de list giene we rûn 10.15 oere los.

Yn de A klasse by de manlju in moaie poule fan 4 partoer. Hjir waard om raak en spannend keatst tusken dé kanonnen fan de KF. Mei 3 oerwinnings giene Bote Jellema, Robert Sijbesma en Jan Schurer mei de krânsen nei hús. In 2e priis wie foar Danny Roos, Rémon Tie Bouma en Jelte Pieter Dijkstra.

Mei 10 partoer keatsten de B manlju fia in 'gewoane' list. Yn de ferliezersronde gie de finale tusken René Velzen, Roel Sijbesma, Han Kooistra en Hendricus Tacoma, Tymen Dijkstra, Rimmer Kamstra. Mei de sifers 5-2:6-4 wûnen Hendricus c.s.

Yn de finale gie de striid tusken twa 2-tallen: Harm Auke Dijkstra, Tom Couperus en Christian Hoekstra, Ids de Boer. Harm Auke en Tom pakten flot in foarsprong fan 4-1, hjirnei

kamen Christian en Ids knap werom oant 4-4. Mar doch wiene it Harm Auke en Tom dy't oan it langste ein lutsen en wûnen mei 5-4:6-4. In 3e priis wie der noch foar Tjeerd Dijkstra en Tom Veldman.

Lykas by de A manlju keatsten ek de A froulju yn in poule fan 4 partoer. Mei 3 klinkende oerwinnings wie de krâns foar Tineke Dijkstra, Petra Jellema en Martine Tiemersma. Untank it feit dat Dian Dijkstra blessearre útfoel nei de 1e omloop wûn sy doch noch de 2e priis mei har maten Judy Bergsma en Janieke Dijkstra.

Yn de B klasse keatsten de froulju yn 2 poules fan 3 partoer. Yn poule A wûnen Mattie Dijkstra, Gerbrig Reitsma en Wilma Sjaarda beide partijen en fertsjinnen op dy manier in plak yn de finale.

Yn poule B wie it efkes in tellerij foar de wedstriidlieding: alle 3 partoeren hiene likefolle foar- en tsjinearsten. By 2 partoeren wiene sels de sifers yn it lêste earst itselde. Uteinlik joech it ûnderlinge resultaat de trochslach: Jetske Sieperda, Selma de Boer en Antsje Stenekes waarden de tsjinstanners fan Mattie c.s. De finale brocht net folle spanning, mei 5-1:6-0 wie dit in dúdlike proai foar Jetske, Selma en Antsje.



Om 17.00 oere koene we de 1e keatsdei fan dit seizoen ôfslute mei it útrikken fan de prizen. Tot yn de lette oerkes bleaun it noch lang gesellig yn de Skoalteseize ûnder it genot fan in hapke, drankje en de muzyk fan Butterfly!

#### A klasse manlju

1e priis: Bote Jellema, Robert Sijbesma, Jan Schurer

2e priis: Danny Roos, Rémon Tie Bouma, Jelte Pieter Dijkstra

#### B klasse manlju/winnersronde

1e priis: Harm Auke Dijkstra, Tom Couperus

2e priis: Christian Hoekstra, Ids de Boer

3e priis: Tjeerd Dijkstra, Tom Veldman

#### B klasse manlju/ferliezersronde

1e priis: Hendricus Tacoma, Tymen Dijkstra, Rimmer Kamstra

2e priis: René Velzen, Roel Sijbesma, Han Kooistra



#### A klasse froulju

1e priis: Tineke Dijkstra, Petra Jellema, Martine Tiemersma  
2e priis: Dian Dijkstra, Judy Bergsma, Janieke Dijkstra

#### B klasse froulju

1e priis: Jetske Sieperda, Selma de Boer, Antsje Stenekes  
2e priis: Mattie Dijkstra, Gerbrig Reitsma, Wilma Sjaarda

#### **07-05-2014: Kapsalon Kniplokaeltsje-partij**

Woansdei 7 maaie wie de Kniplokaeltsjepartij. De nije eigner fan it Kniplokaeltsje, Grietje Lijklema fan Wommels, stipet dizze partij no. De ferwachtings fan it waar wienen net sa moai... mar it is wer in prachtige keatsdei wurden. Bern wiene entûsjast en dat komt fêst ek noch fan it keatskamp.

By de kabouters waard der hjoed foar it earst it gewoane spul keatst mei hjir en dêr in oanpassing sa dat eltsenien wat te dwaan hat. Dit wie foaral foar de begelieders wat neitinken mar de bern binne flexibel en pasten sich maklik oan. De 2e jiers kabouters hiene it fluch yn de gaten. By de kabouters wie it spul net sa fluch út as dat it foarhinne wol west hat. Se hawwe allegearre follop keatst. "Haadklasse kabouterkeatsen" waard der fanôf de sydline al sein.

It keatskamp hie al syn fertuten dien want der wiene bern dy't al in aardige bal slaan koenen... en guon moasten it fan it praot hawwe. Se keatsten yn in heale kompetysje allegearre 3 kear.

De twadde priis wie foar de debutanten Ridzert Veldman en Zamilie Janssen. In degelijk partoer. Sy hiene wol twa kear ferlern mar mei 5 earsten gelyk en dan pak je wol de punten. De krâns wie foar Anke Blanksma en debutante Tjitske Joustra. It gie foartreflik mei dit stel fandêr de krans ek. Neffens ús hawwe alle bern it tige nei it sin hân. It is soms noch wat lestich al dy regelsjes en dan benammen de net skreaune regelsjes, hoe gean je mei mekoar om en wat sizze je wol en wat net. De bern hiene dit gau yn de gaten en it wie in sportyf barren.

By de welpen waard in gewoane kompetysje keatst mei in ferliezersronde. Yn beide finales, winners en ferliezers, wie



it ferrekte spannend. Beide finales eindigden yn 5 earsten gelyk en 6-4. De winners yn de winnersronde binne wurden Rutger Sijbesma en Daniël v.d. Weerdt de 2e priis is wûn troch Redmer Wiersma, Jildert Hiemstra en Bernou v/d Velde. De winners yn de ferliezersronde binne wurden Redmer Stegenga en Niels Hiemstra de 2e priis is dêryn wûn troch Arjen Stremmer, Senay Sixma en Mirthe Overal.

By de pupillen wie der in heale kompetysje wêr't se 3 kear keatst hawwe. Sawol de 1e priiswinners as de 2e priiswinners hiene 21 earsten foar, dat betsjut dat se alle wedstriden wûn hawwe. De 1e priiswinners hiene allinnich minder earsten tsjin en sadwaande hawwe sy wûn. De 1e priis gong nei Corrie Kroondijk en Halbe Willem Overal. De 2e priis gong nei Roelie Kroondijk, Amber Reijnhoudt en Jan Joustra.

De skoaljeugd en jonges en famkes hawwe dizze kear tegearre keatst, der wiene mar 2 fammen dy sich opjûn hienen en gjin jonges. Der wiene 4 partoer en hja hawwe allegearre in kear tsjin mekoar keatst. De 1e priis wie foar Jeska Terpstra, Alien Dijkstra en Jeljer Overal. De 2e priis wie foar Selma de Boer, Sydrik Kooistra en Kees v/d Horst.

Wy hawwe in moaie keatsdei hân en wolle eltsenien dy't ús holpen hat nochris betanke. Dêrmei wie ek dizze dei wer in sukses!

#### **11-05-2014: Teatsen**

Gjin ferslach

#### **29-05-2014: Lustrum senioaren – Witteveen & Brouwer**

Op tongersdei 29 maaie (Himelfeart) wienen de senioaren oan bar foar harren lustrumwedstriid. Mei acht partoeren by de froulju en tolve partoeren by de manlju hienen we in grutte dielname en twa moaie listen. De dielnimmers en ek oare gasten koenen har nei de 1e omloop ek nochris kulinêr fermeitsje mei it moaie en hearlike buffet fan Noflik Easterein. It buffet waard oan de keatsers/keatsters oanbean troch Noflik Easterein, Couperus Hydrauliek, Leanbedriuw Okkema, Drukkerij van der Eems, Bos Mechanisatie en de Gebr. Vellinga. De prizen wienen fersoarge troch de JUMBO en omdat it it lustrumjier is ek noch ekstra fult en ferpakt yn prachtige kuorren. Nei't de foarsitter fan de Lustrumkommisje, Tjeerd Dijkstra, de dei iepene op dizze ledepartij, stipe troch Autobedrijf Witteveen & Brouwer út Easterein, koenen de froulju en manlju los.

#### Froulju

Der waard keatst mei de sêfte bal. De ferskillen binne dan minder grut tusken de wat âldere en de jongere froulju. Der waard dan ek fûleindich flein yn it fjild en yn Easterein sille se ek wol wat balten heart ha. Der wienen 8 partoer en der waard keatst mei in gewoane list.

Yn de earste omloop wie ien partij mei 5-1 en de oaren gien-ien lykop. De finale fan de ferliezers waard keatst tusken partoeren 3 en 8. Partoer 8 wûn dit mei 5-5:6-6. Dat betsjutte dat Sietske Poelsma, Dian Dijkstra en Jeltje Hallema mei de earste priis ferliezers nei hûs ta gien binne.

Yn de winnersronde waard de finale keatst tusken partoeren 1 en 7. Partoer 1 wie wat sterk en wûn mei 5-4:6-2. Janieke Dijkstra, Mattie Dijkstra en Pep de Boer hienen de twadde priis en Gerry Edou Mollema en Tineke Kamstra krigen de krâns omhongen. Sy wienen it sterkste dizze dei.



Winnersronde:

1. Gerry Edou Mollema en Tineke Kamstra
2. Pep de Boer, Mattie Dijkstra en Janieke Dijkstra

Ferliezersronde:

1. Sietske Poelsma, Jeltje Hallema en Dian Dijkstra

### Manlju

By de manlju keatsten we gewoan mei de learen keatsbal. In moaie list fan 12 partoeren, wêrfan trije twatallen. No woe it gefal dat ien fan dy twatallen EN twa goede keatsers wienen EN bruorren EN ek nochris de krânsen wûnen.

Der wienen yn de 1e omloop in soad spannende partijen, trije kear 5-5. De meast iensidige partij waard 0-5 en dat kaam, sa we hearden foaral om't net ien fan de trije de bal faak genôch yn it perk wist te krijen.

Yn de ferliezersronde waard it in finale tusken Jan Simon Jelsma, Sipke Hiemstra en Hendrik Okkema tsjin Stefan vd Weg, Tjeerd Dijkstra en Gep Bakker. Stefan endy wûnen mei 5-2:6-6 en hienen de 1e priis.

Yn de heale finale fan de winnersronde gie it tusken Gert Jan Hiemstra, Ype Tiemersma en Mebius de Boer en Marco Hoekstra, Hans Kooistra en Bauke Jan Plantinga. De finale wie foar Marco endy nei winst mei 3-5:6-6.

Yn de finale wachtte it partoer fan de bruorren de Boer, Ewout en Erwin. Dizze twa sloegen goed op en út en liken op de winst ôf te gean. Mar de taaie mannen oan de oare kant

soargen derfoar dat alle blokjes oan de tillegraaf kamen. Op 5-5:6-6 foel de lêste slach yn it foardiel fan de bruorren de Boer.

Winnersronde:

1. Ewout de Boer en Erwin de Boer
2. Marco Hoekstra, Hans Kooistra en Bauke Jan Plantinga
3. Gert Jan Hiemstra, Ype Tiemersma en Mebius de Boer

Ferliezersronde:

1. Stefan vd Weg, Tjeerd Dijkstra en Gep Bakker
2. Jan Simon Jelsma, Sipke Hiemstra en Hendrik Okkema

### **04-06-2014: Lustrum jongerein**

#### **Autoschadeservice van Krimpen**

Keatsferiening Easterein bestiet 110 jier en dat is fansels reden foar in feestje! Mar leafst 3 dagen sil der feest fiert wurde op de fjilden fan de Skoalleseize, te begjinnen woansdei 28 maaie mei in ledenpartij foar ús bern. Der wiene moaie listen gearstalt, moaie prizen en kransen besteld en ek de fjilden leine der prachtich by. Alle yngrediïnten wiene der om der in prachtige keatsdei fan te meitsjen. Neat koe ús feestje mear yn de wei stean....toch? Mar der is 1 faktor dy't je net yn de hân hawwe....it waar!

Mei bakken kaam it fan boppe dizze woansdei de 28e, dat wy as Jeugdkommisje koene net oars dan de partij útstelle. Earst nei letter op de middei, mar ek doe die blyken dat der nog net genôch wetter fallen wie, want it bleaun mar reinen. Dus de "koppen" byelkoar en opsyk nei in nije datum. Woansdei 4 juny, der wie noch in gatsje yn ús drokke aginda's. Dus sa kaam it dat wy mei de jeugd de lustrumfeesten mei in wike ferlingden. En ek no hiene we wer dyselde moaie prizen, moaie kransen en prachtige listen en...it wie droech om 13.30 oere!

### Kabouters

By de kabouters keatsten we yn 3-tallen en dêr hiene we 4 partoer. Sa koene se elts 3 x keatse en allegear in kear tsjin elkoar. Nei 2 omlopen wie it partoer fan Liset Sijbesma, Nyka Ottens en Nienke Zijlstra en it partoer fan Jesper Paauw, Fianne Dijkstra en Jorrit Stap dat beide partijen wûn hie.

De winnaar fan harren partij hie dan de bêste papieren foar de krâns en dat hiene de bern sels ek wol goed yn de gaten! In tige spannende partij, mei alle earsten oan de hang. Mar yn it lêste earst wie it partoer fan Liset, Nyka en Nienke dat krekt oan it langste ein luts. De krâns dus foar dizze 3 dames! Jesper, Fianne en Jorrit waarden knap 2e en mochten krekt as de 1e priis winners ek in prachtich houten tillegraafke yn ûntfangst nimme. In earfol applaus wie der nog foar de partoeren fan Jesse van Krimpen, Ridzert Veldman, Tjitske Joustra en Anke Blanksma, Geertsje van der Weide en Jorn Hiemstra.



### Welpen

By de welpen waard der foar it earst yn twa klassen keatst, in A en B klasse. 4 partoer yn'e A klas (8 jonges) en 6 partoer yn'e B klas. It wie allegear aardich oan elkoar weage yn 'e A klasse, prachtige moaie partijen. De tredde partij wie de finale. Dy gong tusken Rutger Sijbesma en Tjalle Durk van der Eems tsjin Redmer Wiersma en Niels Hiemstra. In prachtige finale: 5-5:6-6. Mei moai tuskenspul sloech Redmer de bal boppe. De krâns wie foar Redmer Wiersma en Niels Hiemstra. In moaie twadde priis foar Rutger en Tjalle Durk.

Yn de B klasse wiene der 3 partoer dy't trije kear wûn hiene. De 1e priis wie foar Thijs Janssen en Benthe Ottens (21 foar en 6 tsjin). De 2e priis wie foar Daniël van der Weerd en Marije Hiemstra (21 foar en 11 tsjin). De 3e priis wie foar Janneke Overal en Jildert Hiemstra (21 foar en 12 tsjin).

### Pupillen

By de pupillen wiene 4 partoer. Dat betsjutte 3 kear keatse. Foar de wedstriid hiene wy as JK oanjûn de gong der yn te hâlden want de buienradar foarspelde net folle goeds. Yn de 1e omloop gong it tusken de partoeren van Machtelt Veltman, Marrit Hiemstra en Nynke Paauw, Halbe Willem Overal lyk op. It koe beide kanten op mar it partoer fan Machtelt wûn dizze party mei 5-5:6-6.

Broer en zus Reijnhoudt stiene mei harren keatsmaat tsjin inoar yn'e krite. Dêr wûn it partoer fan Bauke Reijnhoudt, Nadja Sixma en Jan Joustra it fan Amber Reijnhoudt en Tessa Ottens mei 5-2:6-6. De twadde list moast efkes stillein wurde y.f.m it reinwetter. Mar it waard wer wat droeger dus mar gau wer fierder keatse.

Nei 3 listen ferkeatst te hawwen binne 1e wurden Machtelt Veltman en Marrit Hiemstra mei 21 pnt. En 2e binne wurden Nynke Paauw en Halbe Willem Overal mei 19 pnt.

### Skoalbern

Om 5 oere koene de skoalbern los. We hiene 6 partoer sadat se 3 kear keatse koene. Nei de 1e list ha we mei syn allen patat iten, wat Jan Bouke en Mattie foar ús klear makke hiene. De opgroeiende jeugd kin altiid wol ite. Mar omdat

der min waar oankaam moasten we, sadra it lêste stikje patat efter de kiezen wie, begjinne mei de twadde list. Dat gong bêst. Der waard sportyf keatst.

De tredde list moast efkes stillein wurde fanwege de rein dy't mei bakken út de loft kaam. Dit wie in moai momint foar in ijsko dy't se fanwege it 110 jierich jubileum krigen.

Al reinde it noch, der moast wol wer troch keatst wurde want it waard al wat tsjuster. De partij tusken Rutger Wiersma en Rimmer Kamstra tsjin Selma de Boer, Mirjam Punter en Jeljer Overal wie spannend. Dêr kaam alles oan'e hang, mar de winst wie foar Rutger en Rimmer. De 1e priis wie foar Jeska Terpstra, Julia Paauw en Tjalling Tjalsma mei 21 earsten foar en 5 tsjin. De 2e priis wie foar Corrie Kroondijk en Hendrik van der Eems mei 21 earsten foar en 6 tsjin.

Mei tank oan de wedstriidstiper: Autoschadeservice van Krimpen en de jubileumstipers koene de priiswinners dizze dei mei in moaie houten tilleggraaf nei hûs.

### **08-06-2014: Pearkekeatsen**

#### **Murk's Slagerij en Bouw-tekenburo Wietsje B. Ligthart**

Op it momint dat it reinwetter plakmakke foar de sinne, gongen yn totaal 36 partoeren ferdielt oer 4 klassen los mei de jierlikse pearkekeatsparty yn Easterein.

#### TOP-klasse

Mei twa poules fan elk trije partoeren mei in protte keats-toppers waard der spannend keatst om de prizen. Yn poule A wienen Marit Kuperus en Bauke Dijkstra yn de earste partij mei 5-4:6-6 te sterk foar Petronella Tolsma en Jelte Pieter Dijkstra. Nei harren twadde winstpartij tsjin Ida Hallema en Ewout de Boer (5-2:6-4) mochten sy harren winner nimme fan poule A.

Yn poule B kamen Anke Marije Pompstra en Hendrik Engbrenghof as winners nei foaren. Yn harren earste wedstriid wûnen sy fan Tessa Booms en Doede Rients Okkema mei 5-1:6-6. Ek yn harren twadde partij lutsen sy oan it langste ein tsjin Jildou Jorritsma en Jort Strikwerda (5-2:6-6).

Sadwaande waard de finale dus ferkeatst tusken Marit Kuperus, Bauke Dijkstra en Anke Marije Pompstra en Hendrik Engbrenghof. Marit en Bauke koenen in 4-1 en letter 5-3 foarspong helaas foar harren net omsette yn winst. Op 5-5:6-2 moasten sy belies jaan, sadat Anke Marije en Hendrik harren winner neame mochten.

#### A-klasse

De omstannichheden easke betiden syn tol yn dizze klasse. Anita Hoekstra, René Velzen en Wiepkje Hiemstra kamen net okseltrif fan it fjild mei ferskate blessueres. De tredde priis yn de winnersronde wie foar Martine Tiemersma en René Velzen (mei letter as ynfaller Christian Hoekstra). Sy ferlearen yn de heale finale yn in pittige famyljestriid tsjin Judy Bergsma en Ype Tiemersma mei 5-4:6-0. Judy en Ype moasten it dêr-

troch yn de finale opnimme tsjin Sietske Okkema en Sybren Poelsma, dy yn de heale finale profitearje koenen fan in steand nûmer. Dy ekstra rêst hat Sietske en Sybren miskien wol goed dien, want se wûnen de finale mei 5-3:6-2 en gong de twadde priis nei Judy en Ype.

Yn de ferliezersronde wie der in 1e priis foar Wiepkje Hiemstra en Stefan van Krimpen. Sy wûnen yn in iensidige finale tsjin Wylske Vermeulen en Skelte 'ponghâlder' Anema mei 5-1:6-2.

#### B-klasse

Yn dizze klasse wienen it inkeld de jongerein dy't om de prizen keatsten. De tredde priis wie hjir foar Dian Dijkstra en Bauke Jan Plantinga. Sy koenen it yn de heale finale net rêde tsjin Baukje Terpstra en Wiebe Heeres (5-4:6-2). Lêst-neamden stoenen dêrtroch yn de finale tsjin it partoer fan Lysbeth Bakker en Teake Posthumus, dy mei in steand nûmer yn de heale finale yn de einstriid kamen.

Lysbeth en Teake gongen miskien wol as favoriten de finale yn, mar sy koenen it net rêde. Nei in spannende striid (5-4:6-6), gongen de krânsen nei Baukje en Wiebe.

Yn de ferliezersronde wie der in 1e priis foar Jitske Plantinga en Reinder Boschma. Sy wûnen de finale tsjin Gerry Edou Mollema en Arjan Hallema mei 5-4:6-0.

#### C-klasse

Lykas yn de TOP-klasse waard hjir keatst mei in list fan 6 partoeren ferdield oer twa poules. Yn poule A kamen Karin Sjaarda en Durk Okkema as winners út de striid. Sy wûnen harren earste wedstriid mei 5-2: 6-6 tsjin Tine Bouma en Tjerk Okkema. Yn harren twadde partij koenen Geartsje Bakker en Gep Bakker it ek net rêde, 5-3:6-6.

Poule B levere mei Talitha Dijkstra en Tom Couperus har finalisten ôf. Sy wûnen harren earste partij tsjin de stipers fan dizze wedstriid Ria Kingma en Wietse Ligthart mei 5-2:6-4. Ek yn de twadde wedstriid kamen se as winners fan it fjild, tsjin Vera Okkema en Hendrik Okkema waard it mar leafst 5-0:6-0.

De finale waard dus in striid tusken Karin Sjaarda en Durk Okkema tsjin Talitha Dijkstra en Tom Couperus. Yn in lykopgeande striid yn it begjin, lutsen Karin en Durk úteinlik oan it langste ein. Sa mochten sy de krânsen mei nei hús ta nimme en wie der in moaie twadde priis foar Talitha en Tom.



Goed 19.00 oere koenen alle prizen útrikt wurde. Al mei al in tige slagge keatsdei, mei tank oan ús stipers Murk's Slagerij en Wietse B. Ligthart Bouw-Tekenburo.

#### **Utslaggen:**

##### TOP-klasse

1. Anke Marije Pompstra & Hendrik Engbrenghof
2. Marit Kuperus & Bauke Dijkstra

##### A-klasse

###### Winnersronde

1. Sietske Okkema & Sybren Poelsma
2. Judy Bergsma & Ype Tiemersma
3. Martine Tiemersma & René Velzen

###### Ferliezersronde

1. Wiepkje Hiemstra & Stefan van Krimpen
2. Wylske Vermeulen & Skelte Anema

##### B-klasse

###### Winnersronde

1. Baukje Terpstra & Wiebe Heeres
2. Lysbeth Bakker & Teake Posthumus
3. Dian Dijkstra & Bauke Jan Plantinga

###### Ferliezersronde

1. Jitske Plantinga & Reinder Boschma
2. Gerry Edou Mollema & Arjan Hallema

##### C-klasse

1. Karin Sjaarda & Durk Okkema
2. Talitha Dijkstra & Tom Couperus

#### **22-06-2014: Alder-bernpartij**

##### **B. Sandstra Mesthandel en Transport, Fakwurk**

Gjin ferslach

#### **02-07-2014: Boero Group-partij**

Nei alle feestdroktes koene de bern sa krekt foar de fakânsje hjoed nog in baltsje slaan op de keatsfjilden. Dit kear lokkich gjin wetter dat mei bakken fan boppe kaam, dus we koene fuort om 13.30 los mei alle kategoryen. Ek de skoaljeugd koene om dizze tiid los, omdat se hjoed al gjin ferplichtingen mear hiene op skoalle.

##### Kabouters

By de kabouters wie der in poule fan 4 partoer, sadat elk partoer 3x keatse koe. Dêrnei koene we de punten by elkoar optelle en sa de prizen ferdele. De útslach wie as folcht:

- 1e priis Jesper Paauw, Zamilé Jallon, Geertje van der Weide
- 2e priis Liset Sijbesma, Jorn Hiemstra, Jorrit Stap

### Welpen

By de welpen waard der keatst yn in A en in B klasse.

Yn de A klasse ek in poule fan 4 partoer en dêr wie it partoer fan Redmer Wiersma en Redmer Stegenga dat 3x as earste út wie en dus de krâns mei nei hús nimme mocht. Twadde priis wie der foar Rutger Sijbesma en Arjen Stremler.

Yn de B klasse wiene der 2 poules fan 3 partoer en gong de finale tusken it partoer fan Niels Hiemstra, Benthe Ottens, Tess Hoepman en it partoer fan Welmoed Stegenga en Bernou van der Velde. Dit waard wûn troch de 2 dames, dus wie de krâns foar Bernou en Welmoed.

Om de tredde priis keatsten it partoer fan Janneke Overal en Senay Sixma tsjin Daniël van der Weerd en Jildert Hiemstra. Hjir hiene de dames Janneke en Senay as earste de tillegraaf fol en dus de tredde priis.

### Pupillen

By de pupillen ek poulekeatsen mei 4 partoeren. De iene partij wat spannender as de oare partij, mar nei 3 omlopen wiene it Nynke Paauw en Amber Reijnhoudt dy't de earste priis útrikt krigen. Twadde priis foar Bauke Reijnhoudt, Marc Janssen en Tessa Ottens.

### Skoalbern

Dan de skoaljeugd, dêr moasten we de gang der wat ynhâlde yfm de musical fan groep 7 en 8 dy't dy jûn noch opfiert wurde moast, mar troch lange partijen wiene se toch noch hast as lêsten út. De earste priis wie dêr nei 3 omlopen foar Hendrik van der Eems, Roelie Kroondijk en Rimmer Kamstra en de twadde priis foar Jeska Terpstra en Jeljer Overal.

Al mei al wer in moaie keatsmiddei op de Eastereiner fjilden mei prachtich keatswaar. Frijwilligers jim wurde wer bedankt foar jim help en ús sponsors foar hjoed de Boerogroup en Veneziani Yachting ek tige tank!

### **12-07-2014: Posthuma-partij**

De opjefte wie net sa grut, by de manlju 6 partoer en by de froulju 4 partoer, dus der is foar keazen om te poule keatsen. By de froulju 1 poule en by de manlju 2. Om goed 12 oere binne we los gien, it wie prachtich moai waar (soms suver wat te waarm).

### Manlju

By de manlju is der spannend keatst, in soad op 5 gelyk. Se wiene allegear aardich oan elkoar weage.

Yn de A poule wiene Bote Jellema en Klaas Kamstra as 1ste einige. Yn de B poule wiene dat Danny Roos, Tjeerd Dijkstra en Tjerk Okkema. De finale wie net sa spannend, se wiene al aardich útkeatst. It partoer fan Danny Roos, Tjeerd Dijkstra en Tjerk Okkema ha dan ek mei 5-1 wûn en bin mei de krâns nei hús ta gien.

### Froulju

By de froulju wiene der 2 partoer dy't 2 kear wûn hiene, dan wiene (mem en dochter) Dian Dijkstra en Talitha Dijkstra en it partoer fan Mattie Dijkstra en Eefje Hiemstra. De oare partoeren (Tineke Yntema, Jeltje Hallema, Riemy Kamstra en Sieta Tessemaker, Petra Jellema, Klaske Plantinga) koene doe op de 3de list ek net mear genôch punten helje om noch in priis yn 'e wacht te slepen, dus der wiene al dy hiene (troch it waarme waar) net safolle nocht mear om te keatsen. Mar se hawwe doch trochsetten en it waard by har ek noch tige spannend. De partij is einige mei 5-5:6-6 yn it foardiel fan Sieta Tessemaker, Petra Jellema, Klaske Plantinga. De 'finale' tusken Dian, Talitha en Mattie en Eefje wie net sa spannend. Dian en Talitha wûnen dik mei 5-1:6-6.



We ha hjoed in prachtige keatsdei hân, mei tank oan ús stiper: Posthuma Skildersbedriuw.

### **16-08-2014: Bos-partij**

#### Kabouters

In prachtige keatsdei...droech oant de lêste omloop. Lokkich binne de bern net fan sûker en keatsten se dapper troch. Der wiene 4 twatallen sa dat eltsenien 3 kear keatse koe. Liset Sijbesma en Geertje v.d. Weide, Ridzert Veldman en Fianne Dijkstra, Anke Blanksma en Jorrit Stap en as lêste twatal Jesper Paauw en Nyka Ottens. De partijen giene aardich lyk op. It wie wol sa dat 2 partoer der útsprongen en beide de 2 earste omlopen wûnen.

De lêste omloop moast dúdlikheid jaan oer wa't de prizen krigen. Dy omloop wie dus de finale foar de twatallen Liset Sijbesma en Geertje v.d. Weide tsjin Jesper Paauw en Nyka Ottens. De partij wie snel dúdlik en Liset en Geertje gongen nei hús mei de krâns. Jesper en Nyka hiene de 2e priis.

#### Welpen

De welpen keatsten ek dizze ledepartij wer yn 2 klassen. Sa wol yn de A as B klasse wiene der 4 partoeren wêrtroch se 3 kear keatse koene.

By de welpen A waard der spannend en fel mar sportyf keatst. In soad earsten waarden behelle mei 6-6 gelyk. De

finale gong tusken Arjen Stremmer en Jelmer Brouwer tsjin Redmer Wiersma en Tjalle Durk v/d Eems. Beide partoeren hiene al 2 kear wûn.

It wie in spannende finale dy't lyk op gong. Mar Redmer en Tjalle Durk wûnen de party mei 5-5:6-2 .

1e priis: Redmer Wiersma en Tjalle Durk v/d Eems

2e priis: Arjen Stremmer en Jelmer Brouwer

Yn de B klasse waarden de measte punten behelle mei de opslach, mar geandewei de wedstriid waarden der stadich oan mear keatsen slein, sadat der wat faker wiksele wurde koe fan opslach en perk. Troch alle 3 partijen te winnen wie de 1e priis foar: Benthe Ottens en Daniël v/d Weerd. De 2e priis mei 17 punten wie foar: Janneke Overal en Mirthe Overal.

#### Pupillen/Skoalbern

Trochdat der nochal wat bern nei de KNKB partijen gongen wie der net safolle opjefte by de pupillen en de skoaljeugd. We moasten dizze kategoryen dan ek by elkoar goaie om 12 bern te krijen. Mei 4 partoer fan 3 binne we los gongen, 2 partoeren sprongen der yn de 1ste omloop al in bytsje út. It partoer fan Hendrik van der Eems, Tessa Ottens en Marc Jansen wûnen mei 5-0 fan it partoer fan Sydrik Kooistra, Jelmer Overal en Amber Reijnhoudt. En it partoer fan Rutger Wiersma, Halbe Willem Overal en Nadja Sixma wûnen ek mei 5-0 fan it partoer fan Tjalling Tjalsma, Rimmer Kamstra en Bauke Reijnhoudt. Yn de 3de omloop kamen Hendrik cs en Rutger elkoar tsjin.

'De finale' kinne we wol sizze want de winner fan dizze partij hie de krâns. It gong aardich gelyk op mar op 5-4:6-4 sloech Hendrik in sitbal. In moaie dei wêrby we krekt by de lêste earsten in snitter wetter krigen.

#### **23-08-2014: Nachtkeatsen senioaren – MRW Accountants**

Nei al it wetter wat de lêste dagen fallen wie, wie it hjir en dêr wat 'blubberig' op it fjild. Mar lokkich wiene de waar-goaden ús goed sint en bleaun it op in lyts buike nei de hiele jûn droech. Nei útlis fan de spulrigels, troch Mattie, koene we om goed 21.00 oere los gean. Sa as gebrûklik waard der keatst mei de sêfte bal yn 3 ferskillende listen.

Yn totaal 30 keats(t)ers dy't harren opjûn hiene. By de mannen kamen we krekt net ta in folsleine list, lokkich koene we Marije Hiemstra ree fine om mei de mannen te keatsen.

Foaral de 1e omloop waard der dreech en spannend keatst; alle partijen, sawol by de manlju as de froulju einigen op 5-4 as 5-5. By de froulju wie it sels oant twa kear ta 'alles oan 'e hang'. De partoeren wiene dus oan mekoar weage.

De 2e en 3e omloop wiene, kwa partijen, wat minder spannend. Mar trochdat der mei ferskillende listen keatst waard wie it fansels in hiele rekkenerij ûnder de keats(t)ers; hoefolle foar –en tsjinearsten ha ik? Uteinlik wiene der 'mar' 2 keatsers dy't alle partijen wûnen.

#### **De útslaggen:**

##### Manlju A

1e Remon Bouma, 19 foar/12 tsjin

2e Danny Roos, 19 foar/15 tsjin

##### Manlju B

1e Tymen Dijkstra, 21 foar/9 tsjin

2e Peter Stuiver, 18 foar/12 tsjin

##### Froulju A

1e Nyncke Terpstra, 18 foar/12 tsjin

2e Dian Dijkstra, 18 foar/16 tsjin

3e Gerry Edou Mollema, 17 foar/15 tsjin

##### Froulju B

1e Jitske Plantinga, 21 foar/10 tsjin

2e Sanne Rixt Jorritsma, 19 foar/14 tsjin

3e Talitha Dijkstra, 18 foar/11 tsjin

Mei tank oan Wiepkje (foar it rekkenjen), Vera/Romine (yn-falle efter de bar omdat oaren rekkenje moasten) en fansels de stiper fan dizze partij MRW Accountants wie it wer in sportive en gesellige nachtkeatsjûn!!

#### **31-08-2014: De Jong-partij**

By de manlju wienen der hjoed 6 partoer en by de froulju 4, dus der is foar keazen om te poulekeatsen. By de froulju 1 poule en by de manlju 2. Om goed 12 oere binne we los gien.

##### Manlju

Yn poule A kaam as winner út de striid partoer 1 Danny Roos, Peter Stuiver, Ype Tiemersma. Mei in puntenoantal fan 12 foar en 7 tsjin wienen se krekt wat better as partoer 2 Stafan v/d Weg, Jan Vellinga en Tjerk Okkema dy ek 12 foar earsten hienen mar 12 tsjin.

Yn poule B wie it wat dúdliker wa de finale keatse mochten. Dêr hie partoer 6 Marten Faber, Tjeerd Dijkstra en Wietse Vink de measte earsten. De finale wie net hiel spannend en eindige yn 5-2:6-0. Marten Faber, Tjeerd Dijkstra en Wietse Vink giene der mei de krânse fan troch.

##### Froulju

By de froulju stienen de 2 partoeren dy beide 14 punten hienen tsjin elkoar yn de tredde omloop. Dit wienen Judy Bergma, Anita Hoekstra, Karin Sjaarda tsjin Sietske Poelsma, Lysbet Bakker en Mattie Dijkstra. It partoer fan Sietske, Lysbet en Mattie blik hjir doch wat sterker te wêzen en se wûnen dan ek mei 5-0:6-6. We ha hjoed in prachtige keatsdei hân, mei tank oan ús stiper: de Jong Installatiebedrijf.

#### **05-09-2014: Nachtkeatsen + slotjûn jongerein**

##### **MRW Accountants – Smûk keatsen by modzich waar!**

Op freed 5 septimber de lêste jeugdledewedstriid yn kombinaasje mei de slotjûn. De nachtkeatswedstriid wurdt fer-

keatst yn 3 ferskate listen en tusken de 2de en de 3de list lekkere patat en limonade. Want dat hiene de bern noch tegoede fan de lustrumjeugdlededepartij fan 28 maaie dy't doe ôflast is fanwege it minne waar. Fan min waar wie freedtejûn gjin sprake. Lekker keatse yn de koarte broek en t-shirt want it wie hearlik modzich waar. In protte opjefte, sa'n 55 bern ferdielt oer 4 klassen.

#### Kabouters

By de kabouters 6 x in twatal. Nei de twadde list wie noch net te sizzen wa't der by de A-maten mooglik mei de krânse nei hús ta giet. Der wie net ien dy't 2 x wûn hie. Spannend oan it ein ta. Jesper Paauw en Jorrit Stap koene ek noch meidwaan foar de krâns mar der moast wol wûn wurde fan Liset Sybesma en Nienke Zijlstra. Dat barde ek mei 5-2:6-6. Jesper Paauw de krâns by de A-maten mei 19 earsten foar en 12 tsjin en Jorrit Stap by de B-maten mei 21 foar en 8 tsjin. 2de by de A-maten wie Anke Blanksma mei 16 foar en 14 tsjin en de 3de priis wie foar Mette Stap mei 16 foar en 13 tsjin. 2de priis by de B-maten wie foar Jorn Hiemstra en de tredde priis foar Geertje van der Weide mei 18 foar en 15 tsjin.



#### Kompetysjeprizen:

- 1 Ridzert Veldman 83 punten
- 2 Jesper Paauw 67 punten
- 3 Anke Blanksma 66 punten

#### Welpen

By de welpen 10 twatallen op de list. Hjir wie de spanning te snijen, want nei 2 omlopen keatse wienen der 2 by de A-maten dy't 2 x wûn hiene mar ek by de B-maten wie dat it gefal. By de A-maten Rutger Sybesma nei 2 omlopen 14 foar en 8 tsjin en Siebo Boersma ek mei 14 foar en 8 tsjin. Op de 3de list moasten Rutger en Thijs Jansen it opnimme tsjin Tjalle Durk van der Eems en Tess Hoepman. It gong aardich gelyk op mar op 5-4:6-2 pakten Rutger en Thijs de winst. Gau sjen by Siebo dy't it mei Judith van der Weerdt opnimme moast tsjin de altyd sterk keatsende Redmer Wiersma en

Senay Sixma. Ek hjir waard it 5-4 dus sjen nei de punten. By Siebo hong de 6-4 oan de telegraaf. Krekt 2 punten te folle sadat Rutger de krâns om de nekke krige. 2de priis dus Siebo.

By de B-maten wie it allegearre wat dúdliker. Marije Zijlstra hie nei 2 omlopen noch mar 3 earsten tsjin en Judith van der Weerdt nei 2 omlopen al 8 earsten. De lêste omloop krige Marije der 3 by en Judith 4. 1ste priis foar Marije mei 21 foar en 6 tsjin en de 2de priis foar Judith mei 21 foar en 12 tsjin. 3de prizen wiene der noch foar Redmer Stegenga mei 19 foar en 10 tsjin en Thijs Jansen mei 18 foar en 14 tsjin.

#### **Kompetysjeprizen:**

##### Welpenfamkes

- 1 Benthe Ottens 73 punten
- 2 Janneke Overal 57 punten
- 3 Senay Sixma 56 punten

##### Welpenjonges

- 1 Redmer Wiersma 91 punten
- 2 Rutger Sijbesma 67 punten 8x wûn
- 3 Arjen Stremmer 67 punten 7x wûn

#### Pupillen

By de pupillen 3 x in 3-tal en 1 x in 2-tal. Ek hjir moaie partijen om te sjen. Machtelt hie by de A-maten as ienichste beide partijen wûn. It wie oan Nynke Paauw op de tredde list om Machtelt fan de krâns ôf te hâlden. Nynke Paauw mei Emma Stegenga en Marc Janssen tsjin Machtelt Veldman, Tessa Ottens en Jan Joustra. Betiden in felle fokale striid tusken de twa A-dames. Machtelt en dy pakten op 4-4 it earst de 5 buorden. Mar Nynke woe dit net ferlieze en sette noch efkes oan mei harren maten. Op 5-5 en 6-4 (it wie echt in partij foar alles oan de hang) pakten Nynke en dy doch de winst mar trochdat Machtelt der 5 earsten by krige en de nr. 2 Bauke Reijnhoudt 15 earsten hie, hie Machtelt dochs noch de krâns.

De útslach by de pupillen dus: 1ste priis A-maten Machtelt mei 19 foar en 11 tsjin, 2de priis Bauke Reijnhoudt mei 15 foar en 12 tsjin. By de B-maten wie Nadja Sixma de ienichste mei 3 winstpartijen folge troch Emma Stegenga. Emma hie helaas de earste partij ferlern mei 5-4. Utslach B-maten: 1ste Nadja Sixma mei 21 foar en 7 tsjin en 2de priis Emma Stegenga mei 18 foar en 13 earsten tsjin. By de C-maten wie it Marc Janssen mei 3 winstpartijen dy de krâns pakte mei 21 foar en 11 tsjin foar Jan Joustra mei 11 foar en 18 tsjin.

#### **Kompetysjeprizen:**

##### Pupillenfamkes

- 1 Nynke Paauw 80 punten
- 2 Nadja Sixma 63 punten
- 3 Machtelt Veldman 59 punten

### Pupillenjonges

- 1 Marc Janssen 56 punten
- 2 Halbe Willem Overal 55 punten
- 3 Jan Dirk Joustra 51 punten

### Skoalbern

De âldste kategory by it nachtkeatsen is de skoaljeugd. In sterk dielnimmersfjild mei 4 A-maten, 4 B-maten en 4 C-maten. By de A-maten is it al in skoffke dúdlik wa't dêr de bêste is. Jeska Terpstra hie by de Kniplokealtsjepartij en de lustrumpartij ek de krâns al helle en op de Boerogroup-partij wie se 2de. In taak dus foar de ek sterk keatsende A-maten Corrie Kroondijk, Hendrik van der Eems en Rutger Wiersma om har fan de krâns ôf te hâlden.

It slagge net want mei 21 earsten foar en mar 8 earsten tsjin wist se de nûmer 2 Rutger Wiersma dy't 17 earsten foar hie en 12 tsjin, aardich foar te bliuwen. Rutger ferlear yn de 2de omloop fan Jeska mei 5-3 en 6-6. By de B-maten wie der net ien mei de folle bak oan punten. De winner fan de B-maten, Kees van der Horst mei 19 earsten foar en 12 tsjin, ferlear mei syn maten Corrie en Jeljer de 2de omloop mei 5-5 en 6-4 fan Hendrik, Roelie en Julia. Roelie Kroondijk pakte de 2de priis mei 17 earsten foar en 12 tsjin.

By de C-maten ek net ien mei de folle mep. Sydrik Kooistra hie nei 2 listen 1 partij wûn mar de 1ste partij hie hy ferlern mei 5-4:6-4 en Julia Paauw hie nei 2 listen al 14 punten. It lot brocht har de tredde omloop tsjin elkoar oer. By winst fan Julia hie se de krâns en by ferlies wiene de earsten fan belang. Sydrik mei Kees en Rutger wûnen de partij fan Julia, Selma en Corrie, (de jonges tsjin de famkes), mei 5-3 en 6-6. Dat brocht it totaal by Sydrik oan earsten op 18 foar en 12 tsjin en by Julia op 17 foar en 14 tsjin. De krâns foar Sydrik en de 2de plak foar Julia.

### **Kompetysjepriizen:**

#### Skoalfamkes

- 1 Roelie Kroondijk 84 punten
- 2 Jeska Terpstra 79 punten
- 3 Corrie Kroondijk 76 punten

#### Skoaljonges

- 1 Tjalling Tjalsma 69 punten
- 2 Rutger Wiersma 64 punten
- 3 Sydrik Kooistra 49 punten

De lêste partij foar de JK en de jeugd. In tige gesellige jûn. Wy fan de jongereinkommisje wolle graach alle âlders dy't der wienen te sjen en alle minsken dy't holpen hawwe, tige tankje foar de tige slagge jûn.

### **14-12-2014: Sealkeatsen – A. Hak Noord-Oost B.V.**

Der wienen 12 dielnimmers.

### Utslach:

A-maten: 1e priis Marten Faber, 2e priis Stefan van Krimpen  
B-maten: 1e priis Tymen Dijkstra, 2e priis Ype Tiemersma  
Marten Faber hie 21 foar en 7 tsjinearsten, Stefan van Krimpen hie ek 21 foar mar 9 tsjinearsten. De oare A-maten: Martine Tiemersma 15-11, Hans Kooistra 15-14, Erwin de Boer 7-18, Abe Jan Stegenga 7-18. Tymen Dijkstra hie 19 foar en 11 tsjinearsten en Ype Tiemersma 17 foar en 8 tsjinearsten. De oare B-maten: Mattie Dijkstra 5-18, Gabriële Bouma 16-12, Tom Couperus 16-13, Jetske Sieperda 13-15.



En in gesellige neisit...

## **WEDSTRIDEN FEDERAASJE**

### **30-05-2014: Federaasjedei**

Dizze Federaasjedei sette útein mei de senioaren manlju en froulju om 10:00 oere. De dielname wie net grut mar moai genôch foar in aardige keatsdei. Der wienen 4 partoer manlju A en 6 partoer manlju C (mei trije froulju!) en 7 partoer froulju A.

By de jeugd oantemei 16 jier wie de opkomst geweldich! Der wienen 136 bern dy't oan de Federaasjedei dielnamen yn 4 klassen (welpen, pupillen, skoalbern en famkes/jonges). Under de prima lieding fan de Federaasjekommisje mei harren frijwilligers waarden al dizze wedstriden (3x lotsjen) flot ferkeatst en wienen der in soad priizen te ferdielen.

Wat prachtich om de jeugd sa entûsjast te sjen yn it fjild en ek dêrnei mei de priisútrikking. Dat de bern yn de gaten hiene dat it in bysûndere keatsdei is, wie te sjen oan de sportive fûlens dêr't mei keatst waard en faaks de blidens by winst en somtiden it ferriet by ferlies. Mar hjoed yn Easterein wie elk winner!

De goede tariedings fan de Federaasjekommisje yn gearwurking mei keatsferiening Easterein hat fertuten dien. In noflike gearwurking mei in sportyf suksesfol resultaat!

Tige tank ALLEGear foar dizze prachtige keatsdei!



#### Utslach welpen famkes en jonges (A-maat, B-maat)

1. Rutger Sijbesma, Easterein en Ilse Vellinga, Wommels
2. Romy Postma, Winsum en Jetske de Boer, Hommerts
3. Ate Schaap, Turns en Redmer Stegenga, Easterein
4. Oane Bootsma, Turns en Milan Dijkstra, Ysbrechtum
5. Johan Clossen, Gau en Sigrid vd Werf, Reahus
6. Niels de Boer, Spannum en Eva Rob, Winsum Fr
7. Redmer Wiersma, Easterein en Arjen Stremmer, Easterein
8. Siebo Boersma, Easterein en Jelmer Brouwer, Easterein
9. Stijn Vincken, Spannum en Niels Janssen, Easterein
10. Sido Harkema, Spannum en Brecht Tamminga, Turns



#### Utslach pupillen famkes en jonges (A, B)

1. Herre Clossen, Gau en Doede de Jager, Turns
2. Hugo van Schepen, Goaiïngea en Nadja Sixma, Easterein
3. Kristia Dotinga, Sibrandabuorren en Hieke Bootsma, Turns
4. Erik Wijnja, Drylts en Bauke Reinhoudt, Easterein
5. Aizo Veltman, Hommerts en Sjors Boschma, Rien
6. Arjen Schaap, Turns en Jeffrey vd Werf, Reahûs
7. Jesse Kroondijk, St Anne en Marc Janssen, Easterein
8. Bert Veltman, Hommerts en Redmer van Netten, Gaastmar
9. Maureen Noordhuis, Boalsert en Wietske de Jager, Turns
10. Anna Boukje Altenburg, Hidaard en Trudie Hoekstra, Reahûs

#### Utslach Skoalbern (A, B)

1. Jacob Visser, Boazum en Marcel de Groot, Goaiïngea
2. Steven Vellinga, Wommels en Berber Bonekamp, Westhem
3. Kees vd Horst, Easterein en Annemar Rijpsma, Wolsum
4. Klaas Jan Oosterbaan, Skearnegoutum en Mirjam Punter, Easterein
5. Sipco Greidanus, Winsum en Roelie Kroondijk, Easterein
6. Hessel Postma, Winsum en Marieke Schaap, Turns
7. Arnout Meijer, Wommels en Gerben Wierda, Goaiïngea
8. Redmer Huitema, Jutryp en Egbert Bethlehem, Wommels

#### Utslach famkes en jonges (A, B, C)

1. Fabian Noordhuis, Boalsert / Reinder Reitsma, Drylts / Rianne de Jong, Wolsum
2. Marco Lobregt, Wiuwert / Baukje Terpstra, Easterein / Germ Wijnja, Drylts

3. Julian Faber, Boalsert / Zoë de Jong, Goaiïngea / Vera Mooij, Folsgeare
4. Gert Jan Bootsma, Itens / Meindert de Groot, Skearnegoutum / Aniek Folkertsma, Folsgeare
5. Jelmer de Boer, Drylts / Thomas Jarno Miltenburg, Boalsert / Dieuwke de Boer, Burchwert

By de froulju wienen 7 partoeren en dy keatsten yn in gewoane list. De finale waard wûn troch Cilia Witteveen, Jetske Sieperda en Judy Bergsma mei 5-1:6-6 fan Lysbet Bakker, Marijke Johanna de Boer en Sietske Merkus.

By de manlju C wienen der 6 partoeren en der dienen trije froulju mei, Eefje Hiemstra, Tineke Yntema en Sjoukje Dotinga. De krânsen wienen foar Simon Kingma, Roel Sijbesma en Sjoukje Dotinga. Hja wûnen de finale mei 5-3:6-6 fan Jan Peter Bootsma, Cathrinus Kooistra en Frans Poelsma.

By de manlju A in poule fan 4 partoeren. De winners fan dizze 4 partoeren waard it partoer fan Sybrand vd Wey, Sjoerd Taeke Kooistra en Freerk Terwisscha van Scheltinga. De twadde priis wie foar Tjipke Klaas Okkema, Skelte Anema en Marten Faber.

#### **05-07-2014: Okkema-partij**

De opjefte wie net hiel grut dizze kear. Oft dat no komt omdat der safolle oare dingen wiene of dat der tefolle keatspartijen wiene of omdat der NK's wiene, witte we net. We sile der yn it winterskofft ris efkes oer gear hoe we dit oanpakke sille. Yn elts gefal koe der keatst wurde yn trije klassen. It waar koe wat better, der binne ferskiedene droege shirts ophelle.

#### Froulju A/B

By de froulju ha we de A en B-klasse byelkoar set en dêr koene we los mei 7 partoer yn in gewoane list. De earste priis yn de ferliezers is wûn troch Karin Sjaarda, Vera de Vries en Tineke Kamstra.

Yn de winners kamen partoer 3 en 7 tsjin oer elkoar te stean. Hjir hat partoer 7 de twadde priis wûn: Regien Sandstra en Hester Kingma. Dat betsjutte dat partoer trije mei de hagen nei hûs gie: Serriette Strikwerda, Femke Hylkema en Richtsje Strikwerda.

#### Manlju B/C

By de manlju B en C jilde it selde as by de froulju. De klassen binne byelkoar set en doe wienen dêr ek 7 partoer. De earste ferliezers is wûn troch Stefan van Krimpen, Tom Couperus en Hendrik Okkema.

De twadde yn de winners wienen Hans Kooistra, Jan Vellinga en Jouke de Jong. De krânse is omhongen by Johan Wittermans, Anne Brouwer en Redmer Strikwerda.

## Manlju A

By de manlju A stoenen mar 2 partoer op de list. Nei kontakt mei de mannen waard der besletten om de mannen trije kear yn in list te setten en ien krâns en twa prizen beskikber te stellen. De mannen ha it der tink ik efkes oer hân en tochten der oars oer. Se ha trije kear tsjin elkoar keatst en wa't dêr fan wûn makke ûnderling wol út wa't de hage mei nei hûs nimme mocht.

De earste kear wûn Jaap Toering c.s. mei 5-4. De twadde kear wûn Danny Roos c.s. mei 5-4. Dus de 'finale' gie los. Dêr waard it 5-5:6-6. Troch in sitbal fan Jaap Toering waarden Jaap Toering, Skelte Anema en Tjipke Klaas Okkema de winners. Mei de priisútrikking wie der in ferrassing foar de mannen. Der lei noch ien krâns op de tafel. Doe't Mattie dy fan de tafel pakte die bliken dat hy yn trije stikjes ferdielt wie, sadat alle trije in stikje grien mei nei hûs namen.



Al mei al wie it wer in gesellige dei en we tankje Okkema leanbedriuw nochris foar de al jierrenlange stipe dy't se oan dizze partij jouwe!!

## **WEDSTRIDEN KNKB**

### **30-05-2014: KNKB Haadklasse Froulju en Manlju**

#### **Couperus Hydrauliek BV, Jouke Huitema**

Healwei fjouweren begûn de haadklasse manlju en froulju. Yn de kantine draaide de presintaasje fan de lustrumjierren, dat begûn by 2004, it 100-jierrich bestean.

#### Froulju

Yn 2009 kamen de manlju en froulju by ús op besite en doe wienen it Margriet Koelmans, Imke vd Leest en Bianca vd Veen dy't de 1e priis, sokken fol mei euro's, wûnen. Yn 2012 hienen we de Federaasjedei ek al yn Easterein. Doe wûnen Lisette Wagenaar, Leonie vd Graaf en Anke Marije Pompstra.

Dit jier in wat frjemde list, want no't de ranking har bestean hat, wurdt it bylotsjen in aparte saak. Tiisdei hienen we troch it ôfsizzen fan Wiljo Sybrandy (blessuer) noch kontakt hân

mei de KNKB sa't Melissa Rianne Hiemstra noch op de list komme koe en we de list kompleet hienen. Spitich wie it dêrom dat Rianne Vellinga net komme koe en we dus doch bylotsje moasten.

De 1e omloop winne Marije vd Meer, Nynke Sybrandy en Harmke Siegersma it fan Iris vd Veen, Leonie vd Graaf en Annelien Broersma mei 5-0:6-6. Marije Hiemstra, Sjoukje Visser en Melissa Rianne Hiemstra winne it krekt fan Evelien Westra, Marike Beckers en Anke Marije Pompstra, 5-4:6-6 en Evelien wurdt bylotte by Imke vd Leest en Manon Scheepstra.

Nicole Hempenius, Klasine Huistra en Renske Terwisscha van Scheltinga ferlieze it fan Tineke Dijkstra, Esther Wagenaar en Fenna Zeinstra, 5-5:0-6.

Yn de heale finales soargje Evelien Westra c.s. en Tineke Dijkstra c.s. derfoar dat der twa keatsters fan Easterein yn de finale komme te stean. Se winne respektiflik fan Marije vd Meer c.s., 5-3:6-2 en fan Marije Hiemstra c.s. 3-5:4-6.

De striid om de 3e priis wurdt wûn troch Marije vd Meer c.s. mei 5-1:6-2. Yn de finale is it ek net spannend. Imke en Manon soargje derfoar dat hja de krânsen pakke yn Easterein mei Evelien nei in winst fan 5-2:6-2 op Tineke, Esther en Fenna. Yn 2009 as Rypster de krânse yn Easterein en no wûn Imke as Eastereiner de krânse yn 2014.

De prizen bestienen út yn de klupkleuren stutsen sokken grôtfol euro's en in tegoedbuordsje fan Noflik Easterein, sa't se as partoer mei partners nochris út iten kinne yn Easterein.

#### 1e omloop

1. Lisette Wagenaar c.s. - 2. Evelien Westra c.s. 4-5:4-6
3. Marije v.d. Meer c.s. - 4. Iris van der Veen c.s. 5-0:6-6
5. Marije Hiemstra c.s. - 6. Evelien Westra c.s. 5-4:6-6
7. Nicole Hempenius c.s. - 8. Tineke Dijkstra c.s. 5-5:0-6

#### Heale finale

2. Evelien Westra c.s. - 3. Marije v.d. Meer c.s. 5-3:6-2
5. Marije Hiemstra c.s. - 8. Tineke Dijkstra c.s. 3-5:4-6

#### 3e priis

3. Marije v.d. Meer c.s. - 5. Marije Hiemstra c.s. 5-1:6-2

#### Finale

2. Evelien Westra c.s. - 8. Tineke Dijkstra c.s. 5-2:6-2

1e priis: Evelien Westra, Bitgummole, Imke v.d. Leest, Easterein, Manon Scheepstra, Frjentsjer

2e priis: Tineke Dijkstra, Easterein, Esther Wagenaar, St Anne, Fenna Zeinstra, Snits

3e priis: Marije v.d. Meer, Grins, Nynke Sijbrandij, Dearsum, Harmke Siegersma, Berltsum

### Manlju

Dit jier in wat frjemde list, want no't de ranking har bestean hat, wurdt it bylotsjen in aparte saak. Seker as der op in list fan 8 partoeren twa topkeatsers (Taeke Triemstra en Cornelis Terpstra) misse. Yn de 1e omloop begûnen dan ek de partoeren Jan Dirk de Groot, Hendrik Bouwhuis en Steven de Bruin tsjin Jelte Pieter Dijkstra, Hyltsje Bosma en Hendrik Kootstra. Dat waard 5-4:6-6 foar Jan Dirk de Groot c.s. Sawol Hyltsje Bosma (nei partoer 1 as ferfanger fan Teake Triemstra) as Hendrik Kootstra (nei partoer 6 as ferfanger fan Cornelis Terpstra) waarden bylotte. Tjisse Steenstra, Jacob Klaas Haitsma en Hylke Bruinsma ferlearen fan Peter van Zuiden, Marten Feenstra en Daniël Iseger, 5-5:4-6.

Dêrnei wie it oan de partoeren 1 mei Gert-Anne vd Bos, Alle Jan Anema en Patrick Scheepstra dy't wûnen fan Bauke Triemstra, Hyltsje Bosma en Sjoerd de Jong, 5-3:6-6. De lêste wedstriid fan de 1e list wie winst foar Pieter van Althuis, Rense Pieter Hiemstra en Pier Piersma mei 5-3:6-4. Pier wie krekt de deis derfoar heit wurden foar de 2e kear, mar stie op it Eastereinder fjild en krige ek nochris in bak mei blau-wite mûskes fan de feriening!

Yn de heale finale winne Gert-Anne vd Bos cs. it fan Jan-Dirk de Groot mei 5-5:6-0. De oare heale finale wie foar Peter van Zuiden c.s. dy't mei 2-5:6-6 winne fan Pieter van Althuis c.s. De finale is net sa spannend as ferwachte en Peter van Zuiden wint syn 1e krânse op it heechste nivo, Daniël Iseger syn 100ste 1e priis op de haadklasse en Marten Feenstra wint foar de tredde kear efter elkoar yn Easterein. Yn 2009, 2012 (mei Menno van Zwieten en Taeke Triemstra) en yn 2014 wer. In bysûndere winst foar dit partoer dus mei eigen yndividuele hichtepunten.

De prizen bestienen, krekt as by de froulju, út yn de klupkleuren stutsen sokken grôftol euro's en in tegoedbuordsje fan Noflik Easterein, sa't se as partoer mei partners nochris út iten kinne yn Easterein.



In prachtige keatsdei dy't let dien wie mar foar in hiel soad minsken mei wille en genietsjen is ferrûn. Keatsferiening Easterein wie grutsk dat se it de keatsers en keatsleafhawers in moaie dei besoargje koenen!

### 1e omloop

1. Gert-Anne van der Bos c.s. - 2. Bauke Triemstra c.s. 5-3:6-6
3. Jan Dirk de Groot c.s. - 4. Jelte-Pieter Dijkstra c.s. 5-4:6-6
5. Pieter van Althuis c.s. - 6. Johan van der Meulen c.s. 5-3:6-4
7. Tjisse Steenstra c.s. - 8. Peter van Zuiden c.s. 5-5:4-6

### Heale finale

1. Gert-Anne van der Bos c.s. - 3. Jan Dirk de Groot c.s. 5-5:6-0
5. Pieter van Althuis c.s. - 8. Peter van Zuiden c.s. 2-5:6-6

### Finale

1. Gert-Anne van der Bos c.s. - 8. Peter van Zuiden c.s. 2-5:0-6

1e priis: Peter van Zuiden, Tjerkwert, Marten Feenstra, Feinsum, Daniël Iseger, Ljouwert

2e priis: Gert-Anne van der Bos, Ljouwert, Alle Jan Anema, Grou, Patrick Scheepstra, Frjentsjer

### **14-06-2014: KNKB Pupillenfamkes ôfd+t.i.l. – Accon AVM**

Mei in list fan 17 partoer yn de ôfdieling gienen de famkes om 10 oere los. Nei de earste omloop gie de ôfdieling fierder mei 9 partoer en kamen der 12 partoer yn de opstap. Dizze famkes keatse yn twa-tallen.

By de ôfdieling waard der geweldich keatst. Wat in talint sit derby. De froulju earste klasse kinne harren mar klear meitsje as dizze froulju sa fier binne. Se ha fêst wolris efkes stikem sjoen op it fjild nêst harren. De prizen binne as folgt:

1e priis: Easterein: Corrie Kroondijk, Nynke Paauw, Roelie Kroondijk

2e priis: Makkum: Indy Tuinier, Larissa Smink, Anouk Smink

3e priis: Winsum: Jeltine Meulenaar, Marlies Bonnema, Anna Rob

By de opstap foel op dat yn dizze finale ek partoer 3 en 12 yn de finale stienen. Dêr waarden de prizen as folgt ferdield:

1e priis: Esmee de Groot, Koarnjum en Silke Heinsma, St Anne

2e priis: Machteld Veldman, Easterein en Jeanet Bakker, Berltsum

3e priis: Dian Dijkstra, Jirnsum en Marrit Meijer, Wommels

We ha in prachtige dei hân mei help fan in hiele protte frijwilligers. Wol bysûnder te fermelden dat we nêst ús eigen fertroude skiedsrjochter René Velzen help hân ha fan twa skiedsrjochters út Mantgum, te witten Kuipers en Anema. Dizze mannen wolle we graach nochris tige tank sizze.

### **14-06-2014: KNKB Froulju 1e klas – Couperus Hydrauliek BV**

Yn Easterein hjoed de froulju 1e klasse te gast yn in t.i.l.-wedstriid mei 14 partoeren. Partoer 14 hie mar 2 dielnimmers, dat der moast in oantal kearen bylotte wurde. En om't de froulju yn de ferliezersronde der fûleindich om keatst ha, wienen we ek krekt nei 5 oere út.

Yn de winnersronde kamen Freerkje Walsma, Elma Breeuwsma en bylotte Melissa Rianne Hiemstra tsjin Nynke Sinnema, Pytrik Visser en Bianca vd Veen yn de heale finale. Nynke en-dy wûnen dat mei 1-5:4-6.

De oare heale finale gie tusken Anna-Brecht Bruinsma, Maaïke Osinga en Margriet Bakker tsjin Elly Hofman, Mariska Hoogland en Jildou Sweering. Dit waard in 5-1:6-6 oerwinning foar it op papier al sterke partoer fan Anna-Brecht endy.

Dy wûnen dan ek de finale mei 2-5:4-6 fan Nynke Sinnema endy. Op dy stân sloech Nynke de bal bûten. In fertsjinne oerwinning foar Anna-Brecht, Maaïke en Margriet.

Yn de ferliezersronde gie de finale tusken Marie Jetske Lettinga, Anke Winkel en Everdyna de Haan. Hja hienen al efkes stien te wachtsjen en wûnen mei 5-1:6-2 fan Boukje Houtsma, Marit Kuperus en Gabriële Bouma. Opfallend wie dat sawol Marie Jetske as Everdyna opslaggers binne, mar Marie Jetske ek foaryn har plakje mear as skjinmakke. Ek opfallend dat by de tsjinstanner twa foarynsen stienen, Marit en Gabriële. De lêste sjogge we net in soad op dizze wedstriden mar op en út die se it prima.



In spesjaal wurd fan tank oan ús 'klupskiedsjochter' Theo Kuipers fan Mantgum. By de froulju hienen we twa fjilden mei 3 perken En by de pupillenfamkes ek. Dus 4 fjilden en allinnich Jan Bakker as offisjele skeids. Theo Kuipers, Rene Velzen en Oebele Anema ha ús foartreflik holpen!

#### Utslach

1. Anna-Brecht Bruinsma, Maaïke Osinga, Margriet Bakker
2. Nynke Sinnema, Pytrik Visser, Bianca vd Veen
3. Freerkje Walsma, Elma Breeuwsma, Melissa Rianne Hiemstra
3. Elly Hofman, Mariska Hoogland, Jildou Sweering

Ferliezersronde:

1. Marie Jetske Lettinga, Anke Winkel, Everdyna de Haan
2. Boukje Houtsma, Marit Kuperus, Gabriële Bouma

#### **10-08-2014: KNKB Senioaren 1e klas**

##### **Grafische Groep van der Eems**

Hjoed de manlju 1 klasse f.f. op besite yn Easterein. Op inkele reinbuien nei gie it lokkich noch prima mei it waar. Mei 17 partoer op de list giene we om 11.00 oere los.

De heale finale gie tusken Menno van Zwieten, Kees van der Schoot, Patrick Scheepstra (winst op resp. Remmelt Bouma c.s., Gosse Beeksma c.s. en 3e omloop steand nûmer) en Jelle Attema, Jan Sipke Tuinman, Hillebrand Visser (ferfanger foar Lennart Adema). Sy hiene yn de 1e omloop in steand nûmer en troch winst op resp. Jaap Toering c.s. en Marten Bergsma c.s. berikten sy de heale finale. Nei in spannende striid, yn dizze heale finale, gie de winst mei 5-4:6-6 nei it partoer fan Jelle Attema c.s..

It partoer fan Willem Heeringa (yn 2e omloop foar de ôfwêzige Arnold Zijlstra ynfallen), Johan Diertens, Tsjerk Elsinga hie in steand nûmer yn de heale finale nei winst op resp. Bart Reijenga c.s., Enno Kingma c.s. en Peter van Zuiden c.s.. Yn de finale wiene Jelle Attema c.s. te sterk foar Willem Heeringa c.s., se wûnen mei 5-2:6-6.

Om goed 18.00 oere koene de krânsen en prizen útrikt wurde. Mei tank oan alle frijwilligers en stiper Drukkerij van der Eems ha we wer in moaie keatsdei hân yn Easterein!

1e priis: Jelle Attema, Jan Sipke Tuinman en Hillebrand Visser  
2e priis: Willem Heeringa, Johan Diertens en Tsjerk Elsinga  
3e priis: Menno van Zwieten, Kees van der Schoot, Patrick Scheepstra

#### **BYSÛNDERE AKTIVITEITEN**

##### **2014 Iepen Frysk Kampioenskip Jeu de Pelote**

Krekt foar de Eastereiner Doarpsfeesten begjinne de Iepen Fryske Kampioenskippen Jeu de Pelote yn Easterlittens.

Easterein wie frij yn de foarronde en moast foar de 1e wedstriid spylje tsjin Harns op moandei 23 juny en winne dat mei 5-8. Doe moasten se op woansdei 25 juny (tagelyk mei de feestoptocht) ek nei Littens om tsjin Winsum te keatsen. Dat waard ferlern mei 8-2. Winsum waard letter kampioen troch te winnen fan Bitgum yn in spannende finale.

##### **07-09-2014: Lustrumdei**

Sjoch ferslach op side 28-29.

## JONG FAMMEN – PC – ALD MEIERS – FREULE

### 28-06-2014: Jong Fammen Mantgum

En as ekstra wûnen ek de jonge fammen Tineke Dijkstra, Martine Tiemersma en Jelien Pompstra mei coach Gerrit Flisijn foar it earst in priis op de 11de Jong-Famme partij yn Mantgum. Hja winne de 1e omloop mei 1-5:0-6 fan Mantgum, dan in goede wedstriid tsjin Grou, 2-5:4-6, dan tsjin Seisbierrum-Pietersbierum 5-3:6-2 en yn de heale finale wurdt ferlern fan Dronryp, 5-5:6-0.

Dit partoer hie ek al twa kear yn in finale fan it NK Famkes stien. Yn 2010 yn Hallum moasten se Stiens foargean litte en yn Mantgum yn 2011 wie Dronryp de winner. Yn datselde jier waard wol de Ald-Meierspartij wûn.



Dat der in bân wie tusken dizze jongfammen en de pupillenfamkes wie wol dúdlik doe't Jelien yn Mantgum in tillefoantsje krige fan Corrie. Jelien hie yn de wike foar it NK tsjin de pupillenfamkes sein dat se mei de koets mei drave soe as se Nederlânsk Kampioen wurde soenen. Dat mei krekt de krâns om de nekke waard earst Jelien efkes herinnere oan har útspraak. En se hat draaft...

### 30-07-2014: Manljus PC Frjentsjer

Jelte Pieter Dijkstra wint tegearre mei syn maten Hendrik Jan van der Velde en Sjoerd de Jong in prachtige twadde priis op de 161e PC yn Frjentsjer. Yn de finale ferlieze se tsjin it sterke partoer fan Gert-Anne van der Bos dy't keatst mei Jacob Wassenaar (ynfallen foar Taeke Triemstra) en Daniël Iseger (Kening). It wurdt 5-0:6-6.

Yn de earste omloop troffen de gebroeders Dijkstra mekoar. Jelte Pieter Dijkstra c.s. keatsten spannend tsjin Bauke Dijkstra mei Gosse Beeksma en Rudolf Soepboer. Op 5-3:6-6 wist it partoer fan Jelte Pieter de winst te pakken.

Dirk-Yde Sjaarda, Erik Haitzma en Siebe Greidanus hienen in dreech lot tsjin Martijn Olijnsma, Marten Feenstra en Pier Piersma. It waard dan ek 5-2:6-6. Folgende kear better!

Yn de twadde omloop keatsten Jelte Pieter, Hendrik Jan en Sjoerd tsjin Haije-Jan Nicolay, René Anema en Jan Schurer. Sy wûnen de earste omloop ferrassend fan de âld-earste-priiswinners fan 2013: Johan van der Meulen, Renze Hiemstra en Hylke Bruinsma. Dizze partij waard 2-5:6-6 yn it foardiel fan Jelte Pieter.

De heale finale wie spannend tsjin Martijn Olijnsma c.s. Jelte Pieter, Hendrik Jan en Sjoerd kamen op in achterstân fan 5-3 mar lieten it der net by sitte. Se fjochten werom en op in stân fan 5-5:0-0 sloech Martijn de bal bûten, Hendrik Jan twa kear boppe en Martijn wer foar. Op 5-5:6-0 is der dus in finaleplakje foar Jelte Pieter.

Wêr't eltsenien hoopte op in stunt yn de finale, kaam dat spittigernôch net út. It wie foaral it perk fan Jacob Wassenaar en Daniël Iseger wat net te brekken wie, wat Jelte Pieter en Sjoerd ek prebearjen. Op 5-0:6-6 wie der noch in kâns op it buordsje, mar ek dizze bal gong boppe. Fan herte mannen mei dizze moaie twadde priis!

### 02-08-2014: Ald-Meiers Hitsum

Easterein kaam de 1e omloop net troch. Se ferlearen mei 3-5:6-6 fan Minnertsgea. Der wienen wol kânsen foar Easterlein, mar yn it lêst wienen de opslachfouten wat tafolle en de opslach fan Minnertsgea wat te sterk. De earste trije earsten wurde op 6-6 ferkeatst en dan stiet it 1-2 foar Minnertsgea. Op 6-4 komme we op spul gelyk as Minnertsgea oerrint by de opslach. Dan slacht Minnertsgea in gat nei 2-5. Mei in skjin earst pakke we wol noch de 3-5, mar alwer op 6-6 bliuwt de bal yn it perk as Baukje in knapper hat op de hurde opslach fan Minnertsgea.

De froulju hienen krekt wat tefolle fouten mar joegen goed partij. Coach wie Hans Kooistra dy't ek alwer mei it findel rûn. Miskien ek al foar de 15de kear?

### 06-08-2014: Freule

Woansdei wie de freulepartij yn Wommels en Easterein koe de prima prestaasje en nivo yn Frjentsjer op de Freuledei net werhelje. Se ferlearen mei 1-5:4-6. Bote Jellema, Kees vd Horst en Rémon Tie Bouma mei coach Tjerk Okkema hienen der sin oan en wienen fol goede moed.

De start wie bêst mar doe gie it minder. Tefolle fouten yn de opslach en tuskenspul mar ek de bêste man fan Rie, Roel Pieter de Jong, wie bepalend foar it ferrin fan de wedstriid.

### 20-08-2014: Frouljus PC Weidum

De PC fan de acht suskes! Dat wie wol aardich fansels, mar as de suskes tagelyk keatse moatte of sels tsjin elkoar dan wurdt it faaks foar de âlders al wat oars...

Sietske Okkema, Anke Winkel en Jelien Pompstra begjinne tsjin Evelien Westra, Esther Wagenaar en Annelien Broersma.

Dêr ha se no al seis kear tsjin keatst en trije kear wûn en trije kear ferlern. De lêste twa kear waard der wûn. De wedstriid giet oant 3-3 gelyk op, al hienen se wol gelok doe op 3-2: 6-6 de bal troch Anke retournearre waard lâns de kwea en Evelien de bal kwea sloech.

Dêrnei rinne Sietske endy samar út nei 5-3 troch prima opslachwurk fan Sietske en ferskate boppeslaggen fan Anke en Jelien. Mar se rêde it net. De oaren komme op 5-4 en sels 5-5. Dan komme we 6-2 efter en we kinne de keats net foarby. In moai debut, mar gjin 2e omloop wêr't dat al kinnen hie.

Neist Jelien keatste grutte sus Anke Marije mei Marije vd Meer en Klasina Huistra. De striid dy se foar de wedstriid sein hienen sjen te litten, dat kaam der net hielendal út. Dat wie ek de klasse en skerpte fan de tsjinstanner, de lettere winners Lisette Wagenaar, Leonie vd Graaf en Fenna Zeinstra. Dy lieten sjen dat se der hjoed stienen. Anke Marije endy koenen der net folle tsjin yn bringe en ferlearen mei 5-1:6-2. In teloarstelling mar lokkich koenen se dat sels ek ynsjen. It wie net oars.

Doe wie it de striid fan earder de PC-maten Imke en Marije dy tsjinoar elkoar kamen te stean. De opslach fan Nicole Hempenius wie prima en ek it perk fan Imke mei Harmke draaide goed. Mar Marije mei Maaïke Osinga en Margriet Bakker bleaunen by oant 3-3, mar ferlearen doe de striid en it waard 5-3 en 6-2.

Martine Tiemersma mei Nieke Wateler en Geke de Boer koenen it net risse tsjin it deeglike partoer fan Nynke Sinnema, Marte Altenburg en Renske Terwisscha van Scheltinga. Se besochten it wol en pakten ek wol har punten, mar de 5-1:6-4 sei genôch.

Allinnich Imke vd Leest fan Easterein noch yn de striid. Hja moasten it opnimme tsjin Sanne Velsma en de suskes Sijbrandij. It wie in moaie partij mei felle striid, fan guon kanten miskien wolris wat te fel en te persoanlik. It perk fan de suskes Sybrandy sloech goed fan harren ôf en Imke skoarde dan wolris mei de skeane opslach, der koe net foarkommen wurde dat se doch ferlearen mei 4-5:2-6.

## NEDERLÂNSKE KAMPIOENSKIPPEN

### 09-06-2014: NK Manlju - Frjentsjer

Foar Easterein steane Dirk-Yde Sjaarda, Gert Jan Hiemstra en Bauke Dijkstra op de list en tsjin Folsgeare nimme se in 1-2 foarsprong. It wurdt 1-3 nei in bûtenslach fan Hendrik Sweering. Folsgeare pakt in spul om twa spul as Folsgeare de keats foarby slacht en Bauke troch de sinne it sicht ff kwyt is. Op 2-4:2-4 pakt Bauke de 1e keats en dêrnei slacht Hendrik bûten, 2-5. Der wurdt wûn fan Folsgeare nei in bûtenslach op 2-5:0-6.

Easterein moast yn de 2e omloop tsjin Minnertsgea dat wûn hie fan Ljouwert. 0-1 efter en nei in boppeslach fan Gert Jan, 4-0. Op 0-1:6-6- slacht Gert Jan kwea, 0-2. Easterein komt 0-3 efter as de keats net pakt wurdt op 0-6. Drege pot tsjin Minnertsgea wêrby Chris no taktysk balkeart.

Easterein komt 0-4 nei in sitbal fan Hendrik Kootstra op 4-6. Easterein slacht op 0-4:6-6 in lytse keats. Dirk-Yde op en de keats net foarby troch Hendrik Kootstra en we ha in buordjse, 1-4! It wurdt 1-5 nei in boppeslach fan Kootstra op 1-4:4:6 en nei twa bûtenslaggen op 1-5:2-4 ferliest Easterein fan Minnerts-gea op it NK Senioaren. Minnertsgea wint letter it NK nei winst op Bitgum.

### 14-06-2014: NK Jonges - Stiens

Yn Stiens witte Bote Jellema, Kees vd Horst en Rémon Tie Bouma it net te winnen fan de lettere finalist Hijum-Feinsum, 5-0:6-2. St Jakob wint it en besarget de 125 jierige feriening KV Het Noorden hjirmei in moai kado.

### 14-06-2014: NK Famkes - Drylts

Yn Drylts waard it NK Famkes hâlden en foar Easterein dienen Martine Kooistra, Baukje Terpstra en Janieke Dijkstra mei. Se ferlearen de 1e omloop fan Mangtum mei 5-3:6-4. It NK waard wûn troch Peins.

### 21-06-2014: NK Skoaljonges - Menaam

De skoaljonges fan Easterein, Hindrik vd Eems, Rutger Wiersma en Kees vd Horst ha mei coach Gert-Jan Hiemstra tsjin Mantgum net winne kinnen, 5-2:6-6.

### 21-06-2014: NK Skoalfamkes - Dronryp

Sneontemoarn 9.00 oere fertrek by it kafee wei. Der is sûne spanning en dat blykt wol as der klean en in beurs ferjitten binne... Mar dan op nei Dronryp, we hawwe in goed gefoel! Yn Dronryp wurde we ferwolkomme mei in envelop mei konsumpsjebonnen, sopbonnen en broadsjebonnen. Dat begjint bêst!

Der lizze 4 perkjes en mei nr. 15 betsjut dat we in hiele omloop wachtsje moatte. No ja, it is net oars. Om 11.15 meie we dan einlik los tsjin Menaam. Mar al nei de earste opslachbal falt de achterynde fan Menaam yn in gat en ferstûket har inkel. Wat in sneue bak, Menaam keatst fierder mei syn twaen. Foar ús is it in goeie partij wêr't we noch net alles út de kast hoege te heljen. Op 5-0 wurdt de partij dan ek útmakke. Sa, dy is binnen. Wa't ús tsjinstanner wurdt, is noch net bekend. St. Anna en Berltsum meitsje der in spannende striid fan en gean lykop. De fraach oan de fammen wa't se leaver hawwe is dúdlik; St. Anna. Mar de coach tinkt der stikem oars oer.

Earder yn Hartwert binne wy Berltsum ek yn de 2e omloop tsjinkommen en doe ferlearen we mei 5-5:6-6. Dit soe dus in

ideale revânspartij wurde kinne. It wurdt Berltsum en de fammen wurde op skerp setten, al hoecht dat net hielendal; se binne baarnd!!! We komme 1-0 foar en 2-0 en 3-0 en ek 4-0! It giet poer- en poerbêst. Wat in partij. Der is gjin bal fertrout; Jeska slacht ballen mei stuit boppe. Mirjam slacht sitballen op 6-6 en Selma slacht de keatsen foarby. De coach fan Berltsum begjint sêft te flokken... En op 5-0 is it gebeurd, we hawwe se der ôf 'feecht', hearlik en wat is de coach grutsk!

Mar dan, de neamde favoryt Makkum treffe wy foar de finale. We binne net benaud, kom mar op! We komme 1-0 foar en dat is it doel: foar bliuwe. Mar dan ferlieze we 3x op 6-6 it earst. Spitich, want de wedstriid hie dan hiel oars rinne kinnen. Boppedat hat Makkum op dat stuit al hiel wat ombongelt en seurt op elkoar en hienen we dêr gebrûk fan meitsje kinnen. Mar sa gong it eilaas net. De skouders begjinne wat te sakjen en der wurdt wat forsearre.

Makkum rint út nei 5-1 en makket de partij út. Helaas pinda-kaas. De teloarstelling spilet efkes de baas en dat mei. Mar we hawwe in 3e priis! Hoe moai is dat! Lokkich binne it op de foto's allegear laitsjende gesichten en docht it besef dat der net mear ynsiet, dat de fammen yn de 2e omloop boppe harren sels útstegen binne en dat der in 3e priis behelle is! Tige by tige!



#### 21-06-2014: NK Froulju – St Jabik

Tineke Dijkstra, Imke vd Leest en Martine Tiemersma mei coach Sybrand vd Wey ha de 2e omloop helle fan it NK. Dêr troffen se Berltsum dat favoryt wie en dy rol ek wiermakke troch it NK te winnen. Mei in goed debut fan Tineke Dijkstra yn it earste partoer fan Easterein wûnen hja de 1e omloop ienfâldich fan Stiens mei 0-5:2-6. Tsjin Berltsum koenen se it goede spul net trochsette en hienen fansels in drege tsjinstanner. It waard 5-1:6-2.

Buertdoarp Wommels mei âld-Eastereinder Anke Marije Pompstra, earste jiers frou Anna-Brecht Bruinsma en 2e jiers famke Sjanet Wijnia kamen yn de 3e omloop. Der waard earst wûn fan Easterlittens mei 5-3:6-4. Brekpunt wie de 3-3:0-6 stân. Doe waard troch Wommels it 4e buordsje pakt en op

5-3:6-4 waard de wedstriid mei in perfekte sitbal útmakke. Yn de 2e omloop wurdt wûn fan Holwerd mei 4-5:4-6 en dat gie dreech. Tsjin Boazum, dat noch fris wie en der fûl op siet hienen se gjin kâns, 5-1:6-4.

#### 28-06-2014: NK Pupillenjonges – Sint Anne

Gjin partoer/gjin dielname

#### 28-06-2014: NK Pupillen famkes – Goaiïngea

Al sa faak wienen der partoeren fan de pupillen- en skoalfamkes en famkes dy't tichtby it Nederlânsk Kampioenskip wienen. It frouljuskeatsen yn Easterein is breed. Der binne altyd in soad ôfdielingspartoeren west yn alle klassen en ek geane der in soad froulju fuort te keatsen, sawol by de jongerein as yn de haad- en earste klasse.

En lit it pas de twadde NK sege ea wêze foar keatsferiening Easterein, yn 1997 wienen it Dirk Yde Sjaarda, Samme Overal en Tjipke Klaas Okkema dy't mei coach Ynze Jorritsma de skoaljongesbûn wûnen, der komme no fêst mear!

Dit jier wie it dus rekke en wisten de pupillenfamkes Corrie en Roelie Kroondijk, Nynke Paauw en (reserve) Machtelt Veldman mei coach Ype Tiemersma de begerde titel te heljen yn Goaiïngea! Earder yn it seizoen ek al twa oerwinnings op ôfdielingswedstriden en dêrfan ien yn eigen doarp op 14 juny!

In prachtige prestaasje van Roelie, as tûke en fûle opslagger wit se it perk faak te brekken. Yn it perk binne beide Kroondijks gjin bal fertrout. Nynke yn de rol fan balkearder kwyt har skoan fan har taak. Mar it wapen is foaral wol it entûsjasme

Kategory	'04	'05	'06	'07	'08	'09	'10	'11	'12	'13	'14
Manlju Haadklasse	0	0	2	2	1	2	4	4	2	2	3
Manlju 1e klasse	0	0	0	0	0	7	7	4	3	6	5
Senioaren	6	7	9	8	8	12	10	6	0	2	1
Junioaren	0	4	5	0	4	0	0	4	0	1	1
Manlju 30+	0	0	0	0	0	0	0	0	1	1	0
Manlju 50+	0	0	0	0	0	1	3	3	2	4	3
Froulju Haadklasse	0	0	0	1	1	4	4	5	7	8	6
Froulju 1 klasse	0	2	1	3	3	3	7	7	7	8	8
Jonges	4	5	6	7	5	5	4	5	3	4	1
Famkes	4	2	8	7	7	10	11	10	8	5	3
Skoaljonges	7	10	6	4	2	5	4	2	0	0	0
Skoalfamkes	6	9	5	8	8	9	5	2	0	3	7
Pupillen jonges	4	1	2	3	5	2	2	0	2	0	0
Pupillen famkes	7	6	8	5	4	3	2	2	5	4	4
Welpen jonges			5	3	0	0	0	1	0	3	4
Welpen famkes			4	2	3	1	2	2	4	1	0
Totaal yn klasseminten	38	46	61	53	51	64	65	57	44	52	46
Helle punten	239	266	454	501	470	413	452	371	319	345	386
Ferskil		27	188	47	-31	-57	39	-81	-52	-26	67

en de wille wêrmei hja yn it fjild stean. De tsjinstanners wurde keatsend en mei striidkreten oerwûn!

De dei begûn tsjin in oare favoryt, Makkum. Eigenlik wienen Easterein en Makkum favoryt foar de titel. De winner fan dizze omloop mocht der dus foar gear. Easterein wint mei 4-5:4-6. Dêrnei wurdt wûn fan Raerd mei 5-2:6-2 en doe fan Berltsum mei 5-1:6-4. Yn de heale finale ha se in steand nûmer en yn de finale treffe se Seisbierrum-Pietersbierum. De finale wurdt wûn mei 5-3:6-4 en we ha in Nederlânsk Kampioen yn Easterein!!

#### 05-07-2014: NK Manlju 50+ - Sint Nyk

Yn en tsjin St Nyk waard ferlern yn de 1e omloop mei 5-5:4-6. Foar Easterein kamen yn aksje Douwe Durk Reitsma, Sipke Hiemstra en Tjerk Okkema. Winner fan it NK 50+ waard Harns.

#### 05-07-2014: NK Junioaren - Tsjummearum

Doede Rients Okkema, Bote Jellema en Rémon Tie Bouma kinne it net risse tsjin Holwert, 4-5:4-6. Holwert ferliest dêrnei fan St Anne, favoryt foar de winst. Mar ek St Anne sneuvele foar de prizen en ferlear fan de lettere winner Frjentsjer.

#### Jongerein

Nr	Keatser	Punten
<b>26</b>	<b>Welpen famkes</b>	
<b>43</b>	<b>Welpen jonges</b>	
20	Redmer Wiersma	7
23	Siebo Wiersma	6
24	Rutger Sijbesma	6
32	Niels Janssen	2
<b>52</b>	<b>Famkes pupillen</b>	
2	Corrie Kroondijk	31
4	Roelie Kroondijk	26
11	Nynke Paauw	12
15	Machtelt Veldman	11
<b>84</b>	<b>Jonges pupillen</b>	
<b>59</b>	<b>Skoalfamkes</b>	
1	Jeska Terpstra	31
20	Selma de Boer	9
21	Mirjam Punter	8
38	Corrie Kroondijk	4
46	Alien Dijkstra	3
52	Julia Paauw	2
54	Roelie Kroondijk	1
<b>88</b>	<b>Skoaljonges</b>	
<b>67</b>	<b>Famkes</b>	
55	Jeska Terpstra	2
66	Baukje Terpstra	1
67	Martina Kooistra	1
<b>106</b>	<b>Jonges</b>	
36	Bote Jellema	7

#### Senioaren

Nr	Keatser	Punten
<b>64</b>	<b>Froulju 1e klasse</b>	
11	Anke Marije Pompstra	10
14	Jelien Pompstra	10
19	Marije Hiemstra	8
21	Sietske Okkema	8
23	Martine Tiemersma	7
34	Marit Kuperus	5
40	Imke v.d. Leest	3
54	Tineke Dijkstra	2
<b>49</b>	<b>Froulju haadklasse</b>	
11	Imke v.d. Leest	18
20	Marije Hiemstra	9
24	Anke Marije Pompstra	5
25	Judy Bergsma	4
30	Martine Tiemersma	3
35	Tineke Dijkstra	3
<b>109</b>	<b>Manlju 50+</b>	
13	Douwe Durk Reitsma	14
21	Sipke Hiemstra	11
25	Roel Sijbesma	9
<b>41</b>	<b>Manlju 30+</b>	
<b>30</b>	<b>Junioaren</b>	
5	Jan Schurer	5
<b>62</b>	<b>Manlju 2e klasse</b>	
2	Dirk-Yde Sjaarda	9
<b>84</b>	<b>Manlju 1e klasse</b>	
2	Bauke Dijkstra	22
7	Dirk-Yde Sjaarda	17
14	Jan Schurer	14
34	Jelte-Pieter Dijkstra	7
63	Skelte Anema	2
<b>49</b>	<b>Manlju haadklasse</b>	
27	Jelte-Pieter Dijkstra	5
30	Dirk-Yde Sjaarda	4
39	Jan Schurer	2

Nr	Heechste klassering	Punten
1	Jeska Terpstra	31

Nr	Top 3 measte punten	Froulju
1	Corrie Kroondijk	35
2	Jeska Terpstra	33
3	Roelie Kroondijk	27

Nr	Top 3 measte punten	Manlju
1	Dirk-Yde Sjaarda	30
2	Bauke Dijkstra	22
3	Jan Schurer	21



# Keatsmominten út 2014

## April

- 13 Kick off Lêzing Sportyf coachen troch Siemke Andela  
Poiesz jeugd sponsoraasje
- 30 Foar it earst in keatskamp organisearre

## Maaie

- 17 Heren 50+ B-klasse yn Goaiingea 1e priis Roel Sijbesma
- 18 Foar it earst yn Easterein ledenpartij teatsen
- 30 Federaasje Easterein welpen 3x lotsje 1e priis Rutger Sijbesma
- 30 Yn Easterein Dames haadklasse 1e priis Imke v/d Leest

## Juny

- 1 Heren 50+ A-klasse yn Hurdegaryp 1e priis Douwe Durk Reitsma
- 7 Heren senioaren NK sêfte bal 2e priis Bauke Dijkstra, Erwin de Boer en René Velzen
- 7 Skoalfamkes A-klasse yn Anjum 1e priis Jeska Terpstra
- 15 Pupillen famkes B-klasse yn Makkum 1e priis Machtelt Veldman
- 15 Welpen jonges ôfdieling yn Irsnum 3e priis Siebo Boersma, Rutger Sijbesma en Redmer Wiersma
- 21 Yn Dronryp NK skoalfamkes 3e priis Jeska Terpstra, Mirjam Punter en Selma de Boer
- 25 1e priis skoallekeatsen yn Ljouwert foar Corrie Kroondijk, Roelie Kroondijk en Nynke Paauw
- 28 Yn Goaiingea NK pupillen famkes 1e priis Corrie Kroondijk, Roelie Kroondijk en Nynke Paauw

## July

- 13 Heren 1e klasse ôfdieling yn Ried 2e priis Bauke Dijkstra, Skelte Anema en Dirk Yde Sjaarda
- 21 Yn Makkum heren 1e klasse f.i.l. 1e priis Dirk-Yde Sjaarda en útroppen ta Kening
- 23 10de kear Jong Feinte Partij

## Augustus

- 3 Yn Frjentsjer Jonges ôfdieling 4e priis Kees v/d Horst, Bote Jellema en Rémon Tie Bouma
- 23 Heren 50+ A-klasse yn Boalsert 1e priis Sipke Hiemstra
- 23 Pupillen famkes A-klasse yn Itens 1e priis Corrie Kroondijk en Roelie Kroondijk
- 29 Yn Goaiingea federaasje ôfdieling Welpen jonges 1e priis Jelmer Brouwer, Arjen Stremmer en Redmer Stegenga
- 29 Yn Goaiingea federaasje ôfdieling Skoalfamkes 1e priis Selma de Boer, Corrie Kroondijk en Roelie Kroondijk
- 29 Yn Goaiingea federaasje ôfdieling Skoaljonges 1e priis Kees v/d Horst, Rutger Wiersma en Hendrik v/d Eems

## Septimber

- 2-6 WK 2014 yn Massamagrel – Spanje mei âld-Eastereiner Jelte Pieter Dijkstra. It Nederlânsk Llargues team is tredde wurden
- 7 Grutte ôfsluting fan it lustrum jier, 110 jier KF Easterein en 10 jier Jong Feinte, keatse mei in sêfte bal en dêrnei in BBQ
- Klassemintpriis fan KNKB Skoalfamkes 1e priis Jeska Terpstra mei 31 punten
- Ôfdielingsklassemint pupillen famkes 1e priis Corrie Kroondijk, Roelie Kroondijk en Nynke Paauw

## Oktober

- 10 Resepsje Pupillen Famkes

Sjoch foar alle wiidweidige ferslaggen op ús webside:

[www.kfeasterein.nl](http://www.kfeasterein.nl)

